




De Noarske fiskersjonge : in oarspronkelik forhael út it Terhernster skipperslibben út it lêste fen de XVIIde en it foarste fen de XVIIIde ieuw

<https://hdl.handle.net/1874/231498>



**WAT IEDER WEET, MAAR
WEINIGEN DOEN:**

Haal, breng en lees Uw
boek in een O.L.-Omslag!

Vergewis U reeds bij het
afhalen, dat het boek
onbeschadigd is.

Bevochtig niet de vingers
bij het omslaan der bladen.

Maak geen aantekeningen
in de boeken.

Lees niet tijdens de maal-
tijden.

Lever het boek, wanneer
het in aanraking met een
besmettelijke zieke geweest
is, goed verpakt aan de
O.L. in met de mededeeling,
dat ontsmetting noodig is.

**ALLER MEDEWERKING
WORDT INGEROEPEN!**

OPENBARE LEESZAAL
UTRECHT

3 JUL 1918

mm 010053

RIJKSUNIVERSITEIT TE UTRECHT



2716 811 5

160. C. 17

DE NOARSKE FISKERSJONGE.

IN OARSPRONKELIK FORHAEL UT IT TERHERNSTER
SKIPPERSLIBBEN,

út it lêste fen de 17de
en it foarste fen de 18de ieuw.

FEN

J. P. A S M A N.
TERHERNE.



L J O U W E R T.
H. VAN BELKUM Kz.

F O A R W I R D.

Lansljue!

Myn earst Frysk wirkje „Reinder en Antsje” is sa goed ûnt-helle en bioardiele, as ik mar hoopje mocht.

Dat hat my moed jown om yet ris in forhael op to setten, en de ljue, hwa ik it lêze liet, ha my moed jown, om ek dit de wrâld yn to stjûren.

Mei dit wirk wier it myn doel, sjên to litten mei hwet noeden en gefaren de skipperij eren to kampjen hie, do sérovery de sé ûnfeilig makke — en lans hokker wûndere paden in minske op syn wrâldske greate séreis faken noch op it lêst yn de goede haven oânlanje kin, as hy it goede foar eagen haldt.

Yn hofier ik slagge bin — meije nou myn lêzers útmeitsje.

Ik hoopje de krityk seil ek nou myn wirk goedmienend tomjitte komme.

Dat it mei nocht lêzen en kocht wirdt en sa de Utjôwer en my, beide, hwet for de moeite en kosten opleverje mei, hopet

DE SKRIUWER.

DE NOARSKE FISKERSJONGE.

I.

As wy yn ús forbylding ris great twahûndert jier tobek gean, den sjogge wy do en yn lettere jierren forskate kof- en smakskippers, dy 't op de wyde sêen omswalken en faek hiele skoften fen hûs wieren, yn it doarp Terherne wenjen. En ik ha wol ris sizzen heard dat der safolle skûtskippers, dy 't hjir yn it lân foeren, wennen, dat de hiele Sânsleat winterdei fol laei. Men kin bigripe, as al dat skippersfolts yn 'e hjerst thús kaem, hwet in libben en fortier der den wie. Do wie der bloei en wolfeart yn it dorp, hwent neringdwaenden en handwirksljue hiene it der tige best troch.

Yn 'e lêste helte fen de 17de ieu wenne der in kofskipper dy 't Sibe Dirks hjitte. Syn measte farren wie op Noarwégen, Dene-marken, Hamburg e.s.f., mar hiel inkeld die hy in reis nei de Eastsé ef oars hjir ef der hinne.

Op in kear dat se yn 'e hjerst de lêste fracht hout út Noarwégen hellen, seagen se yn 'e fjirte, do 't se noch net malle lang op sé wieren, nou en den in swarte stip op 'e weagen, en do't se neijerby kamen, dat it in boat wie. Hja halden derop oan, en ien fen it folts dy 't yn 'e touen opkladde, seach dat der hwet ynlai. De sé wie best to brûken, hja setten de boat út en foeren der hinne. In jongmaetsje fen op it each in jier ef achtsjin laei roungear yn 'e boat, hy wie klaeid yn earmtlike noarske fiskersklean, mar hja koene gjin libben oan him sjen. Hja laeijen him foarsichtich yn hjar boat en foeren wer nei hjar skip, de alde swakke fiskersboat lieten se driuwe, dy wie dochs neat wirdich. Men scoe sa sizze, skipper Sibe is in stoere man, mar dat like sa. Hy wie in man mei in best aerd, roun en iepen, en it wie him tige best gien mei syn farren. Do 't se de jonge op it tek hiene, sei hy; dat is fen 't winter in kostgonger mear yn Terherne, to minsten, as wy him wer by de tiid bringe kinne.

Hja geaten him forsichtich hwet wyn yn 'e mûle, dat kaem der ek troch, en do't se dat nochris diene, koe men sjen dat wer

libben yn him kaem, hy suchte en de lea bigounen hinne en wer to skoerren. Do in stikje wjekke brea, do kaem hy alhiel wer by. Hy sloech de eagen op en seach rare forheard om him hinne, hy sei hwet, mar de wurden kamen der mar heal út. Hy waerd goed forsoarge yn in koai lein, earst noch in bytsje iten, do foel hy yn 'e sliep en dat dûrre oan de oare moarns ta. Do 't hy to wekker waerd, wie it earste wer hwet iten, hy like alhiel útput troch lang foarby wêst to hebben. De skipper, en noch ien fen it folts, dy 't miskien wol fyftich kear yn Noarwégen west hiene, en der ek al ris in lange winter lein hiene, troch dat de winter hjarren der oerfoel, koene best mei him prate, en fregen him, hwa hy wie?

De jonge forhelle hjarren dat hy Hans Olafsen hjitte, dat hy mei syn heit Peter Olafsen útfearn wie to fiskjen, dat syn heit ûngelokkich oer board rekke wie en dat hy him net iens wersjoen hie. Do koe hy allinne net wer yn 'e fjord komme, (sa hjitte dy ynhammen, hwer de hiele Noarweegske kust fol fen is) en wie oan it driuwen rekke, salang dat hy troch forlet fen iten en drinken alhiel útput delfallen en sa troch hjarren foun wie.

It wie in griis to sjen ho oerstjûr dy jonge om syn heit wie, dy 't hy samar yn ienen forlern hie, hy sei: it wie sa'n beste heit. In nou wie syn mem mei twa bern thús, wer moastten dy nou fen libje? Hwet scoene dy om heit en him skrieme, hwent hja koene wol bigripe, dat se wei wieren!

Sok séfolts is net sa gau oandien, mar hja hiene dochs de triennen yn 'e eagen do 't hy dat sa oandwaenlik forhelle, en hja treastgen him sa goed as se koene. De skipper sei: hy scoe fen 't winter wol for him soargje, en sa gau hy der wer hinne foer, him wer meinimme. Safolle goedens hie in bulte ynfloed op Hans, hy wie trochbliid dat sokke beste minsken him foun hiene en fleure hird wer op. Hy wie in foarlike jonge for syn jieren en reddich en fluch. Hy wie gol en frjeonlik fen wêzen en ek in tige gnappe jonge, dy 't mei syn blauë eagen sa frij útseach, der scoe sa it like in moai jong kearel fen groeije kinne.

Hja seagen ek al gau dat hy skerp wie, hy bigriep fluch de nammen fen in bulte dingen op it skip, en harke ta, as it folts frysk ûnderen'noar prate. Mar as hy allinne wie, en syn mem en broer en sister, en de fjord hwer hy sa thús wie, him sa klear foar 'e geast stiene, och! hwel koe hy den bitter skrieme, hwet hie hy den in langstme! Mar der siet oars net for him op, hy moast mei. En troch syn aerd krige it folts op it skip in bulte

mei him op, skipper Sibe bigoun ek folle fen him to halden. Sa kamen se njunkelytsen to Hoarn hwer se losten, en foeren derwei nei Harns hwer de koffe ûnder tasicht lizzen bleau, en reisgen do nei Terherne ta.

Frjemd seagen de minsken op, do 't skipper Sibe der mei dy jonge Noar oankaem, en hja hearden ho 't hy foun wie. En op in rountsje dat de skippers sa ûnderen'noar hiene waerd bisletten dat elts hwet for him dwaen scoe en as hy goed blykte to wêzen den scoene se him mei foarút helpe. Hy waerd al gau gnap yn 'e klean stitsen en al wie it syn eigen tael net, master moast him doch ûnderrjucht jaen, it koe him to pas komme.

Skipper Sibe hie in greate hûshaldinge en do hiene se Hans yn 'e kost bisteld by Gjerrit en Doutsen. Dy man hie lang matroas west, mar wie op in kear út 'e mest fallen en koe do net mear farre. Hy hie do fen in frjeon in boatsje, fûken e.s.f. krige en fiske nou. Hy fortsjinne mei skipskrabjen en tarjen for de skippers op 'e helling ek noch gau ris hwet, sa kamen se deraerdich lâns. Hy wie do 't hy net mear farre koe by Doutsen yn 'e kost komd en in jier twa letter mei hjar trouw. Hja wie do widdou en hie út hjar earste trouwen in fanke dy 't Jantsje hjitte, dy wie nou great sechtsjin jier ald. It wie in best fanke, en men koene sjen dat der in tige moai faem fen groeije scoe.

By dy minsken wie Hans thús, en ek yn wierheit thús, hwent do 't se alles wisten, sochten se him it missen fen syn mem safolle to forgoedsjen as se koene. En hy en Jantsje hingen al gau sa oan elkoaren dat de iene ûnwennich wie as de oare net thús wie. En ho giet it yn dy jierren? Alho't Hans oan syn mem en broer en sister hinge, it byld derfen siet noch net sa djip as yn letter libbenstiid, en hy hinge nou alhiel oan dy beste minsken. En alles wie ek sa frjemd, sa nij for him, der wie safolle fortier mei aldat skippersfolts. Hy gyng ek faek nei de helling hwer de koffen en oare skippen makke waerden en seach raer by in bulte dingen op. Hy waerd troch de minsken ek sa best bihannele, hy hie it folle better as thús. De fryske tael learde ek al hwet, en howol hy in bulte wurden lang net goed sizze koe, hy learde him doch al hwet to reddden. En Jantsje hie der sa'n nocht oan dat Hans mei syn frjemd frysk prate, den pleage se him sa dermei.

Mar de skipper dat wie noch syn beste learnmaster, as der hwet wie dat hy net bigriep of fetsje koe, den brocht dy him op 'e hichte. Hy rekke mei de oare jonges ek alhiel op 'e gleeed, it

reedriden woe him ek tige oan, yn ien wird, hy waerd ho langer ho mear der thús.

Mar do't de winter ophalde to hearskjen en de dagen langer waerden, bigoun Terherne al mear en mear troch it skippersfolts forlitten to wurden, en waerd it for Hans ek tiid dat hy wer foart moastte. Skipper Sibe hie in fracht krige nei Hamburg ta, en scoe derwei nei Noarwégen om in fracht hout to heljen. Hy wie al nei it skip gien om it mei yn oarder to meitsjen, mar scoe earst noch ris thús komme, den scoe Hans mei. Hans wie alhiel foroare op it lest, hy wie meast stil en sei net folle, hy siet der raer yn. Hy hie sa'n langstme nei mem en syn broer en sister, nei syn fjord mei de rotsen en klippen, mar hy soarge ek sa fen Terherne en de minsken ôf, dy 't him sa boppe mjitte best bihannele hiene en hwer hy sa thús wie.

Hy wie nou hast njuggentsjin jier ald, de bernejierren wieren oer, syn tinken waerd better en de leste winter hie him folle leard. Mar de tiid kaem, skipper Sibe kaem noch in dei thús en do moast Hans mei, hwet in rare dei foar him!

Hy hie fen de measte minsken al ôfskie nomd do't de skipper werkaem, mar it ôfskie fen 'e minsken hwer hy yn 'e kost wie en f'ral fen Jantsje, dat foel him hird! Dy winter hie yn dy twa jonge herten in bân lein, dy 't nea wer forbritsen wurde koe. Hja skriemden beide as bern en Hans moast hjar bilove dat hy ek werkomme scoe, hwet hy ek die. Hy sei tsjin hjar, as se beide great wieren, den scoe hy hjar ta syn wyf ha, hwer 't Jantsje, troch de triennen hinne, noch om laitsje moastte, hja wie ek noch sa jong. Mar skipper Sibe kaem en helle him, en Hans gyng skriemende mei, hwet soargen se by elkoaren wei!

Op 'e reis nei Hamburg learde de skipper him safolle hy koe, en der it Hans tige oan hingje woe, hie hy der in bulte nocht oan. It frysk learde ek noch hird oan, hwent hy hearde oars neat om him hinne. In lokkich dy 't sa'n aerd hat lyk as hy hie, hwent troch it golle en frjeonlike fen syn wêzen halde it skipsfolts in bulte fen him, en dertroch learden se him it skipswirk ek goed.

Frjemd seach Hans op yn dat greate Hamburg, hwer de skipper him sa faek meinaem as hy fen board gyng. Sa great wie de wrâld for him, dy 't foar dizze winter oars noch neat sjoen hie, as der 't hy berne wie. In do't se leech en op reis nei Noarwégen wieren, wie syn bislút om oan it farren to bliuwen al sa ripe, dat hy de skipper frége, ef dy him wol oan board hâlde

woe? Mar de skipper sei tsjin him, dat se bûten syn mem neat dwaen koene, en dat hy earst goed leare moastte om letter foarút komme to kinnen, dat moast mei syn mem forpreat wurde.

Skipper Sibe hie dy winters op hjar rountsje wol ris sein, dat it by Hans syn mem wol ris bittere earmoede wêze koe as hy der mei him kaem. In troch dat se safolle fen dy jonge halden, hiene se hûndert gounen bijenoar dien, dat koe de skipper hjar nou jaen. Fjirder hiene se bisletten om, as Hans der sin oan hie, him mei enoar goed leare to litten. Sa koe de skipper nou dwaen sa it him nou it beste talike en hie syn bislút deroer ek al nomd. Yn 'e pleats hwêr se hout lade moastten, wenne in Sékaptein dy in Hollanner fen ôfkomste wie, mar dy 't in Noarsk frommiske hie. It wie in beste man en ien dy 't in bulte leard hie, mar it wie him net sa best gien. En om 't hy in greate hûshâldinge hie en troch in ûngelok net mear farre koe, scoe it him wol goed to pas komme der hwet by to fortsjinjen.

Dizze man hie de skipper op it each; as it syn mem goed wie, den woe hy Hans der earst in jier bliuwe litte. Der koe hy goed lêzen en skriuwen en fen alles hwet yn it farren nedich wie, tige leare.

In do't hy op Hans syn freegjen him dat allegeare sei, hie dizze der earst net folle sin oan, mar hy bigriep ek wol dat se it albiel ta syn best dwaen woene en dat it sa nedich for him wie. En do't se to plak en oan it laden wieren, gyng de skipper mei him nei dy sékaptein ta, en dizze, dy 't Hans mei nocht oanseach, en it foarstel fen de skipper tige to pas kaem, naem it daedlik oan, en scoe syn best dwaen om him safolle te learen as hy koe.

Derop gyngen de skipper en noch ien fen syn folts mei Hans op reis nei syn bertepleats, en do't se der kamen, lieten se Hans earst yn in fiskerhutte bliuwe en sochten syn mem op. Yn in earmoedich húske founen se hjar, en seagen foart wol dat it Hans syn mem wie, sa like se op him. Hja wie hiel jong trouw, en de libbensstoarmen skynden net folle ynfloed op hjar hawn to hebben. Hja wie nou great seisentritich jier ald, mar yn wierheit noch in moai frommiske. Hja hie net forgees de namme hawn fen moaije Else, dy 't oan eltse finger wol in frijer krije koe, mar de earne, mar gnappe Peter Olafsen nommen hie. Hja seagen oan hjar en en de twa bern, dy 't se fen saun oerhalden hie, en oars oan alles ek wol, dat, al wie it earmoede, alles doch goed yn oarder wie. Hja frêgen hjar, ef hjar manfolts net thús wie?

Do rekke se oan it forheljen ho 't hjar man en soan de foarige hjerst útfearn wieren to fiskjen en dat nimmen wer hwet fen hjarren fornômd hie, sadat hja fen sels weirekke wieren. Dat alles kaem mei twiskenpoasen en ûnder in floed fen triennen derút. Do, hwet in bidroefde winter as se mei hjar bern hawn hie, ho 't hja nou en den hwet forkoft hie om ite to kinnen, en ho ien, in wolstelde widner, in man dy do't se jong wieren it fûl bisocht hie om hjar to krijen en letter altyd lik op hjar west hie, hjar nou sa'n goed dien hie. In doch, sei se, hie se it min op dy man stean!

De skipper frege hjar: ef se it wol klear wiste dat hjar man en soan beide wei wieren, it koe sims frjemd, der koe noch wol ris ien fen beiden bihâlden wêze.

Oan dat sizzen bigriep se foart wol dat der hwet eftersiet, hja frége hjarren hast biddende, hwet of dat bitsjutte? In do mochten se it net ha om hjar mear stil to halden en forhellen se hjar ho ef se Hans foun hiene en ho hy dy winters by hjarren forsoarge wie, en de feint, dy 't by de skipper wie, gyng opstean om him to heljen.

In do't Hans der oankaem, mei wangen as mólke en bloed en sa gnyp yn 'e klean en mem om 'e hals fleach, der moatte de lêzers hjarren sels in tinkbyld oer meitsje hofolle gelok der yn dat huske wie. Mar ek, ho 't de triennen rôllen do 't Hans derop oan syn mem forhelle ho ûngelokkich syn heit weirekke wie, hwet wie it minske oerstjûr!

Mar do't alles hwet bikomd wie, forhelle de skipper hwet plan ef se mei Hans hiene, en frége ef dat hjar goed wêze scoe? Mar der seach mem sa tsjin oan, hjar beste jonge wer to habben en ek wer misse to moatten. In den fen de oare side seach se ek wol, dat it alhiel ta syn best wêze scoe. In wiles hiene syn broer en sister him hast altyd de hannen om 'e hals, hja wieren sa bliid mei hjar Hans!

Mar sa 't se der sieten to praten komt der in man yn, dy 't de frjemden forheard oanseach, en frâl do't hy Hans der ek seach. It wie in greate, kreftige man, hast in reus, mar lomp en swier. Hy wie málle ûnsjuch, hy hie rea hier, en syn troanje wie alhiel mei fen dat reade stikelige bird bigroeid. Hy hie in groue stompe noas en in greate mûle mei tsjokke lippen. In hwet der sa aeklik by like, hy hie fen dy lytse cagen, dy 't hast sûnder rêst hinne en wer gyngen. Dat wie Peter Bjornsen, de man dy 't hjar sa'n goed dien hie.

Else waerd kjel do't hy der ynkaem, mar hy like wakkere bliid to wêzen dat Hans bihalden wie, en like oandien do't hy hearde, ho ûngelokkich hjar man weirekke wie. In do 't se mear praten, wie hy der ek wakker foar dat Hans der hinne gyng to learen en woe der ek wol tajaen, mar de skipper sei: dat hoefde net.

Mar hwet flikkeren syn eagen do't skipper Sibe hjar dy pong mei jild joech en sei, hofolle der yn wie, der koe Eise as se hwet fortsjinje koe, hjar lang mei redde. Op it lêst sei Else, as se Hans den in wike of fjouwer thús halde mochte, den scoe se, om syn best, it tastean. De skipper sei: dat hy hjar dat net best wégerje koe, en ûnthjitte hjar, as it jier om en alles goed wie, den scoe hy mei Hans wer by hjar komme, en den koe it forpraet wirde, ho it fjirder scoe.

Peter Bjornsen bea oan, om Hans mei fjouwer wike der den hinne to bringen, en om him net lik to meitsjen, waerd dat mar oannomd.

Else bitanke de skipper sa for al it goede dat se oan Hans en nou wer oan hjar dien hiene, en wie sa oandien, en Hans noch mear, do't se foartgyngen. Mar do't de skipper tsjin Hans sei, dat sa faek hja der kamen en oan it laden wieren, hy den salang by hjar oan board komme koe, bikaem hy hwet. Mar mei de eagen fol triennen bistelde hy de groetenissen oan it Terhernster folts en f'ral oan Jantsje en hjar alders. Sa namen se ôfskie, al ho swier it foel!

II.

Do't skipper Sibe wer thús kaem, brocht hy yn Terherne de groetenissen dy 't Hans him bisteld hie, en forhelle ho hy it mei him makke en by syn mem bifoun hie. Op Jantsje hjar freegjen, ef Hans den ek werkaem? sei de skipper, dat hy hoopte, as Hans goed learde, dat hy den it farren by him leare scoe. Ho bliid Jantsje dermei wie, dat wie net to sizzen, den kaem se him ommers wol wer to sjen. Hwent Hans weibliuwe, der mocht se net om tinke, hjar jong hert forlange sa nei him!

In do't de skipper nei forrin fen wiken wer yn Noarwégen kaem, foun hy alles like goed. De sékaptein wie wakker mei Hans yn it skik, hja halden folle fen him en hy learde tige. Hans syn bliidskip wie great, wer in dei mannich by syn frjeonen trochbringe to kinnen en oer Jantsje en hjar alders en de oaren yn Terherne prate to kinnen. Mar hy forhelle de skipper, dat hy bang wie dat mem in bulte lêst mei Peter Bjornsen krije scoe, hwent dy

woe mar mei hjar troue en hja wie suver bang for him. In Hans hie it ek min op dy man stean, hwerom, dat wist hy net, hwent Peter wie altyd like frjeonlik tsjin him. Mar it wie mar sa, en hy koe dat ek net oars krije.

Yn 'e hjerst kaem de skipper der nochris en hie in pear hoazzen en in moai biwirke pong fen Jantsje for Hans meinomd, en in bulte groetenissen. Jantsje hie sein, hy moast sa gau werkomme as hy koe, hja hie sa'n langstme nei him.

Ja, hy ek nei hjar, dat fanke laei him noch sa heech. Syn learen gyng tige best en by de kaptein wie hy alhiel thús. In greate bliidskip wie it, wer in dei mannich mei de skipper en syn folts prate to kinnen, en as de skipper der yn 'e maytiid werkaem, den scoene se nei syn mem ta. Dat tinken forsêfte it ôfskie al hwet, mar it foel doch swier, de winter dûre sa lang.

Wy slaen dy ek oer, en forhelje dat de skipper der yn 'e maytiid werkaem en alles wer tige best bifoun. En nei oarder op alles steld to hebben, gyngen de skipper en Hans op reis nei syn mem ta.

In greate bliidskip wie it mei mem en syn broer en sister, do't se der nei in goede reis oankamen, en alles oer en wer oer forhelle waard. Else hie it mei kloek oerlizzen en nou en den der hwet by to fortsjinjen sahwet redde kinnen, mar nou wie ek hast alles op en de takomst like wer tsjuster. Hja koe fen Peter Bjornsen wol help krije, gjin wike gyng foarby dat hy hjar net frege to trouen en hjar foarhalde hwet in best libben hja mei de bern by him ha koe, mar hja woe der gjin praet fen hearre en wysde alles ôf.

Mar do bigoun de skipper hjar to forheljen hwet se dy winters yn Terherne wer ôfpraten hiene. Hja hiene wer like folle jild for hjar byenoar dien, en as it hjar goed wie, den woene se Hans noch in jier by de kaptein halde. De kaptein hie sein, as hy noch in jier sa goed learde en den noch in winter lês krige, den wie hy gau klear om for stjûrman to farren, it wie krekt as it him oanfleach, sa koe hy leare. In den woe de skipper him in jier oan board nimme, om it farren ek goed to learen.

Else hie de triennen yn 'e eagen do't se de skipper sa praten hearde, en dat net allinne fen tankberens, mar ek omdat se hearde ho best it mei hjar Hans gyng en ho goed hja it mei him foar hiene. Hja wie nou ek net yn twivel, hja karde alles best, mar woe him sa graech in dei mannich thús halde. De skipper sei: dat hie hy wol tocht en it wie him ek tige best.

Sa 't se der sieten to praten kaem Peter Bjornsen der ek yn.

Hy like wakkere bliid en naem tige diel yn alles hwet de skipper oer Hans sei, en wie der ek alhiel foar dat Hans mear learde en woe him der ek wol wer hinne bringe. En as Hans al sei, dat dit net hoefde, dat hy him sels wol redde koe, Peter stie der sa fest op, dat hja it mar oannamen. Hy seach do ek wer dat Else in pong mei jild krige en hjar dertroch wer bûten him redde koe. Hans hie him krekt op it each en koe sjen dat hy alhiel foroare. In nei in hertlik ôfskie en nei dat Else him sa for alles bitanke hie, gyng skipper Sibe wer op reis nei syn skip ta.

Do brocht Hans mei mem en syn broer en sister en alde makkers fjirtsjin dagen yn it greatste lok troch en nei in oandwaenlik ôfskie gyngen hy en Peter op reis nei de kaptein. En op dy reis frêge Hans mei triennen yn 'e eagen en hast biddende oan Peter ef hy mem mei frêde litte woe, hja tocht noch altyd sa om heit en scoe doch net wer troue wolle. Peter naem dat ek goed op mar sei, dat hy safolle fen Else halde en dat it for hjar sels en de bern ek better wêze scoe. In hy hie nou sa'n iensum libben en hie alles wol for hjar oer. Mar as se dat ljeaver hie, den scoe hy wachtsje en hjar net mear lêstich falle. Der wie Hans trochbliid om, en dat makke dat hy folle hertliker ôfskie fen Peter naem, do't se to plak wieren.

Twa jier hie Hans nou by de kaptein west, do't skipper Sibe der de maytiids werkaem en him de groetenissen fen Jantsje en it Ternhernster folts brochte en dat se sa'n langstme hiene om him ris wer to sjen. Neat as goed hearde de skipper fen Hans, de kaptein en syn wiif halden safolle fen him as in bern.

De kaptein sei, nim him nou mar mei, as hy it ûnderhaldt hwet hy leard hat en der takommende winter noch ris lês by kriget, is hy alhiel klear. In do't de skipper Hans ek ûndersochte hwet ef hy wiste, wist hy net hwet hy hearde en sei: wy scille meienoar sjen dast dou in goed plak krigeste, dou biste fiersten to goed for matroas. Mar lyk as de kaptein al sei, dou moastte it farren dit jier by my leare en den fen 'e winter noch ris les nimme, en den scille wy ús best for dy dwaen. Hwet like de takomst Hans moai ta!

Do reisgen se wer togearre nei syn mem ta en it wie der wer greate bliidskip. Else karde alles goed en mei fol fortrouen joech se hjar beste jonge oan de skipper oer, hwer hy dit jier by farre scoe. Hwet plak to sliepen waerd der yn oarder makke en do bleauwen hy en de skipper trije dagen by mem. Altyd seach de

skipper frjemd by Else op, sa moai dy noch wie en sa jong as se noch like.

Peter hie ek heard dat se der wieren en socht hjarren ek op. It like him ek moai ta, dat Hans nou bij de skipper kaem, den koe hy tige op stap komme. Hy fornaem oan alles ek wol dat Else wer goed forsjoen wie en gjin earmoede hoefde to lijen. Mar Else hie der oer klage dat Peter noch sa faek kaem en do't hy do foartgyng, gyng Hans mei him. In do sei Hans dat hy ek gjin wird halden hie, en dat hy graech woe dat Peter net mear by hjar kaem, hy hoopte fen nou ôf for syn beste mem to soargjen. Peter seach al hwet lik, mar halde him bidaerd en sei, dat hy tofolle fen hjar halde om der alhiel wei to bliuwen, en stroef skaetten dy twa.

De skipper biloadde Else, dat, sa faek as se der om hout kamen, den scoe Hans in dei twa thús komme, hwer mem sa bliid mei wie. In de skipper koe sa fiele hoe tankber Else him for alles wie, en hie de triennen ek yn 'e eagen, do't hy seach hoe mem hjar beste jonge tsjin hjar oantreau en him sa patte do't se foart moastten. In op hwet ienfaldige mar oandwaenlike wize droech de mem hjar soan oan God op om it goed mei him to meitsjen en yn dat frjemde lân ek wer for him to soargjen. Hja seach hjarren nei salang as se koe.

Mar it sette raer yn mei Hans syn earste reis. Hird waeije en faek sloarnwaer hiene se de measte tiid, hja krigen frij hwet skea oan de seilen en it touwrik en waerden ek lek. In it skynde raer to moatten, do't se einlings yn ús lân yn 'e haven kamen, rekken se sa hird tsjin in great skip oan, dat se mar hastich losse moastten om op 'e helling to kommen. Mar howol nimmen graech sa wol, it wie doch in great gelok dat it skipper Sibe sa skoan barre mochte, nou koe alles der like goed om gean.

Nou kin min wol bigripe, dat de skipper sa gau as it koe, mei Hans nei Terherne ta reisge. Mar der seagen se frjemd tsjin him op, sa'n kearel, en hwet in moaije jonge kearel wie hy wurden. Jantsje wie net yn 'e hús, do't de skipper mei Hans by Gjerrit en Doutsen kaem, it wie krekt as dy minsken in soan wer thús krigen. In do't foart derop Jantsje ek yn 'e hús kaem en Hans seach, fleach se him fen bliidskip oan, hja hiene elkoaren de hannen om 'e hals en patten dat it sahwet die. Mar dat wie troch de greate bliidskip gien, hja lieten elkoar yn ienen los en krigen beide in kleur as bloed. Hja fielden beide, it wieren gjin bernepatsjes mear.

Skipper Sibe, dy dat wol opmirk, wie slop fen laitsjen, do waerd it net better, Mar njunkelytsen bikaem it wer en do fen beide siden oan it praten en forheljen.

In hja koene it each net fen elkoaren ôfhâlde, Jantsje tochte, hwet is hy moai, en Hans tochte, hwet is hja moai, en fen beide koe it yn wierheit ek sein wirde.

De skipper tochte, Hans moast salang syn thús mar wer by Gjerrit en Doutsen ha, hy koe der wol trije wike bliuwe, en den koe hy by al syn alde frjeonen en helpers de rounte ris dwaen. En sa die hy ek, hertlik wie syn tank oan de minsken dy 't him sa'n goed dien en sa mei foarút holpen hiene. Hy fiede sagoed, hja hiene him yn steat steld om foarút to kommen en wie der sa tankber foar. Hy like ek yn it minste net mear op deselde dy 't de skipper yn 'e boat foun hie. Hy wie fatsoenlik en biskieden en seach mei syn blaue kikkers de wrald sa frij yn, min seach en hearde him mei nocht oan, rounom wie hy wolkom.

En seil ik jimme forhelje ho hy en Jantsje de tiid trochbrochten, den moat ik sizze, dat de earmen faek om elkoaren hinne kamen en dat der mannich patsje wiksele waerd. Hja wisten beide nou klear, it sizzen fen Hans: as wy beide great binne, den wol ik dy ta myn wyf ha, scoe sûnder missen wierheit wirde. De bân dy 't yn de earste winter dy twa jonge herten sa nau al forboun hie, waerd nou for goed festmakke. Hwet wieren se lokkich togearre as Hans hjar forhelle hwet in moaije takomst him wachtte, ho 't hy leard hie en ho as se him mei foarút helpe woene. En nou, nou scoe hy syn best dwaen, hy scoe de goede forwachtinge dy 't se fen him hiene, net biskamme meitsje. En as it nou allegearre goed gyng, den scoe se alles mei him diele, den scoe de iene for de oare in stipe op 'e libbenswei wirde. Den scoene se togearre ek ris nei syn lân ta, en den scoe syn mem hjar sa mei bliidskip hjar bern ek neame. Hofolle loftkastielen der yn dy dagen troch dy twa boud waerden, dat scoe op ien net oankomme, en Jantsje hjar alders namen ek sa fen herten diel yn hjar gelok.

Mar wy minsken meitsje sa faek birekkeningen hwer hast neat fen torjuchte komt, wreed wirde ús loftkastielen faek ûnderst boppe smiten. Sjuch dat moaije jonge pear der sa ris sitten, noch twa, trije jier den scoe de himel op ierde hjar diel wirde, en alles scoe sa hiel oars komme, as se hjarren foarspégelen!

It is krekt as de tiid dy 't yn lok en wille trochbrocht wirdt,

sa mar foarby fljocht, sa gyng it der mei dy trije wiken ek. Mar yn dy tiid wie ek de bân lein, dy 't Hans for altyd oan Terherne forbine scoe. Hwent troch syn tankberens oan de minsken, dy 't him sa mei foarút holpen hiene, en dy't se sa fielle koene dat út syn goed hert foartkaem, hie hy sa'n beste yndruk op hjarren makke. Ja, hja scoene en woene him ek fjirder mei helpe, sei de iene tsjin de oare.

De tiid wie om, de koffe wie hast wer yn oarder, do kaem skipper Sibe ek noch in dei twa thús. Yn 'e simmer den scoe Hans wer ris oerkomme, dat forsêfte it ôfskie al hwet. Mar Jantsje skriemde doch sa, hja wie it noch net wend, him, hjar alles, foartgean to sjen. Mar it scoe lokkich net lang dûrje, den kaem hy wer, dat treastge hjar. Och, de takomst is sa tsjuster for ús minsken!

Do't de skipper en Hans wer oan board kamen, wie alles ek gau yn oarder, en omdat se do oars gjin fracht krije koene, foeren se foart wer nei Noarwégen om in fracht hout to heljen. En hie de reis nei ús lân sa tige min west, de reis derhinne wie nou sa moai as it koe, mei in flugge reis kamen se wer yn 'e haven oan.

Sa gau it koe joech de skipper Hans frij om mem wer ris op to siikjen en hy krige wer aerdich hwet for hjar mei. Hy foun alles tige best en koe in dei ef trije thús bliuwe, de bliidskip wie wer great. Op syn freegjen sei mem, dat Peter noch wol ris by hjar kaem, mar him altyd goed halde en it hjar net lêstich makke. En do't Hans de earste dei nei ien fen syn frjeonen gyng, kaem Peter him tomjitte en wie tige frjeonlik tsjin him. Peter hie noch ien by him, it like wol op in Séofficier, sa wie hy klaeid. In do't Hans noch ris efterom seach, stiene se stil en praten drok, wiles Peter nei him wísde. Do't Hans dernei frége, hwa ef dat wie, seine se, dat it in neef fen Peter wie, dy 't op in Fransk skip tsjinne.

Hearlik waer wie it alle dagen, en de twadde dei, do't Hans nei de fjord gyng, kaem der in boatsje oan mei twa frjemd klaeide matrosen der yn. Hja makken hjar boatsje fest en gyngen it pleatske yn. Tsjin 'e joun krige Hans in boatsje fen in fisker to lien, hy hie der sa'n sin oan om de fjord wer ris út to farren, it koe noch best, yn 'e simmer binne de dagen der sa lang. Mar al hwa werkaem, Hans net. Syn broer frége alles ôf, eft se him ek sjoen hiene, mar nimmen hie him werkommen sjoen. In bytsje letter kaem in fisker de fjord ynfarren, hy hie de lége boat efteroan,

wer Hans mei fearn hie. Hy forhelle dat hy yn 'e fjirte in great skip sjoen hie, en dat hy roppen heard en in boat nei dat greate skip roeijen sjoen hie. In do 't hy de fjord ynfarre scoe, dreau de lége boat der, en hie hy dy wer meinomd.

Min kin bigripe, hwet in greate ûntsteltens dat biskie yn it pleatske brochte. Else wie hast gek dat hjar beste jonge foart wie, en nimmen wist ho it wie. Wie hy bûten de boat rekke en hie do roppen? Mar hy koe fiks sile en it wie hast deastil, den scoe hy him sels wol redden ha, tochten se. Peter kaem der ek op ta, en sei dat syn neef ôfhelle en wer nei it skip ta wie, der 't hy op tsjinne. It like him raer ta, dat dy der neat fen fornômd hiene, hwent dy moastten Hans altyd foarby fearn wêze. Hy naem sa 'n diel yn Else hjar ûngelok, hy biklage hjar sa, dat it hjar siker goed die. Mar der wie net ien, ef hy tochte dat Hans in ûngelok krige hie en wei wie.

Raer stie it der mei Else by, hja skoerde hjar it hier út 'e holle, en mei it greate meilijen treasten de minsken hjar safolle hja koene. It griisde hjarren ek sa om dy golle gnappe Hans, hwer it sa moai for stie, en dy 't nou sa ûngelokkich weirekke wie! En ho moast it nou? De skipper moast it ek witte. Peter bea oan om der hinne to reisgjen en it biskie der to bringen, en Else, dy 't der sa mar hinne siet, sei, dat it hjar goed wie.

Mar do 't Peter der kaem, woene skipper Sibe en de kaptein, Hans syn learmaster, ek mei, dy twa wieren ek raer fen 'e wise. In do de skipper en de kaptein alles bifregen, bleau it hjarren in riedsel, ho ef de boat fen dat frjemde skip der neat fen fornômd hie. Der kaem noch by, dat de skipper yn 'e haven, hwer se laden, heard hie, dat Jean Bart, in biruchte Franske kaper, der op 'e kust mei syn skip sjoen wie. In do se Peter fregen ef syn neef der den op tsjinne? sei dizze, dat hy der net mei syn neef oer praten hie, hy wist oars net, as hy foer op in Fransk skip. In al ho der ûndersocht waerd, hja waerden net wizer, en moastten mei djippe roue yn 'e herten de ûngelokkige mem wer forlitte. Mar Peter naem op him, om, as se him founen, ef hjir ef der spoar fen him krigen, den scoe hy dat de kaptein to witten dwaen, den hearde de skipper it fen sels ek wol.

Nou kin min bigripe ho raer it der yn Terherne bystie, do 't de skipper der mei dy aeklike tidings oankaem, en ho bidroefd it mei Jantsje wie. Dat earne sloaf, al dy loftkastielen wei, en hjar beste Hans scoe se nea, né, nea wersjen, koe dat wier wêze?

Né, hja koe en woe it noch net leauwe! Mar ho wie it mei Hans gien?

III.

It wie do in bedroefde ûnrêstige tiid, altyd fjuchtsje en oarlogje, en der wirken in bulte oarsaken ta mei. Hiel yn koart moat ik der efkes wol hwet fen meidiele.

Lodewyk XIV wie do Kening fen Frankryk, en dy hie oars gjin doel as ear en hearsksucht. Koe hy mei de soldaten syn doel net birikke, den brûkte hy it Franske goud en koe der in bulte mei wirde. Foaral yn Dútsklân en Ingelân tsjinne it him faek sa goed, dat hy dertroch ta syn wyt kaem.

Yn dy tiid wie ús lyts lântsje folle mansk, gjin kwestsje yn Europa ef der moast rekkening mei ús lân halden wirde, en dat wie dy greate hearskers raer tsjin 't sin. Derby dreauwen de keaplje fen ús lân in greate hannel, en oeral wie ús folts do foaroan. Mei frachtfarren for oare lannen waard do ek in bulte jild for-tsjinne, ús lântsje hie do by tûsenen skippen op 'e sêen. Dat stiek de Ingelsken ek tige, hwent dy woene ek ljeafst alles ûnder hjarren skoerre, en hja bisochten it faek om ús greate skea to dwaen. Sa brocht ien en oar mei, dat der hast altyd deilisskip en rûsje ûnder elkoaren wie.

Lodewyk XIV hie it yn 1672 mei help fen Ingelân en de Bisskop fen Munster en de Karfoarst fen Keulen ek al bisocht om ús lân to oermasterjen en yn to pakken, en sa hjir de baes ek to wurden. Mar al ho tsjuster it hjir do like en ho min it yn it earst stie, hja fochten hjarren doch wer frij. Mar it hie in bulte kostte, alle kreften wieren ynspand en de hannel hie in bulte skea hawn. To lân en op sé hiene se fochten sa fûl as se koene, en Lodewijk syn doel wie mislearre.

Hwet letter yn 'e tiid wieren de Ingelsen mei de Regearing fen hjar kening Jacobus min tofrêden, en der makke Prins Willem III, de Stêdhâlder fen Hollân gebrûk fen. Hy stiek mei in rêst skippen en soldaten nei Ingelân oer, en reage syn skoanfaer Jacobus der fen 'e troan. Min scoe sizze, it wie net sa moai om syn wyfs heit fen 'e troan to stjitten, mar der wrdt yn 'e Staetkinde net sa folle om jown. Prins Willem waard do Kening fen Ingelân en bleau ek Stêdhâlder fen ús lân, en sa wieren dy beide lannen do al folle de tsjinpartij fen Lodewijk XIV. Hwent Lodewijk hie gjinien dy 't him better trochseach, en syn doel om oer hiele

Europa de baes to spyljen sa wist tsjin to kearen, as Prins Willem. En lyk as it yn dy tiid gyng, gjin middel wie hjarren to gemien om baes to wurden. De Regearingen joegen do, oan hwa der mar sin oan hie, fen dy kaper- ef frijbrieven, sa koene sokken den de freedssomme hannelskippen fen in lan, hwer se mei yn oarloch wieren, mar ta hjar bût meitsje. In greate roverij wie it do op 'e sêen, ta greate skea fen 'e hannel en skipfeart.

En gjin greater roafnest wie hjirbyom do as Dúnkerken, der binne hwet hannelskippen troch de kapers hinne sleept. En gjin kaper kaptein, dy 't sa birucht wie en safolle for de Fransken roave hat, as Jean Bart. It wie in man dy 't nearne foar stie en hast alles weagje doarste. Syn skip hjitte „de Salamander” dat hie hy neamd nei in dier, dat min do miende yn it fjûr libje to kinnen. It wie in skip dat hiel hird sylde en tige best ynrjuchte wie, en dat tsjinne him faek om oare skippen yn to pakken, en ek wer, om oan in greate oermacht to ûntkommen.

Sa wie it do ek wer gien, hy wie in greate oermacht fen Ingelske en Hollanske skippen ûntkomd troch nei it Noarden op to silen, hwer hy oars net folle kaem. Do wie hy in haven yn Noarwegen ynfearn, om der it nédige to keapjen en oan seilen en touw-irk hwet meitsje to litten. Fen dat opûnthâld hie in neef fen Peter, dy 't yn gjin jierren by him west hie, gebrûk makke om dy ris optosilkjen. It wie in earste fjuchtersbaes en hy wie lûte-
nant by Jean Bart. It wie oars net sa 'n minne kearel, mar jild-
sucht wie syn great gebrek. In do hy en Peter Hans foarby
wieren, wie der in skanlik tinkbyld by Peter opkomd. Hy
hie syn neef forhelle dat hy sa 'n sin oan dat moaije fromminske,
oan Hans syn mem hie, dat bihearske al syn tinken, it bi-
naem him syn hiele rêst. En dat hy hiel skoan bigrypte dat Hans
him deryn alhiel yn 'e wei stie om ea ta syn wyt to kommen.
En om 't hy wiste dat Jean Bart syn neef yn it foarby farren der
ôfhelje litte scoe, bea hy dy in moai somke jild om Hans tsjin 'e
joun op to lichten en mei nei board ta to nimmen. En dizze,
dy 't de sterke en flugge jong kearel mei nocht oansjoen hie, en
wol wiste dat sokken wolkom by Jean Bart wieren, en derby troch
de jilddivel oanfiterre waerd, hie dat ek oannomd. Hja praten do
ôf, as de boat kaem om him to heljen, den scoene se Hans troch
in falsk boadskip nei de fjord lokje, en der sjen op de iene ef
oare wise hjar slach to slaen. Mar Hans makke it hjarren sels sa
maklik troch mei de boat fen 'e fisker út to farren, dat kaem

hjarren alhiel fen pas. Peter syn neef hie de matrosen, dy 't om him kamen, alles forhelle en dy scoene goed oppasse. En do 't Hans do de fjord útfoer, kaem ien mei dat biskie by him. Do naem hy hastich ôfskie fen Peter en hja foeren Hans efternei. En sa waerd Hans, dy 't nearne gjin erch yn hie en djip yn tinken yn 'e boat siet, troch hjarren alhiel ûnforwachts oerfallen, en mei hjar trijen hiene se him boun en yn hjar boat lein. Hy hie noch al om help roppen, mar nimmen wie der tichte by. Dat hie it roppen west dat de fisker heard hie, dy 't de lége boat foun en yn 'e fjord brocht hie. Hans hie sa 'n lichte strieen hoed op hawn, dy hie Peter syn neef yn it wetter smiten, as dy foun waerd, den scoene se wol tinke dat Hans in ûngelok krige hie.

Hans koe der yn it minste gjin bigryp oer krije hwet it bitsjutte, mar hy hie foart wol sjoen dat dy neef fen Peter der by wie. Hy wie dea ûnrêstich en bigriep net hwêr ef se mei him hinne foeren. Hy frége dy neef fen Peter om him dat to sizzen, en do forhelle dy him, sûnder hwet eftertohalden hwa hy wie, by hwa hy foer, en dat se sa 'n jong kearel lyk as hy, der tige brûke koene, mar hy neamde Peter der hielenal net yn. Hy liet it alhiel foarkomme, dat hy alles út him sels dien hie. En derop forhelle Hans alles fen him sels, dat hy alhiel de stipe fen syn mem wie, en dat yn Terherne ien, it ljeafste dat hy op ierde hie, him wachte. It wie krekt ef dat wol hwet yndruk op dy man makke, mar hy sei, der wie nou neat oan to dwaen, hy moast mei. Mar as hy him goed halde en Jean Bart woe him wer frij litte, wie him dat goed. In do 't Hans seach dat it him neat holp, halde hy him stil, mar hy wie raer fen 'e wise. Hja koene thús oars net tinke as dat hy in ûngelok krige hie en wei wie, hwet scoe it bidroefd mei mem en syn broer en sister wêze! En mei de skipper, dat scoe der ek raer by stean en O God! as dy ris mei dat biskie nei Terherne ta moastte! In do bidde hy God sa fjûrich om it goed mei him to meitsjen, en for hjarren to soargjen, dy 't him sa nei oan it hert laejen!

Sa kamen se by it greate skip en makken Hans los, ûntkommen wie do doch gjin tinken oan, en lieten him ek by it skip opladsje. It skipsfolts seach al hwet frjemd op do 't Hans op it dek kaem, mar hja tochten dat hy tsjinst by hjarren nimme woe. De measten hiene rare troanjes en liken woest en rou, en min koe sa sjen dat se altyd yn alle waer en wyn forkearden. Jean Bart siet yn syn kajút en Niels Bjornson, sa hjitte Peter syn neef, wie nei him

tagien en do rôp hy Hans om by de Kaptein to kommen. Alhiel forlêgen wie Hans net mei de Franske tael, de kaptein hie him de earste grounen fen de Ingelske en Franske tael leard, dat scoe him nou tige to pas komme. Hy folge Niels en stie do foar de man, hwêr hy al safolle staeltsjes fen forheljen heard hie. It wie in kearel as in wolken en ien dy 't hwet út 'e wei sette koe en hy seach in minske hast dwerstroch. Hans koe de tael net genôch om goed mei him prate to kinnen, mar mei help fen Niels forhelle hy hwet wy al witte, en frêge him sa, om him wer frij to litten.

Jean Bart liet him alhiel útprate en Hans koe sjen dat hy him ho langer ho frjeonliker oanseach. Mar hy prate sa rêd dat Hans him yn syn tael lang sa gau net folgje koe. In do sei Niels him, dat de kaptein him foart net wer misse woe, mar him best bihannelje scoe, letter scoene hja ris sjen ho it kaem. Nou, hwet scoe Hans? hy koe der ommers neat tsjin dwaen. Mar hy hie in bulte oan de kaptein, syn learmaster, to tankjen, de wise lêssen fen dy beste man, scoene him syn hiele libben goed dwaen. Dy hie him leard om him yn alle omstannigheden fen it libben sa goed to skikken as hy koe en altyd syn plicht to dwaen. En al stie alles noch sa tsjuster, den moast hy noch mei fol fortrouën op God, nea de moed sinke litte, hwent nimmen wist, hwer ien ef oar goed for wêze scoe. Dat alles kaem him wer yn it sin, en do 't him syn koai oanwiisd wie, foel hy nei in fjûrich gebêd, rêstich yn 'e sliep.

Mar de oare moarns seach hy frjemd tsjin alles op, hy hie noch nea op sa 'n great oarlochskip west, mar seach foart wol, ho alles mei de greatste oarder dien waerd. Neat laeij oer 'e heap, alles wie like goed yn oarder, en it lytste of greatste bifêl waerd daedlik opfolge. Niels wiisde him syn wirk ek oan, en dat wie folle better for him as neat to dwaen.

Hja foeren wer nei it Sûden ta en Hans seach wol, ho der oppast en de wacht halden waerd. Yn 'e Noardsé krigen trije greate Ingelske oarlochskippen hjar yn it each en setten foart op hjar ta. Jean Bart stie mei fonkeljende eagen nei hjarren to sjen, mar de oermacht wie to great. Alle seilen waerden byset en do rekken se gau in ein foarút en kamen sûnder lest yn 'e haven fen Dûnkerken oan.

Der seach Hans him de eagen hast út 'e holle, sa 'n drokte en sa'n skippen, it iene foer de haven út en it oare kaem der yn.

Hy seach ek ho 't se mei nomde skippen oan kamen en it griisde him oan dat sokke minsken hjar hiele wolfeart troch dy kapers ûnstellen waard. En rjucht wie der net to krijen, en hwer it rjucht fen 'e sterkste hearsket, der is it net sa best.

Jean Bart redte fen alles yn, en in rêst folts kaem der ek noch by, hwent hy wie fen plan om fjirder nei it Sûden to farren. Hy woe op 'e Ingelske en Hollanske skippen loere, dy 't mei rike ladingen út Eastynje kamen. Mei in dei mannich wieren se klear en do gyng it de greate Atlantiske sé yn, der scoe in greate slach slein wurde, wie it doel.

In it slagge him ek, al trije skippen mei kostlike ladingen wieren nomd, der wie folts opset om dy op to bringen. Sa wieren se al wit ho fier nei it Sûden opsyld, do 't in great Ingelsk fregatskip hjarren yn it each krige en jacht op hjarren makke.

Jean Bart doarst in bulte weagje, mar hy wie ek in tûke krychsmen, hy seach wol, yn folle sé wie dy Ingelskman folle mear mansk as hy. Alle seilen waerden byset en do gyng it der hird út. Hja foeren St. Helena (in eilân dat oan Ingelan tahearde) foarby, do waerd it joun en hja seagen dat it Ingelske fregat nei St. Helena sylde. It wie in tsjokke loft en tige tsjuster, do kaem der in tinkbyld by Jean Bart op dat min sizze scoe, ho doarst hy it weagje. Hy rôp it folts op it tek en sei: dat it greate Ingelske skip nou ûnder St. Helena laeij en dat hy tochte, dat dy troch it sa feilige lizzen net sa best de wacht halde scoe. Hy frége, hwa ef mei him woe, den woe hy der sa nei oan ta syle as it koe, den woe hy de boaten útsette, de riemen mei goed omwoelje en sa stil as se koene nei it greate fregat farre en it sa oerfalle. Nou, dat wie gau klear, elts woe wol mei, mei him doarsten se hast alles weagje. Do waerden de boaten en riemen yn oarder brocht, en hy naem safolle folts as hy tochte bergje to kinnen. Sa sylden se safier as it sahwet lije koe, do waerden de boaten útset en it folts deryn. Hans moast ek mei en by Jean Bart sels yn 'e boat. Sa stil as se koene roeiden se nei it greate skip, kladden as katten derby op en foar dat de wacht, dy troch it sa feilige lizzen lang net goed oppaste, roppe en it folts wekker meitsje koe, wieren se al oerfallen en fêstboun. Do waerden de útgongen sa forségele dat gjinein nei boppen komme koe, allinne foar en efter bleau ien iepen, en der stie de wacht mei ladene gewearen en oare wapens by. Do waerden de ankers ophelle en in pear seilen der byset, mar do begoun it folts der ûnder it to

fornimmen en scoe nei boppen, mar dat wie mis. Hwent hwa skrepte om op it tek to kommen waerd foart troch de wacht pakt en festboun. Niels krige it bifel oer it skip en wie der ek alhjel de man foar, syn eagen fonkelen al, hwent de jilddivel lústere him al, hwet in moai somke der for him opsiet. Jean Bart scoe wer nei syn skip en Hans scoe mei him en wie al yn 'e boat. By it fen it skip gean rekke Jean Bart yn in tou fêst, hy skrepte om los to kommen en foel en krekt bûten de boat. Hans stiek him gau in riem ta, hy grypte dy en sa skoerde Hans him yn 'e boat. Hy hie de kaptein dertroch for sa 'n ôfgrijslike dea biwarre, hie dy noch ien minút der yn wêst, den hie hy yn wierheit for de haeijen west. Wol in stik ef trije sylden foart by de boat om en der sims ek tsjin oan, hja wieren krekt to let komd om de kaptein to pakken. Jean Bart, dy 't oars nearne foar stie, huvere do 't hy dy bisten der seach en hearde. Hy knypte Hans sa yn 'e hannen dat it him sear die en sei: dat forjit my nea wer, dou moastte noch net prate om foart, mar as ik dy oars in tsjinst dwaen kin, den hast it mar to sizzen!

Do moast de greatste helte fen Jean Bart syn folts wol op it greate fregat om master oer de finsenen bliuwe to kinnen, en hie hy op syn skip to min folts om him to reddden ef oare skippen oan to fallen. Derom bislûte hy om ek nei de haven to farren hwer se de oare trije nomde skippen brocht hiene. It wie alhiel yn 't great ho 'n moaije reis as se dien hiene, hwent de Franske Regearinge joech him in greate somme jild for dat moaije en ek beste fregatskip. In do 't de Franske en Ingelske Regearingen finsenen tsjin elkoaren útwikselen, hearden se yn Ingelan earst, hwer dat greate fregat bleaun wie, en der waerd frjemd by opharke. (*)

Do koe Jean Bart, mei de oare priismakke skippen der by, in greate útdielinge oan syn folts dwaen, mar it gyng raer mei dat jild. It waerd troch forskate fen it folts yn de koarte tiid dat se der yn 'e haven laeijen, ek wer trochbrocht. Hans hie ek in moai somke krige, mar wie der net bliid mei, it wie raer jild for him, jild hwer bloed en triennen oan kleefde. Hy hie it oars best, Jean Bart bihannele him altyd goed, en do 't hy him for dy ôfgrijslike dea biwarre hie, halde hy noch folle mear fen Hans.

Hy koe him nou mei de tael ek wol redde, dat wie in bulte for him wirdich.

(*) Wier bard.

Wy kinne al de gefjuchten dy 't Jean Bart hie, en al de skippen dy 't hy naem, hjir net meidiele, it wie raer hwet hy útsette en hofolle skea hy de Ingelske en Hollanske skipfeart oandje. In roun jier hie Hans al by him west en wie lokkich noch nea biseard rekke. Jean Bart woe der gjin praet fen hearre om him frij to litten, hy halde ho langer ho mear fen Hans. En sa gyng it mei it oare folts ek, dat rounne en iepene en derby sa 'n moaije jong kearel, dat naem sa foar him yn. En den wie der noch hwet, dat ek in bulte for him wirdich wie.

De earste stjûrman wie in fikse kearel en ien dy tige leard hie, en do 't Hans him forhelle dat hy gien hie to learen, mar dat hy noch graech mear leare woe, wie hy der foart ta biredd. En by dy man learde Hans de stjûrmanskinst sa goed dat hy alhiel klear wie. En yn dy tiid hie Hans him syn hiele libben ek forhelle en hofolle langstme hy nei Jantsje en mem en syn broer en sister hie, hy wie sa bang dat se mienden dat hy wei wie. Dat griisde dy man, en do holp hy Hans yn alles mei foarút. Niels halde him ek altyd tige best tsjin him, it wie krekt as hy it him forgoedsje woe, dat hy him sa skanlik op it skip brocht hie. Yn ien wird, as Hans mar net op sa 'n kaperskip west hie, en dy aeklike tonielen mei bilibje moastte, en net sa 'n langstme hawn hie om to witten ho it mei hjarren wie dy 't him sa ljeaf en dierber wieren, den hie hy it net sa slim hawn. Mar nou? altyd wie it tinken, ho scoe it der wêze? Lit ús nou ris yn Terherne sjen!

IV.

Wy witte mei hwet bidroefde tidinge skipper Sibe yn Terherne komd en ho aeklik it do mei Jantsje wie. Mar hoop docht libjen en sa wie it mei hjar ek. Hja koe net leauwe dat Hans for altyd wei wie en sa wie it mei de skipper, as hy alles goed neitochte, sels ek. As dy mei hjar prate en hjar alles forhelle, den wie it hjarren beide eft der hwet bard wie, dat min net bigrype koe. Ja, sels wie it de skipper, eft dy Peter der net bûten wie, mar hy wist ek net ho en op hwet wise dat wêze koe. Mar it gyng him krekt as Hans, hy hie it net op dy man stean, miskien kaem it der wol fen.

Der wieren ek forskate minsken yn Terherne hwer Hans wol kaem en dy him ek mei foarút holpen hiene, dy it der ek tige mei to dwaen hiene. Hja hiene folle fen him halden en it like

sa best mei him, en dat hy nou op sa 'n ûnbigryplike wise weirekke wie, dat griisde hjarren sa.

Yn de earste dagen wie it raer west mei Jantsje, hja hie der samar stil hinne sitten en bimoeijde hjar nearne mei. Allinne as de skipper kaem, hwer se sa mei oer Hans prate koe en dy hjar altyd noch moed ynspriek, den kaem der wer hwet libben yn hjar, dat die hjar sa goed. En do troch dat praten hjar hoop al mear en mear oanwoun, en it hjar krekt wie dat it noch wol goed komme scoe, do foroare se ek wer hwet en bigoun hjar wirk ek wer to dwaen. Hjar alders wieren der ek sa bliid om, en treasten hjar safolle as se koene.

Skipper Sibe hie in fracht krige nei Brémen, en scoe derwei noch in fracht hout helje út Noarwegen. Hy hie hoop der noch it iene ef oare fen Hans to hearen. Jantsje bistelde him frâl de groetenis oan Hans syn mem, as it wêze mochte dat de skipper der noch ris hinne gyng. Hja wie sels sa bidroefd to moed, en koe wol bigripe dat it mei syn mem ek raer wêze scoe!

En do 't de skipper nei in goede reis nei Brémen, hwer hy losse moastte, nei Noarwegen foer en der kaem, wie syn earste wirk de kaptein, Hans syn learmaster, op to siikjen. En der krige hy in droevich biskie, Peter hie de kaptein to witten dien dat Hans syn hoed yn sé foun en dat hy fen sels in ûngelok krige hie en fordronken wie. Beide manljue sieten mei de triennen yn 'e eagen, it wie hjarren krekt eft se in soan forlern hiene. Op it lêst sei de skipper: as ik de kosten bitelje, wolle jy der den noch wol ris mei my hinne? Jawol, graech! sei de kaptein.

Do brocht de skipper earst alles foar en oar en reisgen se derhinne. It die Else sa 'n goed dat se safolle bilang yn it lot fen hjar beste jonge stelden, mar it wie wier, hja liet hjarren de founde hoed sjen en skriemde as in bern. De skipper en de kaptein ûndersochten alles, en hearden Peter, dy 't der ek raer oer fen 'e wise like to wêzen, der ek oer. Mar hja koene gjin spoar krije ho it tagien wie, en hja moastten, lyk as de minsken der allegearre, tinke en sizze, hy is wei, hy is sûnder mis fordronken.

De skipper forhelle Else do ek fen dat jonge frominske yn Terherne, dy 't sa alles for Hans wie, en ho him dat griisde. Hja hie noch sa 'n hoop dat it noch goed komme scoe, en nou moast hy hjar lêste hoop ek noch weinimme. Hy die hjar do ek de groetenisse fen Jantsje. En Else, dy 't dat alles wol wiste, hie djip meilijen mei hjar. Hwet hie Else hjar graech ris sjen wollen,

mar dat koe net. Hja bistelde de skipper ek de groetenis fen hjar en dy moast hjar kreft en sterkte tawinskje fen de mem fen hjar beste Hans!

Else krige do noch in goede jefte fen de skipper en nei in oandwaenlik ôfskie forlieten se de ûngelokkige mem.

Mar jimme de bidroefde tastân fen dat jonge frominske mei to dielen, dy 't fen de skipper by it thúskommen hearre moastte dat hjar lêste hoop ek forflein wie, is hast net to dwaen. It griisde de skipper en syn wyf Gelske sa om hjar dat to sizzen, hja halden safolle fen hjar, mar it koe net oars, hja moast it witte!

Dat jonge sloaf, hwet wieren dy loftkastielen, dy 't se togearre boud hiene, wreed omfier smiten. Hy, dy't hjar alles wie, hwer fen de earste ûre ôf oan dat hy by hjarren komd wie, altyd hjar tinken oan west hie, wei, for altyd wei?

O! dat wie in slach dy 't net yn wurden wie to bringen. Wol wie se de kreft en sterkte nedich, dy 't Hans syn ûngelokkige mem hjar tawinske hie!

Mar de minsken hwer se folle kaem, diene ek hwet se koene om hjar to treasten, frâl Sibe Gelske helle hjar faek yn it earst om in dei by hjarren to kommen. Dy sei, hja moast der út en ûnder 'e minsken, dat wie folle better for hjar. En dat wie ek sa, safolle goedens en dielnimmen yn hjar ûngelok die hjar in bulte goed en joech al sa njunkelytsen wer moed om hjar wirk en naeijen wer to dwaen. Hwent Jantsje hie tige naeijen leard en hie hjar fêste hûsen hwer se altyd hinne gyng en for naeijde.

Yn 'e winter waerd hjar stieffaer Gjerriit siik en dat sette sa hird oan dat hy mei in dei mannich al weirekke. Greate rouê hiene se oer dy man, dy 't for Doutsen in beste man en for Jantsje krekt as in heit west hie. Nou wieren mem en hja tagearre en de beste foet moast foar om it brea to fortsjinjen, en as se soun wieren, gyng dat ek tige best.

Sa gyng it foarjier foarby en kaem de simmer wer, en wie it in jier forlyn dat Hans ôfskie nomd hie om for altyd wei to bliuwen. De tiid, dy 't de beste hielmaster for sokke saken is, dy 't net forjitten mar doch forsliten docht, hie ek syn greate ynfloed op Jantsje hawn. De deiske drokte en ôfwikseling, derby hjar jeuchd en sonnens, hie hjar wer in moaije kleur jown en it bliere fen hjar wêzen kaem wer for it ljocht. Min koe hjar yn wierheit moai neame, en mannich jongfeint seach mei nocht nei

hjar en scoe wol graech nei hjar ta wolle, mar nimmen doarst dat noch weagje.

Op in moaije joun siet it alde minske allinne yn hjar hûs, Jantsje wie út to naeijen. Yn hjar hûs siz ik, hwent it wie hjar egen, it wie alders erf, hja wie der yn berne en opbrocht en hie der altyd yn wenne. It stie yn it do sa ticht biboude doarp hwet efterôf op 'e feartswâl. In houten hok stie derby, der hie Gjerrit de fûken e. s. f. yn hawn, mar dy hiene se nou forkoft en it boat ek. Nou hiene se it hok oan in skipper for bergpleats forhierd en koe it noch hwet hier dwaen. It hûs wie mar lyts, ien keamer en der in gong by lâns, mar it wie gnep yn oarder halden. De keamer wie leech ûnder 'e balken, sa bouden se do allegeare, der wieren twa bêdstêden yn, en der twisken yn in kast. De bêdstêden wieren heech en mei koarte doarkes, en yn pleats fen hout, wie it middelste fen 'e doarkes mei grien sarjes gûd tichtmakke. Foar eltse bêdstê stie in treppen, alhiel mei blomwirk biskildere. Oan eltse side fen 'e bêdsteden wie it sket in bytsje foarút timmere, en dat wie alhiel mei tûken fen in drûvebeam hwer de drûven oanhîngen, biskildere. De boppeste helte fen 'e kastdoar wie mei glêzen en der stie ald porslein en minder soarte yn to pronk. De ûnderste helte wieren de fiif wise en fiif dwase fammen út de gelikenisse fen Jezus opskildere. In op 'e keamersdoar fen binnen de bylden fen geloof, hoop en ljeafde, en fen bûten twa blompotten mei allerhanne blommen der yn. De greate skoarstienmantel wie ek alhiel mei blomwirk biskildere en der hinge in sitsen kleadsje, yn lytse tearkes opteard, sa kreas omhinne. De glêdde fjûrpot, dy 't op in heech fjûrbankje ûnder 'e skoarstien stie, blonk yen tomjitte, krekt as de pannen dy 't boppe om de skoarstienmantel en de greate blauê pannen dy 't op 'e rige boppe it bêdskêlans stiene, dat ek diene. De mûren wieren mei stientsjes opset, mei blommen en beijen, en hjir en der greater print, sa as twa hynders mei de foarste poaten tsjin elkoaren op, en in great skip ef in blompot, biskildere. Under de skoarstienmantel sieten allegeare stientsjes mei printsjes út de skrift mei skriftuurpleatsen der ûnder. Hwet hie Hans der frjemd by opsjoen, do 't hy dy earst seach, en do 't hy hjarren better forstean koe, it alde minske him sa earbiedich en geloavich alles útlaeij hwet it bitsjutte, alles wie der earst hast nij west for him. In ikenhouten pultrum, in stoeltsjeklok mei in waeijer der om hinne, in greate ikenhouten kast alhiel mei snijwirk, hwet

stoelen en in tafel, dat wie it hûsrie, mar alles glimde fen skjinnens. En de strielen fen de ûndergeande sinne skynden troch de finsters en joegen oan alles sa 'n moai, sa 'n fredich oansjen. It alde minske siet drok to spinnen en liet de spinwiele snoerje sa-lang it hjar to skimerich waerd. Do kamen de hannen yn elkoar en siet se rjucht foar hjar út to sjen. Njunkelytsen kamen der triennen dy 't hjar by de wangen del op it jak dripten. Tocht de alde mem der oer, hoe it wêze kinnen hie, en ho it nou wie? Tocht mem der oer, ho it gelok fen hjar ljeaf bern forwoeste wie? Tocht se ek om Hans, ho ûngelokkich dy weirekke wie, en hwer se O! safolle fen halde?

Dat tink ik al, hwent de alde hannen mei it tearige fel gyngen yn en oar, de mûle gyng hjar, en in stil gebed for it gelok fen hjar bern scil do wol yngien wêze nei dy Heit der boppe, hwer se sa 'n fol fortrouën op hie.

Do gyng se opstean om hwet iten klear to meitsjen, dat net safolle mear waerd mei hjar. Hja sette de spinwile yn syn fêste hoeke, en scil do net tocht ha, dat se hjar lêste triedtsje spoun en yn 'e hûs alles for it lêst sa gnep yn oarder makke hie, en doch kaem it sa!

Ien fen hjar feste naeijhûsen hwer Jantsje altyd kaem, wie in boer in bytsje bûten de bûren, der wie se dy deis. It wieren in pear bijierre ljue dy 't mei in feint en in faem it wirk redder. Hja hjitten Brandt en Sjoukje, it wieren ynfaldige mar stive en stroefe minsken, howol net min fen aerd. De feint hjitte Ruerd, en wie efter de Jouwer wei, by hjarren komd to wenjen. It wie in sleauwe ûnsjogge feint, mar der sieten rare streken yn. Hy hie in bulte sin oan Jantsje, en as dy der wie to naeijen, den woe hy hjar sokke jounen altyd nei hûs ta bringe. Mar dat like hjar nearne nei. Sadwaende wie de forhalding twisken hjarren net sa best. Hy wie gemien genoch om dy teare snare oan to roeren en forwiet hjar soms dat se noch sa oan dy Noarman hinger, wie 't net in griis? Soms kamen der triennen mei hjar, en ek wol ris hirde wurden, mar hja hie it op dy slûchslimme feint net stean.

De ald boer hie dy deis trije kij ôfleverer, en do 't hy thûs kaem telde hy it jild nei, die dat yn in pong en laeij dy yn in alde ikenhouten kast, dy 't yn 'e keamer stie. Hy bistelde de feint, dy 't by de tafel siet, noch hwet, do gyng dy der út. Foart dernei gyngen de boer en boerinne nei hjar bûrljue, der hie hy

in boadskip for dien. In bytsje letter wie it sjen dien en Jantsje scoe troch de skûrre nei de faem ta. Der pakte Ruerd hjar beet, die hjar de hannen om 'e hals en patte hjar. Hwet waerd se kel en sloech him fen likens tsjin 'e troanje oan dat it bloed him út 'e noas spatte.

Hja gyng nei de faem ta, mar sei der neat fen, hja woe it net wêze en skamme hjar.

Jantsje hie in jak for 'e boerinne makke, it wie noch net goed klear, hja scoe it thús ôfmeitsje, it laeij yn in doek biteard op in stoel. De boer en boerinne kamen wer thús, en de boerinne, dy 't de doek lizzen seach, woe Jantsje noch hwet oer it jak sizze. Hja krige de doek, mar hwet hifke dy swier!

Hja die him los en mids yn it jak biteard siet de pong mei jild dy 't de boer yn 'e kast lein hie. Hwet waerden dy alde minsken kel, scoe Jantsje hjar dy ontstelle wollen ha? frêgen se elkoaren. De boer rôp hjar en do 't se yn 'e kamer kaem en de boerinne hjar sjen liet hwet se yn it jak foun hie, stie Jantsje alhiel forstomme en koe gjin wird sizze. De boer sei: ho bist der bijkommen fanke? wy halde safolle fen dy en hiene dit nea fen dy tocht. Mar do kamen de triennen los en Jantsje sei: dat se nearne fen wiste en de pong nea yn 'e hannen hawn hie, ho 't dy yn it jak komd wie, wist se neat fen. En as de boer en boerinne al seijen dat se it mar sizze moastte, hja scoene en woene der doch gjin spil oer meitsje, nammeste mear waerd Jantsje oerstjûr en skriemde se, hwent klear stie it foar hjar, hja scoe foar in tsjief gean! De faem, dy 't der ek by kaem, wist nearne fen, en koe der ek gjin bigryp oer krije, mar woe it noch sa net leauwe dat Jantsje dat dien hie. De alde minsken mienden mar dat Jantsje it út stivens net sizze woe. It wie om-mers sa klear as de dei, hja hie in hiel skoft allinne yn 'e keamer west en der dos tiid genoch ta hawn. En nei noch in hiele bulte gehaspel seijen se: der scoe gjin spil oer makke wurde, mar it jak hoefde net mei nei hûs en hja hoefde ek net wer to kommen!

Skriemende as in bern forliet Jantsje it hiem, meast noch omdat se leauden dat se it dien hie, en hjar der dos wol ta yn steat halden. Hja, dy 't der nea om tocht hie ien hwet to ontnimmen, scoe nou foar in tsjief gean moatte, sa 'n jonge faem, dy 't hjar goede namme sa alles wie! Hja doarst de eagen hast net opslaen do 't se de bûrren trochgyng, it wie hjar krekt as de minsken hjar sa oanseagen, hja tocht der net om dat se it noch net witte koene.

En do 't se yn 'e hûs kaem en ûnder snikken en triennen hjar alde mem forhelle dat se foar in tsjief gean moastte, sloech it alde minske de hannen omheech, lûkte sa raer mei de mûle en mei de eagen en rôlle do fen 'e stoel op 'e groun. Op it roppen en skriemen fen Jantsje kaem hjar bûrwiif en holp hjar om mem oerein to krijen, mar hja koene gjin libben oan hjar sjen. De greate skrik, it freeslike tinken, hjar bern in tsjief, hie hjar sa kreftich oantaest, dat in biroerte yn ienen in ein oan hjar libben makke hie!

Der stie Jantsje, samar yn ienen in wees en hjar goede namme ek kwyd! Hij, dy 't hjar alles wie, hie se sa ûngelokkich forlern, moast hjar beste mem nou ek noch sa foart? Hast wesenleas siet se derhinne en forhelle mei twiskenpoasen oan 'e bûrfrouljue ho it komd wie dat mem in biroerte krige hie. Frjemd harken dy op, mar ho it ek wie, hja holpen hjar safolle as se koene, hja hiene meilijen mei hjar.

As diggelfjûr wie it de bûrren trochflein, dat Jantsje in pong mei jild by Brandt en Sjoukje út de kast stellen hie, en dat de boerinne dy tafallich yn in jak biteard werfoun, dat Jantsje mei nei hûs ta nimme scoe. Der wiene in hiele bulte, dy 't wol net bigripe koene ho it wie, mar doch net leauwe woene dat hja dat dien hie. Mar der wieren ek genoch dy it wol leauwe woene, en dy 't der mar fen alles útmakken ho it wol wêze scoe. Pronkje, dat wie hjar sin, it hie altyd sa 'n skytfenyn west, for hjar gelikens to great, greatsk op hjar moaijens, op it lêst wie der hast gjin goed mear oan dat beste golle fanke!

Hwet wirdt it kweade fen immen, al is der ek neat fen oan, folle hirder forspraet as it goede, dat wie do sa, en scil meiskien ek sa wol bliuwe!

Trije minne dagen wieren it, dy 't se noch allinne by hjar beste mem trochbrocht. Hwent hja woe gjinien by hjar ha, en prate sims mei mem krekt eft se noch libbe. O! hwet scoe se graech mei mem wollen ha, hwet laeij it alde sloaf der rêstich en frédich en hja? Hja scoe mei in minne namme allinne de tsjustere takomst tamjitte moatte! In do 't se mem to hóf brocht hiene, gyng se nei de ôfrin derfen allinne wer nei hûs.

Sibe Gelske en oaren hiene hjar yn it earst foart al opsocht en sein, dat, al wie alle skijn ek tsjin hjar, hja der doch neat fen leauwe woene, en hja woene hjar yn 'e earste dagen út 'e hûs en by hjarren ha. Mar Jantsje bitanke hjarren hertlik for hjar treast en meilijen, it die hjar sa 'n goed, mar hja woe yn 'e hûs

bliuwe. Hja woe allinne wêze mei hjar smerte, mei hjar ûnbidich lijen, hja moast neitinke oer it greate bishút dat se yn 'e leste dagen nomd hie. Foart, foart, út Terherne wei, sa wie hjar tinken west yn 'e lêste dagen, dat scoe it beste wêze!

Hja woe in brief skriuwe oan Sibe Gelske en der hjar hiele hert yn iepen lizze, en sa die se ek. Hja sette der yn, dat se mei de nanme as tsjief der net mear libje koe en derom Terherne forliet, mar dat se it folle fortrouen hie dat God sa 'n wees net forlêgen litte scoe, en dat hjar ûnskild ienkear wol oan it ljocht komme scoe. Hja sette der ek yn, dat Ruerd nei hjar tinken fen alles de man wie en hjar sa ûngelokkich makke hie. Hja moastten net om hjar siikje, hwent foar dat it blykt wie dat se ûnskildich wie, kaem se net wer. Hja forsocht Gelske frjeonlik, eft dy wol op hjar hûs en hûsrie tasjen woe, en winske hjarren it beste ta. Dy brief laeij se op 'e tafel foar it finster. Do pakte se safolle fen hjar beste gûd yn as se drage koe en krige hjar jild. Hja laeij, dat fen 'e kosten fen mem hjar dea noch bitelle wirde moastte, foar op 'e tafel mei in lyts briefke der by. Der koarte hjar jild frij hwet fen yn, mar hja koe hjar doch noch wol in hiel skoft redde, safolle halde hja wol oer. Do foel se op 'e knibbels en bidde sa fjûrich oan God om it goed mei hjar to meitsjen en hjar by to stean, en it wie hjar krekt as dat hjar goed die.

Sa wie it al let wurden, hja krige hjar gûd en die de doar op it slot en it lokte hjar do om de kaeij ûngemirken efter skipper Sibe syn hûs yn in finsterbank to lizzen. Do gyng se sa stil as se koe nei it oersetersboat en foun it lokkich net op it slot, hja foer oer 'e Sânsleat en makke it boat goed fêst. Sa forliet se skriemende as in bern yn 'e nacht hjar berteplaets, en wie de kreft en sterkte wol nédich dy 't Hans syn mem hjar tawinske hie! Mar ho gyng it mei Else en hjar bern?

V.

Freeslik is it as in minske de driften en bigearten de baes oer him lit, hja meitsje den hjar sels en oaren djip ûngelokkich. Hwet sokken miene dat ljeafde is, is by hjar oars net as dierlikheit, en hwet edel en goed is, dat kinne hja net. Foar en mei elkoaren to libjen, safolle as it kin elkoars gelok to bifoarderjen, der witte hja net fen. Alles tsjinnet hjar en is goed om it doel mar to birikken en derta wirde sels de gemienste saken op tou set.

Oan Peter, dy 't forskate minsken yn it leech brocht om mar ta syn wyt to kommen, kinne wy dat wer sjen. En it folgjende seil ús leare hwet der út foart komt, en hwet it ein fen sa 'n libben faek is en wirdt!

Wy witte ho bidroefd it mei Else wie do 't hjar beste Hans sa ûnbigryplik weirekke wie. Wy witte ek ho ef Peter hjar treaste en bystie, mar fen sels allinne mei it doel om hjar to krijen, hij hie oars hast gjin tinken. Ien saek wie him raer tsjin it sin, Else hie gjin earmoede, hja koe hjar mei de bern wol redde. Hie de skipper hjar net safolle goed dien, den hie se hjar net redde kinnen en den tocht hy, scoe se him net ôfwise.

Sa wie syn tinken, sa faek hy dat yn wierheit noch moaije frominske seach. It wie krekt as sels it lijen, howel hja bleek wie, der gjin ynfloed op hie. Hy makke it hjar nou net lêstich mei syn oansiken, hy koe wol bigripe, it moast earst hwet forslite.

Sa sloerde de tiid foart en waerd it hjerst, en op in dei scoe Else hwet jild brûke en O God! it sté wie kald, de pong mei jild wie foart!

Min kin wol bigripe hwet in greate opskoerringe dat joech, hofolle drokte der oer wie, mar it jild wie wei en kaem ek net wer. Nimmen koe hjir ef der ynljochtinge fen jaen, min wist net hwet derfen to tinken. Do stie de earmoede wer foar 'e doar, hwent to forkeapjen wie der ek neat mear. In yn it pleatske hwer se wennen, hwer de minsken hast allegeare earm wieren, wie it ûnmûchlik for hjar en de bern it brea to fortsjinjen.

It fortsjinjen fen 'e bern, de jonge wie tretsjin en it fanke alve jier ald, dat waerd ek noch net folle. En de lange winter, der to lân, stie foar de doar. En do it al mear en mear bigoun to knipen, kaem de forsiker út en troch by hjar. Peter halde hjar den foar hwet in lokkich libben hja en de bern by him habbe koene as se mei him troude, mar hja huvere as se deroer tochte.

Der kaem noch by, dat min altyd sei, dat hy syn wiif sa min bihannele hie, dat dy fen fortriet stoarn wie. Mar de need kladde mei de dei, en Peter, dy 't sims oandien like to wêzen as Else net woe, wie nou lik foartgien en kaem ek net wer.

Meiljende minsken joegen wol ris hwet, mar de measten wieren sels ek earm. Else en de bern bisochten it op alle wizen om hwet to fortsjinjen, it minste wirk woene se wol dwaen, mar hja koene der net fen libje en yn 'e winter den scoe der alhiel neat wêze to fortsjinjen. O! it wie sa slim, hwet tocht se faek,

hwerom is myn beste man, en nou dy beste jonge wer, my doch ontnomd? Hwet scoe dy in stipe for hjarren west ha!

Mar al bleau Peter al wei, hy siet derom net stil, lyk as in mol yn 'e groun wrotte hy foart om ta syn wyt to kommen. Yn hjar pleatske wenne in frominske dy it foarige jier hjar man forlern hie en yn earmoede efterbleaun wie. Hja hjitte Hilda en wie in jier of fiif alder as Peter. Hja hie by Peter syn mem, dy 't al folle omsukkele, for faem tsjinne. It wie do in frominske dy 't ljeafst safolle mûchlik yn 'e hannen wie, in earste manljue's-gek en derby in leidige fotse. Hja hie mei hjar skerpe eagen do al gau opmirken hwet Peter, dy 't malle foarlik en great wie, syn swakke side wie. Hja hie mei hjar leidige strêken en gnappe troanje him do safier brocht dat hy suwer in spylbal yn hjar hannen waerd en hjar, foar dat hy hast noch folwoeksen wie, yn al hjar bigearten to wille wie. In do hja op in kear in goed houlik miende dwaen to kinnen, hie se dat ek dien, en hie Peter dat libben wol graech foartsette wollen. Mar hjar man blykte in stroefe en wrêde baes to wêzen, en ien dy der omreitsjen wêze doarstte, sa hiene se dat út noch yn net weagje doarst.

Mar sa hie Hilda de groun lein dat Peter, dy 't mei in forstan-nige liedinge meiskien wol in goede man wurden hie, nou fen jonge ôf oan de bigearten baes oer him liet. Hja hie him for in letter lokkich houliklibben alhiel ûngeskikt makke. Djip ûngelokkich is immen, dy it op dy libbenstiid sa treft.

Peter hie, do hy letter troude, mei syn wiif ek net folle wille hawn, hja wie goedlik en gau ris út oarder, sa hie hy troch syn jild do ek wol ris in kanske weage.

Mar Else dy wie him alles, dy moast hy ha, dêr by dat moaije frominske hope hy bifrédiging for syn kreftige driften to finen, dy troch de tsjinstan fen Else noch heftiger waerden.

Nou, nei dy Hilda gyng Peter ta, en biloafde hjar in moai somke jild as se him helpe woe om Else to krijen, en dizze, dy 't de tonge op it rjuchte sté siet en der neat omjoech ho ef se jild fortsjinne, naem dat mei beide hannen oan. Hja besocht it ek noch ris, as se him sels ek oanlokje koe, mar fornaem al gau dat hy oars gjin tinken hie as ho Else to krijen.

Peter hie yn hjar alhiel de geskikte foun, hja praten ôf hja scoe hjar great mei Else meitsje en hjar nou en den ris hwet meinimme. Dat moast den gean krekt as se hjar dat út hjar egen earmoede noch joech, hwent Else moast net alhiel útput ef wanhopich wirde.

Den scoe se fjirder it praet sa ûngemirken op Peter bringe en Else it moaije fen it libben yn sa 'n romte for hjar, mar foaral for hjar bern, foarprate e. s. f.

Sa die se ek, hja kaem gau ris by Else en like sa oprjucht diel to nimmen yn hjar ûngelokken, en dat docht immen goed. Hja forsêfte al sa njunkelytsen Peter syn minne namme ek, en sei safolle goed fen him as it sahwet lije koe. Hja forhelle ek hofolle hy yn stilte wol weijoech, ja, dat wie ek sa, mar den moast it him ta syn forkearde saken tsjinje kinne, mar dat sei Hilda der net by.

En it is mar wier, sok praet hat altyd ynfloed, to minsten op minsken dy 't sels in goed aerd ha, lyk as Else ek hie. En Hilda brocht it pratende wei hast safier, dat it Else hjar plicht hast wie, om hjar bern, yn pleats fen hunger en lijen, sa 'n moai libben to bisoargjen. En dat Peter net sa moai wie, och! dat wende troch it alle dagen byenoar wêzen, fen sels, en hy halde safolle fen hjar, hy scoe alles wol for hjar en hjar bern oer ha e. s. f.

Sa brocht dy falske tange Else op 'e dwaelwei, hwent hie dy goed trochtocht den wie it hjar klear en dúdlik wurden, dat die stap for hjar en de bern nea goed komme koe. Hja wie ommers suwer bang for dy man, hy griisde hjar oan, en as hy by hjar wie, den wie him de bigearle yn syn eagen to lêzen, sa 'n houlik koe ommers nea goed komme. Mar hwet docht in mem yn sa 'n tastan net for de bern? Al hie Else sels forhongerje moatten, den hie se it noch nea dien, mar de bern lije, en dat al mear en mear, dat koe se net mear sjen. En do sa it lijen en de earmoede al héger en héger kladde, en Peter wer ris by hjar kaem, en hjar wer foarhalde ho best hy it ek mei hjar bern foar hie, do naem se it oan.

Mar hwet huwere se, do hy hjar derop út bliidskip sa patte!

Do makke hy alles sa gau foarenoar as it mar koe, en do 't se trouden wie syn hûs foartoan it thús for hjar en hjar bern. En do 't se der hinne gyngen, en Else, tsjin hjar sin, troch Peter syn jild, moai opdien neist him roun, sei ien, dy 't hjar rinnen seach: nou is de nacht hjoed troude mei de dei!

Mar is der aekliker to bitinken, as dat in frominske ljeafde biwize moat oan in man der 't se bang for is, en dy 't hjar hast griist?

En is it net krekt as sa 'n ôfkearige haldinge fen in frominske sokke manlju noch mear oanfjûret, om sokken ljeafde to biwizen?

Sa wie it der ek, Peter wie alhiel māl mei hjar en hie hjar ljeafst safolle mûchlik yn syn earmen. En Else koe hjar greate tsjinsin net oerwinne, hja die hwet se die. Hja koe, hwet se miende dat hjar plicht tsjinoer Peter wie, allinne út ljeafde for hjar bern dwaen, dat hy dy den mar goed bihannelje scoe, hwet in aeklik libben!

Sa kaem it, dat yn pleats dat it nije libben en goed iten en drinken hjar opfleure, hja oan it kwinen rekke, en faek sa mar stil hinne siet. Sa kaem it njunkelytsen, as se der sa forwêsen siet, dat Peter hjar útflokte en sei, dat hy neat oan hjar hie.

Sa kaem it dat hy faek fen lilkens de doar útroun, en Hilda, dy 't him oanlokke safolle as se koe, wol ris wer opsochte. Mar noch greater scoe Else hjar tsjinsin wurde!

Do 't se in wike mannich trouw wieren, wie Else op in dei oan it yn oarder meitsjen en opredde, en foun ta hjar greate skrik, yn alde klean biteard, de pong mei jild dy 't se fen skipper Sibe krige hie en wei wurden wie. Ho ef Else oandien wie, as se neitochte ho lang as se der mei hjar bern wol fen libje kinnen hie, is net to sizzen. En den hie se yn 'e maitiid nei hjar sister wollen, dy 't der in hiel ein ôf wenne. Dy hiene tige hjar brea, hja wie lokkich trouw mei in keapman yn allerhanne snûsterijen, der hope se it better krije to kinnen. En nou wie dat alles foarby, de earmoede en it lijen hiene hjar oan Peter oerlevere. Hjar hiele gemoed as frominske kaem yn opstân by it tinken dat se nou alhiel yn 'e macht fen dy man wie, dy 't hjar de pong ontstellen hie. Hja hie hjar, om it sa mar to neamen, om hjar bern for hunger en lijen to biwarjen, oan in man forkoft dy 't sa gemien blykte to wêzen. En hie Else ris witten, ho ûngelokkich hy hjar beste jonge makke hie, en dertroch ek dat jonge frominske yn Terherne!

Den skriemde se as in bern, en den wie se wer rasende lil, en do 't Peter yn 'e hûs kaem smiet se him de pong mei jild foar 'e foetten en sei: troch dy to stellen, hast my allinne krige, hwet bist dou in troch gemiene kearel!

Mar Peter bleau kald en bidaerd en sei: hark ris Else, do wy jong wieren en dou my altiid ôfwyste, ha ik sward, dat ik dy ienkear yn myn macht ha woe, en ik ha wird halden. Op in kear, dat ik nei dy ta scoe, wie dyn hûs leech, en ha ik sjoen dy pong to krijen, en do hat de earmoede dy my oerlevere. Mar ik hie myn bislút oars ek al nomd, as it net mei goedens gien wie, den

hie ik gewelt brûkt, myn eed woe 'k halde. Mar nou ha 'k dy foar goed en seil ik mei dy dwaen, sa 't ik wol!

Else wie troch dy ûnbiskamme tael tofolle fen 'e wize om hwet to sizzen, mar sint dy tiid libben se min mei elkoaren, en dat moastten hjar earme bern mei bilije. Faek hingen dy stumperts mem om 'e hals, hwent al sei Else it hjarren net, hja seagen wol dat it der rare fier mis wie, en fen Peter krigen se hast net in goed wird.

Mar der kaem noch mear. Do it Else klear waard dat se noch in bern ha moastle, en dat fen dy man, dy 't hjar op sa 'n skandalige wize krige hie en der 't se sa 'n ôfgrys fen hie, do waard se der wanhopich ûnder. Dat tinkbyld wie sa freeslik for hjar, by fleagen wie se hast gek. Op sa 'n kear rekke se fen 'e souder ôf to fallen en kaem ek net wer ta hjar sels. Noch in hiele dei laei se sa stil derhinne, do kaem it ein foar it earme sloaf en — Peter wie wer widner!

Mar Peter wie troch altyd oan syn driften en bigearten ta to jaen, njunkelytsen sa min wurden. Mar twa dagen nei dat Else to hof brocht wie, dreau hy de wreedheid safier, dat hy hjar earme bern ta de doar útjage. Meilijende minsken namen hjar yn 'e hûs en joegen hjarren iten en drinken. En op in moaije dei diene se de drieste skoene oan om hjar omke en moike op to siikjen. Hja wisten fen mem de namme fen 'e pleats hwer dy wennen, dat wie der wol tritich ûren ôf. En freegjende en biddeljende kamen se der einlings oan, mar lokkich for dy earme weezen, do wie hjar lijen ek alhiel oer. Do 't se der kamen en alles forhellen, waerden se mei iepene earmen ûntfinsen. Dy minsken hiene gjin bern en mear as hjar brea, en skriemden do 't se hearden ho it mei Else gien wie. Hie se mar by hjarren komd, en hiene hja it mar witten, den hie hy hjarren helle, sei hjar omke.

Der waard foart soarge dat se goed ûnderrjucht krigen, en it fanke koe moike yn 'e hûshaldinge helpe. De jonge scoe earst mei omke reisgje en as hy sa fier wie, den koe hy for him sels ek begjinne. Hoe lokkich as dy stumperts it troffen hiene, is net to sizzen, dy minsken wieren suver bliid mei hjarren, en de bern wisten net ho rom hja it hiene. En do 't se mei hjar gol en frjeonlik aerd, hwent hja liken deryn alhiel op Hans, yn koart ek sa oan omke en moike hingen, waard de forhalding noch better, noch fester oan. Hja hiene de leechte yn dy minsken hjar hûs alhiel weinomd, der wie nou wille en tier.

Peter like earst wol minskeskou en kaem hast net foar it ljocht. Mar dat dûrre net lang, do stjûrde hy Hilda biskie om by him to kommen. Dy kaem en bleau by him to wenjen, der libbe hy do wer mei. Mar hy wie deselde fleurige man net mear, it tajaan oan syn hertstochten hie him gjin wiere wille en libbenslok oanbrocht. Min koe it skoan oan him sjen, hy waerd stil en wie hast altyd thús. En hy wie sims sa raer, hy hie fleagen dat Hilda bang for him wie. Hy hie ek mei gjinien gedoente mear, hwent nimmen mocht him lije, omdat hy sa troch gemien tsjin Else en hjar bern hannele hie. Al faker en faker kamen dy rare fleagen. Al stilder en stilder waerd hy, op it lêst sei hy hast gjin wird mear, pleage it gewisse him sa? Sa gyng noch in jier foarby. Op in dei reisge hy nei de neiste sted en kaem de oare deis werom. En dy jouns foer hy mei in boat de fjord út en de oare moarns spiede de lége boat op it strân en deselde dei syn lyk ek. Sa wie it ein fen syn bidroefd libben, om hwet wier en goed en edel wie, hie hy nea tocht, mar allinne libbe om oan syn driften en bigearten ta to jaen!

Troch dat hy wiif noch bern hie, waerd der tidinge fen syn dea oan it bistjûr dien. Dy kamen en de man ek mei, hwer hy in dei twa earder syn testamint meitsje litten hie. By it iepenjen blykte dat Hilda it hûs en lân krige, mar al it oare wie for Else hjar trije bern. Hjar trije bern? Ja, by it testamint wie in forklearringe dat hy Hans sa ûndogens troch syn neef oplichte litten hie, dat dy meiskien noch wol libje scoe, en dat syn diel by it gerjucht biwarre bliuwe moastte.

Hiene dy goede en ûngelokkige Else en hjar bern foar syn geast stien, do hy syn testamint makke? Hie hy berou hawn, en woe hy sa noch forgoedsje, hwet hy oan hjarren misdien hie? Dat scoe altyd in riedsel bliuwe!

Men kin bigripe hwet in opskoering it yn dat pleatske joech, do 't min hearde ho ûndogens Peter hannele hie en dat Hans meiskien nog wol libbe. En troch dat de minsken der wol wisten hwer Else hjar bern hinne gien wieren, waerd der biskie hinne dien en kaem hjar omke oer. En do alles mei it gerjucht yn oarder brocht wie, blykte it, dat Else hjar bern elts trijetûsen Noarske kroanen krige koene. Hans syn diel bleau yn hannen fen 't gerjucht, dat wie der for him to heljen.

Mar hjar omke, dy 't fen 'e bern de hiele skiednis fen Hans sa faek wol heard hie, reisge do ek nei de kaptein, Hans syn lear-

master, ta. Der waerd ek frjemd opharke, en wie greate bliidskip dat it noch wol wêze koe dat Hans noch libbe. Hja scoene him sa graech noch ris wersjen wolle, hy en syn wiif en bern hiene safolle fen dy beste jonge halden. Hy bitanke de omke sa dat dy him dat biskie brochte, nou koe hy it skipper Sibe ommers ek meidiele, meiskien dat alles noch ienkear wer torjuchte kaem. Hy wriuwde him yn 'e hannen, dat hy tsjin de skipper sizze koe, Hans libbet meiskien noch, hwet scoe dy ek bliid wêze!

En wie it mei Peter raer gien, der wie noch ien wer men oan sjen kin, hwet in bytsje wiere wille it jowt as immen de driften en bigearnten de baes lit.

Hilda hie hjar, mei dat Peter hjar tamakke hie, wol aerdich redde kinnen, mar al wie se al fjirtich jier, hja fjilde hjar noch jong genoch om opnij hwer in jong kearel oan to lokjen. Mar dat wie in liepe baes, hy die it net om hjar, mar om hjar jild. Hy bearde dat hy tige mâl mei hjar wie en forblinde hjar dertroch alhiel, hwet wie se op nij wer mei dat libben yn hjar skik.

Mar al sa njunkelytsen biprate hy hjar om it hûs en lân dat se fen Peter krige hie, to forkeapjen. Den woe hy hannel mei dat jild dwaen, den seach hy kans der folle mear mei to fortsjinjen. Den koene se wol ryk wurde, en den woe hy der wei, en yn in stêd mei hjar wenje. En hy streake sa mei hjar om, hja wie sa mei him yn 't skik, dat se der ek ta oergyng. En 'do 't dat allegearre yn oarder en bitelle wie, waerd hy, nei in fearnsjier sa mei hjar libbe to hebben, stiltsjes wei en hie al hjar jild meinnommen.

Do wie kleare earmoede wer hjar diel, it hûs moast se fen sels forlitten en do socht se hjar taflecht yn in forfallene en forlittene fiskershutte, en libbe der fen elts forachte en forlitten, en bitter lijen wie hjar diel.

En hwet dat lijen noch sa forswiere, dat wie it tinken oan it ellindige libben dat se hawn hie, en it greate diel dat se oan Else hjar ûngelokkich lot hie! Hwet tocht se faek, koe ik noch ris op nij bigjinne, en winske faek yn Else hjar plak to wêzen. Gjin dielnimmen yn hjar lijen mocht hjar barre, gjinien seach nei hjar om, faek winske se om hjar ein. Hjar ienichste hoop wie noch om Hans ienkear wer to sjen, en him om forjeffenis to bidden for hwet se oan syn mem misdien hie, dy scoe hjar net forsjitte.

Mar hwer wie Hans?

VI.

Wy forlieten Hans do 't hy in jier by Jean Bart west hie. Dat hy de stjûrmanskinst sagoed leard hie, kaem him al gau to pas. Yn in gefjucht waard de earste stjûrman (dy 't him leard hie) deasketten, Jean Bart sette Hans foart op dat plak, en dat foldie sa goed, hy bleau der ek op.

Wy kinne al de gefjuchten net folgje dy 't se hiene, mar scille hjir en der in greepke út nimme.

Sahwet oardeljier hie Hans der west, do 't se mei twa nomde Hollanske skippen mei kostlike ladingen yn, út it Súdén wei kamen en do troch twa greate Hollanske oarlochskippen forfolge waerden. Do moast Jean Bart kiese of diele, sette hy de seilen der by om to ûntkommen, den namen de Hollanders de nomde skippen wer, en woe hy se bihalde, den moast hy him tsjin de oermacht fordegenje. Hy bislúte ta it lêste, alles waard for it gefjucht klearmakke, en sa wachte hy dy twa skippen ôf.

En do gyng it der heil om seil om wei, it wie krekt as alles forgean scoe, fen beide siden waard dien hwet koe, en Jean Bart paste mar op dat se him net twisken hjarren yn krigen. Mar it bigoun der mál út to sjen, ien mest en de seilen waerden weisketten en de Hollanske skippen krigen ek raer werom. Syn folts dy 't op de nomde skippen set wieren, hiene oarder om nei de neiste Franske haven to silen, mar it wie to stil en yn 'e wyn. Mar do rekke troch in goed skot it iene Hollanske skip sa lek, dat it folts mar hird yn 'e boaten en op it oare skip fluchte moastte, do sonk hjar skip. Mar tagelyk krige Jean Bart syn skip ek sa de reis, dat se meitsje moastten om foart to kommen, en mei pompen en stopjen yn in Franske haven sjen to kommen. Sa waard it in minne reis for Jean Bart, hwent hy moast it oansjen dat it greate Hollanske skip de beide nomde skippen, mei syn folts der op, wer ynpakten. Hy sprong hast op fen likens, mar koe der neat tsjin dwaen!

En hja hiene in bulte deaden en bisearden oan board, en hy moast in hiel skoft yn 'e haven bliuwe om alles wer meitsje to litten en den wie it winter.

Niels Bjornsen wie sa erch biseard rekke dat der gjin hoop mei him wie. In kanonskûgel hie syn iene foet boppe de knibbel oan flarden sketten, sa wie hy nei ûnderen brocht. De dokter scoe dy ôfsette, mar alles joech him foart forkeard oan. Hans hie him

foart opsocht do 't se yn 'e haven wieren, hwer Niels sa bliid mei wie. Hy bidde sa om it him to forjaen dat hy him sa gemien op it skip brocht hie, en bikinde him do dat it Peter syn wirk west hie, om syn mem mar to krijen. Freeslik wie it for Hans dat to hearren, en syn earste tinken wie wreak to nimmen, mar it sjen op Niels dat him sa griisde en de wize lessen fen 'e sékaptein die him al gau wer edeler en better tinken. Hy hope dat it Peter net lokke scoe en forjoech Niels fen herten al it kwea dat hy him oandien hie. Do woe Niels Jean Bart noch graech ris sprekke, en dizze, dy it malle drok mei alles hie, kaem doch foart. Do sei Niels: ik fiel wol it is gau dien mei my, en ik ha wiif noch bern, nou scil Hans myn jild ha, foar dat ik him sa gemien bihannelle ha, wolle jy der tsjûge fen weze?

Dat bilofde Jean Bart him, dy seach ~~ek~~ wol dat it net lang mear mei Niels dûrje scoe. Mar Hans woe dat jild út noch yn net ha, hy sei rjuchtút, der kleefde him tofolle bloed en triennen oan. Jean Bart woe dat oars beprate, mar Hans stie der fêst op. Niels waard hird minder, do frége hy Hans noch, as hy ea wer yn hjar berteleats kaem, as hy dat jild der den brûke woe om triennen mei op to droegjen en earmoede to forséftsjen? En dat bilofde Hans him, do joech Niels him rêstich del en nei in koarte striid wie hy wei.

Hy hie sein, hwer hy syn jild opbirgen hie, en do 't se it neiseagen wie it oan Fransk goudjild wol fiiftûsen Noarske kroanen wirdich. Jean Bart joech Hans in biwiis en do krige dy it to biwarjen.

Dy set die him oer alles wer sa neitinken, hwet scoe hy graech nei Terherne en nei syn mem ta wolle. Mar Jean Bart woe der gjin praet fen hearre, hy sei: hy koe en woe him noch net misse. De hiele winter bleauwen se der yn dy haven, en alles waard wer tige yn oarder brocht, hy scoe de skea wol wer ynhelje.

Yn dy stêd wenne in man dy 't lang op in oarlochskip tsjinne hie, mar hy hie in earm forlern en wenne nou oan 'e wâl. Do wie hy der troude en hie in soan en in dochter. De soan André wie like ald as Hans en tsjinne ek by Jean Bart en wie Hans syn beste frjeon. Hy woe tige leare en hie in hulte oan Hans to tankjen, dat dy wiste en do wer fen de earste stjûrman learde, dieldie hy André mei safolle as hy koe. De dochter Marie wie twa jier jonger en in byld fen in jongfaem.

Sa faek as se der yn dy haven kamen, gyng André nei syn alders en den gyng Hans mei en waard der alhiel thús. En den

wie Marie sa bliid, dy moaije jonge Noar hie hjar hiele hert yn-
nomd sa gau as se him sjoen hie. Mar Hans hie der yn it minste
gjin erch yn, dat kaem, hy tocht om oars gjinien as Jantsje. Mar
André hie it wol opmirken en hie Marie do forhelle ho gemien
Hans bihannele wie, en dat hy al lang oan in oaren ien forboun
wie. Dat hie it fanke in bulte stille triennen kostte, mar tagelyk
hie it biwirke, dat se noch mear bilang yn Hans stelde. Sa wie
de forhalding der yn dat hûs, hwer hy sa mei frjeonskip onthelle
waerd. Mar lang scoe it net for Hans forbirgen bliuwe. Marie
hjar mem wie in Italjaenske fen ôfkomst en de apel falt net sa
fier fen 'e beam. Marie wie in tige best fanke, mar lyk as hjar
mem, hertstochtelik fen aerd. Sa kaem it, dat se faek forrette
dat Hans hjar alles wie, en do hy dat bimirk, griisde it him oan.
Hwent al syn tinken wie oan dat fanke yn Terherne, for in
oaren wie gjin plak yn syn hert. Hy halde in bulte fen Marie,
mar net op deselde wise as hja fen him. En fen dy tiid ôf kaem
hy der safolle ek net mear, en dat kostte hjar in bulte triennen.

Sa kaem de maitiid en foeren se út om wer in libben fen
fjuchtsjen en nimmen fen freedsumme hannelskippen to habben.
My tinkt der kin for 'e lêzers net folle oan wêze, om al dy
aeklike toanielen, dy 't Hans mei bilibbe, to forheljen, derom gean
wy dat jier mar foarby.

It wie hast in wûnder to neamen dat Hans noch net ienkear
biseard rekke wie. André hie by it interjen fen in skip in sabel-
hou yn 'e holle krige en wie der yn 'e hjerst mei nei hûs ta rekke.
En do 't se dy winters yn 'e haven fen Dúnkerken lizzen bleauwen,
miste hy dy ek sa. Hans hie nou al great treddeljier oan board
west, en Jean Bart hast wol bidden om him frij to litten, mar dy
woe der gjin preat fen hearre. Hy sei den: ik kin en wol dy noch
net misse. Ienkear hast my for in ôfgryslike dea biwarre, en ik
wol dy der graech in tsjinst wer for dwaen, mar dou moast net
prate om toart! Sa moast dy beste jonge alhiel tsjin syn sin,
hwent it wie syn aerd net, op dat kaperskip bliuwe.

En sa siet hy yn 'e winter faek allinne, en tocht den oer syn
ûngelokkich lot nei, alles kaem him den yn 't sin. Dy trije lokkige
wiken yn Terherne, do 't hy en Jantsje dy loftkastielen bouden,
Och! hwet wie dat raer útkomd. Ho it ris mei hjar wie? It
koe ek wol wêze as hy al wer kaem, dat se oan in oaren ien
forboun wie. En koe hy hjar dat kwea nimme? Né, hja koe
ommers oars net tinke as dat hy wei wie, al ho bidroefd dat wêze

scoe, hy hie gjin rjucht der hwet fen to sizzen. Hy koe ommers net bigeare dat se hjar jonge libben sa allinne trochbringe scoe.

Sa koe hy sims bidaerd der oer tinke, mar sims skriemde dy sterke jonge man ek as in bern, as hy tochte, dat se for him forlern wie. En ho scoe it mei mem en syn broer en sister wêze? O! hie hy ris witten ho ûngelokkich syn beste mem wurden wie! En ho it beste fanke, dy 't him alles wie, ek meiskien for altyd for him forlern wie!

Sa forlitte wy him earst en sjen ris ho it mei Jantsje gien wie, do't de earme wees sa djip ûngelokkich, fen alles hwet hjar ljeaf en dierber wie biroafd en hjar goede namme kwyd, yn 'e nacht Terherne forlitten hie, en sa allinne de tsjustere takomst tomjitte gyng!

Nou moatte wy earst forskate jierren torech sjen. Do 't hjar stiefaer Gjerrit noch for matroas foer, barde it ris, dat se mei in oar skip tagelyk ta in haven útfoeren en dat in bytsje yn sé op, ien fen it oare skip oer board foel. Gjerrit, dy 't sile koe as in snoek, seach dat, smiet syn boppeklean út en sprong yn sé. Hy hie it gelok om de jongfeint, dy 't al sonk, wer to krijen en him salang boppe wetter to halden as se mei de boat by hjarren kamen. Hja krigen him wer by, en hy wie sa bliid en sa tankber en frége ho 't syn redder hjitte en wer dy wei wie. En do 't him dat sein waerd sei hy: dat seil ik nea forjitte!

En Ate Dirks, sa hjitte hy, forgeat it ek nea. Hy hie in omke, in broer fen syn mem, dy 't ryk trouw wie, en twa beste boerepleatsen syn egen neamde. Dy man hie twa bern en forlear dy beide en hie do oars gjin erfgenaem as Ate Dirks. Do woe hy ha dat Ate it farren opjoech en by him kaem to wenjen, dat ek sa kaem en by omke syn dea erfde hy alles. Hy hie ûnder dat alles Gjerrit net forgetten, mar hja hiene elkoar út it each forlern, salang dat se elkoaren op in goede dei to Harns wer seagen.

Do hiene se elkoaren forhelle ho it gyng en hie Gjerrit oan Ate biloave moatten, dat, as hy ea yn forlêgenheit kaem, dat hy den by Ate komme scoe. En do 't Gjerrit do út 'e mest fallen wie en net mear farre koe, hie hy dat ek dien en foart in boat, fûken e. s. f. en moai hwet jild derby krige. Alle jierren brocht in skipper yn 'e hjerst wintertsjûn, ierapels en in goed stik kouflesk, en meast alle winters gyng Gjerrit der hinne útfeinhûs en kaem den mei in tsjokke bûse werom. Sa hie Jantsje ek twakear mei hjar stiefaer by dy minsken west en dy hiene in bulte mei hjar op. Op 'e begrafenis fen Gjerrit hie Ate ek noch west, en do hie Jantsje him

forhelle ho ûngelokkich hja hjar beste Hans forlern hie, en hie sa bitter skriemd. En do 't Ate do foart scoe, hie hy sein: salang wy mei elkoaren libje, scil ik jimme it selde stjûre lyk as altyd. En do laeij hy Jantsje de hân op it skouder en sei: as ik noch ris hwet foar dy dwaen kin, den moastte nea forjitte dat ik der bin, mar my opsiikje!

En do 't Jantsje do sa wanhopich by it lyk fen hjar beste mem siet, wie it krekt as dy wurden hjar wer yn 'e earen klonken. En do 't se Terherne forliet, hie se bislûten om dy minsken op to siikjen en alles mei hjarren oer to lizzen.

Mar Ate Dirks wenne do op syn pleats to Bosum, en do 't Jantsje der op 'e moarn troch en troch wirrich oankaem, wenne hy der net mear, mar syn dochter, dy 't de Maeijes trouw wie. Hy wie sels op syn oare pleats, tichte by Harns, gien to wenjen en hie noch in soan yn 'e hûs, hja hiene twa bern. En Riemke, dy 't hjar noch skoan koe, do 't Jantsje hjar sei hwa ef se wie en hjar do alles forhelle, hie in bulte meilijen mei hjar en onthelle hjar tige. En do brocht hjar man Jantsje de oare deis mei de wein nei Ate Dirks ta. En by dy minsken foun se in thús, dat gjin alders it hjar better jaen scoene, it wie krekt as se hjar egen bern wie. It kaem net yn hjarren op to tinken, dat Jantsje, dy 't alles forhelle, gjin wierheit sizze scoe.

It wieren minsken dy tige oppassend wieren, mar in bulte goed mei hjar jild diene. As hjir ef der hwet foar wêze moastte, den wieren Ate en hjarren altyd de foarsten om help oan to bringen. Edele en sa echt godstsjinstige minsken wieren it, en sa hiene hjar bern ek in beste learskoalle hawn yn it alderlike hûs. Dirk, hjar soan, wie ek in gnap jongfeint en hy en Jantsje koene tige oer 'e wei.

Mar do it earste nijs hwet oer wie, en it libben wer de alde rin hie, do hie Jantsje in bulte dagen dat se hast mei hjar sels forlêgen wie. Den kaem hjar alles wer yn it sin, ho ûngelokkich dy beste Hans weirekke en do hjar beste mem ek sa mar yn ienen by hjar wei gien wie. Faek founen se hjar den op in hoeke fen it hiem sitten, skriemende as in bern. Mar nea koe se den better for hjar foun ha as Ate Aeltsje, it wie oandwaenlik to sjen en to hearren ho ef dy hjar treaste en moed ynspriek en op Him wiisde, dy 't alles bistjurt. En elts, dy 't ea lijen en fortriet hawn hat, wit ek hofolle goed it immen docht as in oar der sa fen herten diel yn nimt. Sa wie it mei Jantsje ek, faek brocht se hjar tank oan God dat se sa 'n best plak en sokke minsken foun hie. En

foart, der mocht se net iens fen prate, hiene se sein, do 't Jantsje der ris oer bigoun wie to praten, om mei hjarren oer to lizzen ho it fjirder scoe.

En as se foartgien wie, den scoe it net sa best mei Dirk west ha, hwent dy hie sa'n sin oan hjar, dat se al syn tinken bihearske. Mar hy wist ho it mei hjar gien wie, en wie to forstannich om hjar hjir ef der lestich mei to fallen. En ho mear hy hjar kinnen learde, ho héger hy en syn alders hjar skatten. Mar mem, dy it lok fen hjar soan sa nei oan it hert laei, dy seach it wol, mar bearde dat se neat seach. En do hja op in kear der ek ris mei Ate oer prate, wie it einbeslút fen de heit en mem: dat se sa graech woene dat Dirk hjar krige, hwent hja wie sa alles for him, en den hopen se dat hy sa lokkich mei hjar wirde scoe!

Sa sloerde it libben der foart, in libben fen fréde en wille, de lange winter gyng foarby en de maitiid mei it nije libben wie der wer. En do de ryddiken wer hird en droech waerden, wieren se mei de wein wol ris nei Riemke en de man, en ek wol ris nei Frenstjer en Ljouwert ta. In hiel oar libben hie Jantsje nou, neffens it ienteanige dat se to foaren hie. En seil ik jimme hjir skilderje, hofolle ynfloed de tiid, it beste iten en drinken, en derby de ljeafderike bihanneling op hjar hie? Den kin ik sizze dat de rozen wer op 'e wangen kamen en it golle en bliere wer alhiel foar it ljocht kaem, en dat it wer sa'n bylderig jong frominske wie. En seil ik jimme sizze, ho it mei Dirk wie, den moat ik sizze, dat hy hjar hast altyd mei de eagen folge, dat se him alles wie en hy hjar sa ljeaf hie. Mar dat hy stil en bleek der ûnder waerd, hwent troch dat hy alles fen hjar wiste, doarst hy neat úterje. En de heit en mem seagen dat wol, en hopen alles fen 'e tiid, hja halden ek safolle fen dat fanke!

Troch dat se foart by Harns wennen, gyngen se der al gauris hinne om boadskippen to dwaen en op in joun dat Jantsje der hinne gien wie, kaem Dirk hjar tomjitte. It wie sa'n hearlike moaije joun en sa pratende en rinnende, wiles de fûgels, dy 't wer peare hiene, om hjarren hinne fleagen, en fen nocht en wille songen, koe Dirk him net mear ynhalde.

Earst hwet stjittende, mar al gau better oan, sei hy hjar alles en ho ljeaf hy hjar hie, en ho graech hy syn libben oan hjarres forbine woe e. s. f. En Jantsje, dy 't alles lang wol sjoen hie, stie mei de eagen fol triennen foar him en sei: ik hald in bulte fen dy Dirk, mar O! it byld fen myn Hans stiet noch sa klear foar my,

ast him kind hieste, den scoeste ek wol in bulte fen him halden ha. Sa moai, sa gol, sa blier en hwet in beste jonge! O! Dirk, nim it my net kwea, mar ik mei en kin dy noch neat sizze! En der is noch hwet, dou wiste ho bidroefd ik fen Terherne ôfgien bin, en salang myn ûnskild net oan it ljocht komt, scil ik my nea oan in oaren ien forbine. Hwet skat ik dy en dyn alders heech, dat jimme my sa leauwe, mar foar my sels is dat net genôch. En derom Dirk, lit ús frjeonen wêze en bleaue!

En Dirk, trochbliid to hearren dat se in bulte fen him halde, sei: dyn minne namme wol ik gjin praet fen hearre, mar och! jow my in lyts plakje yn dyn hert, den hoopje ik dat it mei de tiid wol greater wurde scil. Mar ik koe my net mear stilhalde, it moast der út, lêstich scil ik it dy net meitsje, mar lit ús frjeonen wêze nou en foar altiid!

Mei triennen yn 'e eagen joegen se elkoaren de hân en it einbislút fen dit petear wie, dat de iene de oare noch héger skatte. De earste stap wie dien!

VII.

It wie yn 'e simmer do Jantsje op in moaije neimiddei boadskippen to Harns die, dat se nei de haven kujere en nei de skippen seach. Der sjocht se in man op in kofte stean sjocht noch ris goed en sûnder neitotinken rint se hird der hinne en rôp: Sibe, Sibe, ho giet it mei jo? Skipper Sibe, hwent dy wie it, seach forheard nei de moaije jongfaem, seach ek noch ris goed en do hwa it wie. Hy fleach op 'e wal, grypte hjar beide hânnen en rôp: bliid, bliid dy to sjen, ho giet it mei dy? Kom gau mei oan board, ik ha nijs for dy!

En do 't se oan board wieren, waerd mar koart frége en forhelle, hwent it greate nijs dat de skipper hie, siet him tsjin 'e kiel oan. Hy bigoun al gau: hwet wieren myn wiif en oaren fen 'e wize do 't de moarns alles ticht sitten bleau by dy, en min troch de finsters gjinien yn 'e hûs seach. En do foart letter ien fen ús bern de kaei foun, tocht Gelske daedlik, dat is dines en gyng nei dyn hûs. En do hat se dyn brief der foun en it jild for 'e kosten fen dyn mem hjar dea, en hat do skriemd as in bern. Mar Gelske hat do alles yn oarder brocht, en hat dyn hûs en hûsrie ek sa yn oarder, dou kinste der sa mar wer yngean. Wiles siet Jantsje to skriemen dat se snikte, sa die hjar dat alles wer oan.

Mar nou it fornaemste sei de skipper. Dostou foartgien wierste,

hie Ruerd der yn Terherne gjin tier mear. Sa fen siden moast hy faek hwet oer dy saek hearre, en hjar faem forviet him rjuchtút dat hy de pong yn dat jak dien hie. En it gewisse seil him ek wol kloppe ha, do hat hy de boer frége en dy hat him syn jild jown. En do is hy wer efter de Jower gien to wenjen. Mar nou wie hy Maeije by syn boer oan it skûrre reagjen en foel do fen boppen fen de balken ôf. Hy hat do noch twa dagen lein en is do stoarn. Mar earst hat hy oan de boer en de domenij der bi-kind dat hy yn Terherne in jong faem sa ûngelokkich makke hie en ho dat tagien wie. Ho 't hy hjar yn 'e skûre beetpakte en hja him do fen lilken en keltme sa yn 'e troanje slein hie. Hy wist do net ho him to wrêken en roun nei de keamer en seach de kaei yn 'e kast sitten. Do wie it him yn ienen yn it sin komd om de pong to krijen en yn it jak to dwaen, dat hy heard hie, dat se dy jouns meinimme scoe. En lyk as wy witte, it lokte him noch better as hy tinke koe, troch dat de boerinne it noch ris yn 'e hannen krige.

Domenij makke der in forklearringe fen op, dat troch Ruerd mei earmoede teikene waerd, en do stjúrde dy it oan 'e domenij fen Akkrum dy Terherne ek boprêket. En dizze, dy 't troch Gelske alles wol fen dy wiste, brocht dy forklearringe by ús. Dou kinste tinke dat it greate bliidskip joech en gau hiel Terherne troch wie. Wy woene it dy sa graech ta ha to witten, mar wisten neat fen dy ôf. Wolste nou moarn in dei of trije mei my nei Terherne ta, of wolste der nou alhiel wer hinne to wenjen?

Mar Jantsje koe neat sizze, allinne in Godtânk! kaem der út, wiles de triennen yn oerfloed kamen. De skipper liet hjar stil sitte salang se hwet bikaem en do kaem it los, ho bliid en ho lokkich ef se hjar nou fiede, hwet wie hjar alles nou rom!

En graech woe se mei him, mar der bliuwe? né, hja koe it de minsken yn Terherne wol forjaen, mar nea forjitte, dat se leaud hiene dat se stellen hie! En do forhelle se him ek ho best hja it hie en dat dy minsken hjar krekt as in bern bihannelen, en nou wie se sa bliid dat se sizze koe: hjir bin ik, earlik as goud!

Do praten se ôf dat se de oare moarns bitiid by him komme scoe, en gyng se wer nei hûs. En der wie ek greate bliidskip do Jantsje forhelle dat it nou útkomd wie, en ho rom en ho lokkich se hjar nou fjilde en dat se de oare moarns in dei ef trije mei de skipper nei Terherne ta scoe! En de minsken dy hjar yn it ûngelok sa stipe hiene, namen nou ek sa fen herten yn hjar gelok diel;

en Dirk? Do't se de oare moarns nei Harns gyng, brocht hy hjar in eintsje foart en kaem sa bliid werom. Hja hie him de hân jown en sein: sa gau ik kin, kom ik wer by jimme, ik fiel my sa rom, sa lokkich! Hja bigoun ho langer ho mear fen him to halden, mar woe earst nei Terherne en mei Sibe Gelske alles oerlizze. Folgje wy hjar derhinne!

Gjin blider minske as Sibe Gelske, do't de skipper der mei de salang formiste oankaem, it wie krekt as se in bern wer krige. Hja treau hjar tsjin hjar oan en patte hjar sa! En prate en forhelje fen beide siden, it stie hast net stil. En ho bliid Jantsje wie do se dy forklearringe yn 'e hannen hie, is net to sizzen.

De oare moarns gyngen se togearre nei hjar hûs, mar dat kostte triennen! Alles, alles kaem wer sa klear foar hjar, it wie krekt as mem der efkes út wie. En it wie hjar krekt as se der mei Hans noch sa siet en hja togearre de takomst sa bliid tomjitte seagen, dy beste Hans, hwet hie se him noch ljeaf! En it hjar sa binkinde hûsrie stie alles noch allyk en wie sa yn oarder halden, de spinwile stie noch op it selde plak der it alde sloaf him delset hie. En it wie hjar krekt as de bylden op 'e doarren hjar taknikten en alles hjar wolkom hjitte!

En der yn it alderlike hûs sieten de beide frouljue neist elkoaren en hearde Gelske alles hwet Jantsje op it hert laei. Ho of se alles for Dirk wie, en hwet in beste feint dat wie, hwer se ek folle fen halde, en krekt as wie it hjar mem, sa frége se Gelske om ried.

En Gelske sei: as se ek folle fen Dirk halde, den moast se him net lang mear yn it ûnwisse bliuwe litte, dat scoe in griis wêze. En hja mocht God tankje dat sa 'n wees, lyk as hja, sa 'n feilige haven foun hie en ynfarre koe. Hja koe hjar best bigripe dat se Hans nea forjitte koe, hwent nimmen koe him forjitte dy't him kinnen hie, hofolle to minder hja den. Mar sa jong as se wie en sa allinne op 'e wrâld, den koe se hjar oars net riede as hjar lot oan Dirk sines to forbinen en for him en syn gelok to libjen. En troch dat se him sa alles wie, scoe se den ek wol frède en wiere wille fine!

En dat alles waerd sein op in wize lyk as in mem in bern riede scoe, en Jantsje fiede sa dat it wierheit wie. Hja naem hjar ek foar, en sei dat ek tsjin Gelske, hja scoe hjar ried opfolgje en Dirk sa lokkich meitsje as se koe!

Hja sei tsjin Gelske, hja scoe it hûs en hûsrie alles graech sa halde wolle, hwent as se Dirk krige, den scoe it missen fen it

bytsje hier dat se meiskien krije scoe, hjar net hinderje, en hja woe wol graech hwet for it yn oarder halden jaen. Mar fen jaen woe Gelske gjin praet hearre, hja en hjar Sjoukje scoene it yn oarder halde as wie it hjar egen. It bytsje klean dat der noch fen hjar wie en dy fen mem krigen twa alde wyfkes, dy klean forwaerden oars doch en dy sloaven wieren der sa bliid mei.

Jantsje waerd yn dy dagen sa troch de minsken oanhelle, it wie krekt as se hjar it oandiene leed forgoedsje woene. Brandt en Sjoukje sochten hjar ek op en frégen om it hjarren to forjaen dat se sa hird tsjin hjar hannele hiene, it hie hjarren letter sa bedroefd spiten.

En Jantsje koe it hjarren, mei hjar gol en blier aerd, wol forjaen, mar sei letter tsjin Gelske: it hie sa 'n skerpe angel by hjar efterlitten dat de minsken it leaud hiene, dat koe se net forjitte.

Ho hiel oars hiene Ate Dirks en hjarren den hannele, en nou wie se sa bliid der mei dy forklearringe komme to kinnen.

De moarns fen 'e fjirde dei gyng skipper Sibe nei in oandwaenlik ôfskie fen beide siden mei Jantsje wer op reis en brocht hjar sels by Ate Dirks oan hûs. Hy wie der do de tsjûge fen ho 't se krekt as in bern ûntfinsen waerd en wie der sels ek gau thús. De jouns gyng hy wer nei board en foart letter de sé wer yn.

Jantsje wie bliid wer ris yn Terherne west to hebben, mar it wie frjemd; hja scoe der net graech bliuwe wollen ha. Mar alles wie hjar sa nuver, sa rom, it wie krekt as se mei it forline ôfrefkene hie en in nij libben begjinne scoe. Mar sa nou en den kaem der noch ris in dei dat se stil wie en skriemde, en den wisten se wol hwet of hjar tinken bihearske, en dat bleau ek noch lang sa.

Dirk wie sa bliid do se wer kaem, hy hie gjin rêst salang as se foart wie. Mar hy halde him stil tsjin hjar, hy mocht it net ha om hjar lêst oan to dwaen. En hy hie fen mem heard dat Jantsje sein hie, dat it hjar sa rom wie en krekt as se in nij libben begjinne scoe. En troch dat hjar ûnskild oan it ljocht komd wie, wie dat biswier ek forfallen. Hy hie goede moed en de takomst oan hjar side like him sa moai ta. En hie hy ris witten, dat it lytse plakje dat hy earst yn hjar hert hie, safolle greater oan waerd, nou 't se him better kinnen learde.

Better kinnen learde, siz ik, ja, hwent der is sa'n great forskeel twisken minsken en minsken, sa wie it mei Hans en Dirk ek.

Hans wie troch de natûr bidield mei in ligchem sa as min mar inkelde seach. Hy wie great, sterk, fluch en yn wierheit sa moai,

dat follen dy 't him foarby gyngen noch ris efternei seagen. Derby sa fluch fen bigryp, dat hy leare koe as de beste. En dy twa-jierige omgong mei dy Sékaptein, dy 't safolle wiste en reisge hie, hie him sa'n goed dien. En den dat golle aerd, it ynnimmende fen syn wêzen, dat iepene, hy kaem sa't hy wie, dat die dat elts safolle fen him halde en him nea wer forgeat. En it wie ek gjin opmakke spil dat letter ôffoel, né, alles wie wier en goed oan him. Der kamen dy stille dagen ek troch dy 't Jantsje noch sa faek hie en noch lang halde, den stie dy beste Hans wer sa klear foar hjar geast. Den wie it hjar krekt eft se dy sterke earmen wer om hjar hinne, en de fjûrige patsjes fen de do sa lokkige Hans wer fjilde, hwet hiene se elkoar ljeaf hawn, en den joegen de triennen hjar wer romte.

Dirk wie ek wol in gnap jongfeint, mar koe yn Hans syn skaed net stean. Derby wie hy net iepen fen aerd, mar mear stil. Hy wie ien dy 't net gau in oar syn ljeafde en fortrouën joech, mar wie dat ek ienkear sa, den wie it ek for altyd. En homear min him kinnen learde en fortroulik mei him omgyng, hwet mear min fen him halde. Min moast him earst goed kinne, den seach min hwet in beste Dirk hy wie. Jantsje hie fen moaijens en aerd en wêzen folle fen Hans, dat iepene, dat floatige, sa't min wol seit, makke hjar sa oannimlik. En dat wie it, dat Dirk sa oantriek, dat naem him sa alhiel yn, en syn alders ek.

In wike mannich nei Jantsje hjar werkommen, wieren de alde ljue mei de wein nei in goede kinde ta, en as se der hinne wieren, waerd it jouns meastal let. De feinten en de faem, wirrich fen it deiske bodsjen, wieren to bed gien en Dirk en Jantsje scoene de alde ljue ôfwachtsje en helpe. Hja kuijeren earst op it hiem om en ûnder de apelbeammen stie in bank, der gyngen se op sitten. It wie sa'n hearlike moaije neisimmerjoun, it moantsje skynde sa moai en de stjerren fonkelen boppe hjarren. De kij rounen noch hwet fretten to siikjen en wieren foart by hjarren tsjin it hiem oan. Nou en den hearden se it lûd fen in fûgel, en oars wie alles sa restich, sa stil, it wie krekt as de hiele natûr yn rest wie, alles stimde ta frêde en — ljeafde.

En sa pratende wei waerd it moed Dirk sa fol, al de greate ljeafde dy 't hy for hjar hie, oermastere him en hy sei hjar wer alles hwet hy op it hert hie. En do?

Do krige hy gjin tsjinwar mear, en it moantsje en de stjerren

biskynden sa 'n lokkich pear, dy 't yn elkoars earmen alles om hjarren hinne forgeaten!

Hja kamen wer ta hjarren sels troch it roppen fen de alde ljue, hja hiene de wein net iens heard. Hja gyngen der hinne en wiles Dirk syn heit holp om de hynders út to slaen en yn it lân to bringen, forhelle hy him hwet der bard wie. Hy wie sa lokkich, it moast der foart út. En do wieren de hertelikste lokwinsken fen de heit syn diel, dy man wie al sa bliid. En Jantsje, dy 't mei de mem yn 'e hûs gien wie en hjar holp om de doek ôf to dwaen, sei hjar ek hwet der bard wie. En do kamen mem hjar alde earmen om hjar hinne en dy patte hjar sa. It greatste gelok wie der yn dat hûs dy jouns, it sa lang winske scoe wierheit wurde!

Net ien fen hjarren krige dy nacht folle sliep, en de alde ljue hiene in bulte ôfpraten, lyk as de jonge ljue hearden do 't se by hjarren yn 'e foarkeamer komme moastten. Nei dat se hjarren noch ris sa fen herten gelok winske hiene, seiën se: Dirk scoe foart de pleats oer ha; en den gyngen hja yn 'e foarein to wenjen, mar den scoe alles earst makke wurde dat se alhiel fen elkoaren ôf wieren. Aeltsje sei: ald en jong past net by elkoarren en min moat it net iens bisiikje as it ek kin. Ik ha it sa faek wol sjoen dat minsken dy 't as alders en bern goed mei elkoaren koenen, en mei trouën byenoar bleauwen, dat it den mis wie. En as se den byenoar wei geane, den bliuwt der licht hwet fen efter, en der scille wy ús for wachtsje. Wy hoopje op dy wize mei elkoaren yn frède en wille to libjen. Amen, sei Ate, dou kinste it altyd sa moai sizze.

De oare deis rieden Dirk en Jantsje togearre nei Harmen en Riemke, en dizze, dy it lang wol tocht hiene, winsken hjarren ek fen herten gelok. Der wie folle to praten do 't se sa neist elkoaren yn 'e wein sieten, Dirk wie nou net stil mear, hy wie sa oerlokkich.

De timmerman bigoun der foart mei en mei in wike ef trije wie alles yn oarder. En om 't de alde ljue ha woene dat se foart trouë scoene en de jonge ljue fen sels net tsjin kearden, kamen Dirk en Jantsje de sneins dernei foar de preekstoel to stean en gyngen as man en wyf wer nei hûs.

It greatste gelok wie der do, f'ral Dirk wie alhiel yn 'e wolken en like alhiel foroare. Dat moaije jonge frominske dy 't hy sa ljeaf hie, wie nou sines for altyd. O! it wie net to sizzen ho lokkich hy wie, en syn greate ljeafde die hjar ek alles dwaen om him sa lokkich to meitsjen as se koe.

Der wie ek biskie fen hjar trouën nei Terherne ta dien, en hja hiene ik beskie werom krige. Gelske hie skreaun, dat se hjarren yn 'e winter útfenhûs forwachte, en do 't nei wiken fen it greatste gelok de winter kaem, diene se dat ek.

Hja koene beide goed ride en waerden sa hertlik troch Sibe en Gelske forwolkomme, hwer se in dei ef trije bleauwen. En do 't se mei Dirk nei it alderlike hûs gyng, hwer alles like goed yn oarder wie, kaem alles wer boppe. Der hearde Dirk noch ris de skiednis fen Hans en hjar mem, en de triennen kamen wer yn oerfloed los. Hja hiene beide fen it bigjin ôf net mijd om oer it forline to praten, hwent Dirk en syn mem tochten beide, it wie folle better for hjar as alles to smoaren. En der yn hjar alderlik hûs wieren de bylden op de doarren der tsjûge fen, hoe 't Dirk hjar tsjin him oantreau en hjar treaste en sei: dat syn hiele libben tsjinje scoe, om hjar sa lokkich to meitsjen as hy koe! En do 't Gelske en Jantsje ris togearre wieren, frêge Gelske hjar: as se nou frêde foun hie en lokkich wie? Jantsje sei: ja, ik kin God net genôch tankje dat ik sa 'n beste man krige ha, ik hie nea tocht dat ik mei in oaren ien wer lokkich wêze koe. Mar, en do stjitte hjar praten, dat sizzen, mei in oaren ien, brocht dy beste Hans wer sa klear foar hjar, en de triennen kamen yn oerfloed los. Gelske bigriep hjar en sei: lit ús op God fortrouë fanke, dy wit hwet it beste for ús is! En do 't se nei in hertlik ôfskie wer op reis gien wieren, seiën Sibe en Gelske tsjin elkoaren: it is in griis ho hjar tinken noch altyd oan Hans is, mar wy leauwe doch dat se sa 'n beste man krige hat en mei de tiid seil se wol frêde fine. Wy binne der sa bliid om, hwent itstie sa tsjuster mei hjar en nou is se noch sa lokkich oanlânne!

En de alde ljue wieren sa bliid do 't se wer thús kamen, hja hienen sa ûnwennich west. Hja wieren der de tsjûgen fen ho lokkich hjar Dirk wie en wieren der sa bliid mei. En as Jantsje noch ris in dei hie dat se sa stil wie en de eagen sa rea, den diene se for hjar hwet se mar koene.

Sa forlitte wy hjarren, en sjen ris ho it mei Hans gyng!

VIII.

Wy forlieten Hans yn 'e haven fen Dúnkerken hwer se dy winters laeijen. Yn 'e neiwinter kaem André wer alhiel yn oarder oan board en brocht him de groetenissen fen syn alders en fen Marie, it hie hjarren sa spiten dat se der net komd wieren.

As wy him nou sjugge, as do't hy by Jean Bart oan board kaem, den is hy frij hwet foroare. Hy is swierder, manliker wurden en in wolken fen in kearel. Hy is troch it sa folle yn 'e Súdlike strêken to forkearen, frij hwet forbarnd, mar dat stiet him goed. Hy is noch deselde rounne, iepene Hans, hwer op it skip safolle fen halden wirdt, mar syn ûngelokken en leed ha him stilder makke. Syn fortrouën op 'e minsken is him for in diel ontnomd, en hy sjucht nou de wrâld mei hiel oare eagen oan as do. Mar hy is net woest en rou wurden ûnder dat folts, en hat mannich gemiene died forhindere. En Jean Bart set him sa heech en jowt him syn folle fortrouën, mar wol gjin praet hearre fen foarl.

Hja hiene de maitiids al nei it Sûden west en al in pear hevige gefjuchten hawn, do't Jean Bart yn 'e simmer it weage om noch in slach to slaen op 'e Noardsé. Hja hiene al twa skippen nomd en der folts opset, dy't se nei Dúnkerken bringe moastten. Do scoene se der sels ek hinne en den noch ris it Sûden yn, do't se in ladene kofte seagen en dy oanrôpen, dy scoe ek noch mei. Hans laei op syn bar krekt to sliepen do't dat barde. It folts op 'e kofte, dy't wol seagen dat it in great en sterk kaperskip wie, en hja der doch neat tsjin dwaen koene, ûntsile dat like neat, draeide by. Do moastten se op it kaperskip oergean en seagen it mei de eagen fol triennen oan, dat der oar folts opset waerd en hjarren do efternei sylde. F'ral de skipper, in man fen in fyftich jier, seach syn hiele wolfeart him sa ûntstellen, hwent oars koe min it net neame. En hja scoene as finsenen yn Frankryk brocht wurde, en net to witten ho dat komme scoe. Hwent hja koene gjin ien forstean, mar hearden wol dat it in Franske kaper wie, hwer se nou yn wanhoop foar op it skip sieten.

Hans syn tiid fen sliepen wie om, hy kaem op it tek, mar hwet wie dat, hwet manljue sieten der, en de kofte dy't in bytsje efter hjarren wie? Hy frêge ien fen it folts, en hearde do dat se dy oer in pear ûre krige hienen en ek meinamen. Hy gyng nei foaren, mar do kaem der in frjemd toaniel!

Hy krige de skipper mei beide hannen beet en rôp: kin jy my net mear?

En o God! der seach skipper Sibe, hwent dy wie it, dat it Hans wie en syn folts seach it foart ek wol. En hja hiene him allegearre beet en dy hirde sêljue skriemden allegearre. En jo, rôp Hans, myn woldwaender, myn beste frjeon, scil alles ûntstellen wurde? Né, dat scil net barre! Rop de kaptein ris, sei Hans

tsjin ien fen it folts. En do 't Jean Bart kaem, hie Hans de skipper noch mei beide hannen beet en forhelle do mei in flood fen wurden hwa dat wie, en dat hy it libben en alles oan dy man en syn folts to tankjen hie. En jy ha faker as ienkear sein, as ik jo sa 'n forsiik die en jy koene it dwaen, den moast ik it mar sizze. Nou is dy tiid der, wolle jy nou myn beste frjeon syn skip en frijheit en alles werjaen? Ik bid jo derom! As it folts dat goed is, hwent dy ha der diel mei oan, den siz ik foart fen ja! sei Jean Bart. En Hans, dy 't mei de eagen fol triennen neist skipper Sibe stie, röp it folts en forhelle hjarren alles en frége do it selde. En krekt as it út ien mûle kaem, röp al it folts dat it goed wie!

Do gyng Hans wer nei de skipper ta en sei: jy binne frij en krije skip en alles wer! Nou ha 'k in diel fen myn greate skild ôfbitelle! Hwet bin ik bliid! Mar siz my, ho is 't mei Jantsje? En wit jy ek ho it mei mem is? Och God! siz it my, ik ha nea hwet fen ien fen hjarren heard!

Skipper Sibe stie forstomme, moast hy dy beste Hans, dy 't him sa krekt syn frijheit en hiele wolfeart wer bisoarge hie, nou sa mar yn ienen ûngelokkich meitsje? Koe hy him foart sizze, dat hy fen 'e maitiid yn Noarwégen heard hie, ho ûngelokkich syn beste mem weirekke wie? Koe hy him foart sizze dat Jantsje for altyd for him forlern wie? Hy wist net hwet hy sa gau sizze scoe, en sei mar, dat hy fen syn mem neat wiste, en dat Jantsje fen Terherne ôfgien wie en nou op 'e Klai wenne, mar hwersa, dat wist hy net, hy hearde nea hwet fen hjar!

Mar Hans wie skerp, hy hie der sa faek by west dat Jean Bart finsenen útfrege, en hie der wol ris frjemd by opsjoen dat Jean Bart sa gau fornaem dat se der om hinne mealden en it rjuchte net sizze woene, en dat hie him ek in bulte leard. Hy seach oan de skipper syn haldinge foart wol dat it in andert wie, om it rjuchte to ûntwiken. Hy griep do de skipper by de skouders en sei triljende: Siz my yn Gods namme de wierheit en draei der net yn om. Ik ha fen Niels Bjornsen heard dat it Peter syn wirk is, dat ik op dit skip bin, om ús mem mar to krijen. En dat jy der neat fen witte hwer Jantsje is, leauw ik neat fen. Jo-witte wol mear, siz it my doch, ik moat it witte!

Noch nea yn syn libben hie de skipper sa bidroefd to moede west, en yn letter libbenstiid hie hy it der noch faek oer. Hy hie de maitiids yn Noarwégen fen Hans syn alde learmaster, de Sékaptein, heard, dat Hans syn omke der by him west hie en ho

bidroefd Else weirekke wie. Mar ta syn greate bliidskip hie hy do ek heard dat Hans net fordronken wie, mar meiskien noch wol libbe. Der kaem it nou ek fen, dat se net sa kjel waerden Hans wer to sjen, as oars it gefal wol wêze scillen hie. Do hiene se in fracht hout lost op 'e Saen en to Amsterdam in fracht krige nei Londen ta, en der wer in moaije fracht nei Antwerpen ta, hwer se oars nea kamen. En op dy reis waerden se troch Jean Bart ynpakt, en do't se sa yn wanhoop op it kaperskip sieten, kaem Hans, en krigen se skip en frijheit en alles wer. En nou stie dy beste jonge foar him, en moast hy him sizze dat hy alles, ja alles forlern hie. O! it wie hast net to dwaen, mar hwet scoe hy?

Hy krige Hans syn beide hannen beet en bigoun, wiles de triennen him by de wangen delrounen, alles to forheljen hwet wy al witte. Mar do 't hy him op it lest noch ris sei, ho 't Jantsje noch altyd om him tochte, en do't se mei hjar man by hjarren west hie, yn Gelske hjar earmen noch sa bitter om him skriemd hie, do joech Hans sa 'n raer lûd en dy sterke jonge man rôlle op it tek en laeij alhiel fen him sels. De skipper hie him festhalden, oars hie hy in rare reis krige. Do waerd der skript om wetter to krijen, do wosken se him tige, mar it dûrre in hiel skoft foar hy wer by kaem. Mar hy seach de skipper sa raer oan, en sei neat.

Jean Bart hie in moaije wyn, hy stie nei dat toaniel to sjen en wist net hwet derfen to tinken. Mar hy liet de skipper syn folts, dy't Hans skriemende forlieten, wer op hjar skip bringe en syn egen folts der ôfhelje. En noch altyd laeij de skipper op 'e knibbels by Hans en hie syn holle tsjin him oanlizzen. De bijierre man skriemde as in bern, dat hy it wie dy't Hans dat sizze moatten hie, en tocht om frijheit noch skip. Jean Bart, dy't him net forstean koe, rôp ien, dy't der ek op it skip tsjinne, dat wie in Noar, der koe de skipper wol mei prate. En al ho min hy prate koe, forhelle hy dy man yn it koart hwet hy Hans sein hie, en dy brocht it Jean Bart wer oer. En do blonken der triennen yn dy hirde stoere seman syn eagen, sa griisde it him om Hans. Mar der moast in ein oan, hy sei tsjin de Noar, hy moast tsjin de skipper sizze dat hy der net langer bliuwe koe, it griisde him tige, mar hy moast foart. Forstomme laeij de skipper Hans forsichtich del en gyng oerein stean. Hans seach him sa bidroefde raer oan en sei net in wird, moast hy him sa forlitte? Hy scoe nei de boat ta, mar seach noch ris om, do fleach hy noch ris nei Hans

ta, treau him tsjin him oan en patte him. En stom fen smerte liet hy him nei de koffe bringe en gyng foart yn syn kajút. Hy seach nearne net nei om, de stjûrman en syn folts moastten mar sjen op reis nei Antwerpen to kommen, hwer se ek goed en wol oankamen.

Hans moast troch twa manljue stipe wirde, do't se him as in bern nei ûnderen en yn syn koajj brochten. De skipsdokter sei: hy wie bang for in hevige sykte ef alhiel mâl mei de holle. Hy kaem ek net út 'e koajj as hy net moastte, en waerd troch André trou forsoarge en oppast. En it bleau mar gelyk, op it skip hiene se neat gjin help fen him. Hja bliuwen mar koart yn 'e haven fen Dúnkerken en André krige Jean Bart safier dat hy Hans yn 'e haven útsette, wer syn alders wennen. Jean Bart bigriep ek wol, dat it folle better for Hans wêze scoe, en seach mei nocht ho hertlik Hans troch André syn alders, mar f'ral troch Marie ûntfinsen waerd.

En do draeide it op it sizzen fen 'e skipsdokter út, in swiere sykte kaem der út foart. Hy krige de iene koarts efter de oare, dwile en raer dwaen, sims gyng it sa mâl dat se der bang fen waerden. En salang as Marie de eagen mar ophalde koe, wykte it fanke net by syn siekbed wei, hja siet mei syn klamme hannen yn hjarres, en as hy der sa mar hinne laei en nearne fen wiste, den patte se him. Mar as de dokter kaem, den skodholle hy faek en sei, it wie krekt sa it foel. Hwet wie Marie bliid, dat hy by hjarren brocht wie en hja him oppasse en forsoargje koe. As syn holle sa fjûrhjit wie, den halde se der mar kalde doeken op en syn droege lippen halde se wiet, in reddende ingel wie se for him. Mei al it fjûr fen hjar hertstochtlik aerd hinge se oan dy jonge man, dy't se nou as in bern oppasse moastte. Sa wie it twa wiken in swiere striid twisken de dea en it jonge sterke lichem, do moast de dea syn proai farre litte en kaem der hoop, en do it safter wie, gyng it alle dagen in bytsje foarút. Marie wie sa bliid en tanke God en de hilligen foar syn bihald. En dy sykte wie ek yn wierheit Hans syn bihald, hy hie him alhiel útraesd en koe wer goed tinke. Mar it like raer, hy moast krekt as in bern, troch Marie stipe, it rinnen earst wer leare. Mar hy koe noch net lang fen it bed ôf, en as Marie den mei de eagen fol ljeafde nei him seach en him selskip halde, den hie hy sa 'n tankbere fjillinge. O! hy fornaem it wol faek, as hy stil laei en hja miende dat hy sliepte, den aeide en patte se him sa súnich

as se koe. En it moaije fanke wie der meager en bleek fen, sa hie se hjar rêst for him opaeffere en him forsoarge. Wie it frjemd dat út dy tankberens in sêftere fjilling foartkaem en hy ek oan hjar bigoun to hingjen? Wie it frjemd, dat hy, dy't alles sa wreed forlern hie, him oan dat fanke hechte, hwer hy wiste, sa alles for to wêzen?

En it each fen de ljeafde sjucht sa skerp, hwet seach Marie it gau dat hy hjar miste as se der út wie en bliid wie hjar wer to sjen. Mar hwet better en sterker hy waerd, hwet mear it tinken wer yn it forline wie en hwet mear hy dagen hie dat de triennen yn oerfloed kamen. Dat koe Marie net útstean, hja wist hwer it troch kaem, en op in kear dat hy der sa hinne siet, koe se hjar net mear bitwingje, hja die him de hannen om 'e hals en patte him sa. Dy greате ljeafde die Hans sa oan dat hy se hjar ek tige werom joech, en do fjilde Marie wol, dat se him oerwoun hie, hwet wie dat fanke bliid!

Fen it earste bigjin ôf dat se Hans seach, wie al hjar tinken oan him west en yn syn dwyljen en dreamen hie se wol heard, dat alles hwet hy ljeaf hie, for him forlern wie. En nou 't se dat wiste, kaem se him mei al it fjûr fen hjar aerd tomjitte, en it lokte hjar om him al mear en mear oan hjar to forbinen. It die him ek sa 'n goed, him, de fen alles biroafde, dat der wer ien wie, dy't sa greach alles for him wêze woe, en him sa stipe en treaste!

En yn syn forlittene tastân bigoun hy ek sa oan dat fanke to hingjen, it die him sa 'n goed der alhiel yn 'e frjemdte wer sa 'n trou hert to finen!

Mar it is frjemd, ho ûngelyk it libben fen 'e minsken hjir is. Min hat minsken dy't fen de widze ta it grêf hast net witte hwet lijen is, dy't hast altyd foar de wyn de libbenssé bifarre en fen stoarmen en ûnwaer gjin lêst ha.

En min hat se ek, for hwa it lijen hast klearmakke liket to wêzen, dy't hast altyd yn de wyn ha, en mei lavearjen to plak komme moatte. En as stoarm op stoarm in minske oerfalt, bliuwen den ris steande, lokkich dy den noch in haven fine kin. Mar miene sokken der yn to kommen, den wirde se faek wer efterút slein, en moatte op nij wer sjen der yn to kommen. O! it libbet alle-gearre, mar it giet sa ûngelyk!

Marie waerd siik en do 't de dokter helle waerd, skodholle hy sa. Hja krige de iene swiere koarts efter de oare, en yn hjar

dwyljen en dreamen kaem hjar greate ljeafde sa alhiel út. Mar hja waerd troch hjar mem en Hans ek sa oppast en forsoarge, en as se ris in helder skoft hie, den koe se oan Hans wol sjen dat hy hjar nou ek ljeaf hie, hwet fjilde se hjar der den lokkich mei. Mar de dea, dy 't om Hans to krijen, al tige syn best dien hie, waerd nou de baes. Mei in dei of tsien laei dy moaije jonge blom al mei it lykklead oer hjar hinne, en moastten se hjar to hôf bringe, it wie in griis!

Wie it in wûnder dat de moed him bigoun to ontsinken, dat hy wanhopich waerd, en de dea him moai talike? Moast stoarm op stoarm him treffe, scoe hy altyd mei yn de wyn de libbenssê befarre?

Sa frege en klage hy, en hiene dy minsken der hy as bern to hûs wie, dy 't safolle fen him halden, en sels nou sa'n ljeaf bern forlern hiene, him net sa treaste en bystien, den hie it miskien net goed mei him gien!

Mar lyk as wy al faker sein ha, de tiid en jong en soun, lyk as hy nou wer wie, docht mei enoar folle, en do nei forrin fen wiken Jean Bart wer út it Sûden opdage, joech dat wer in greate ôfwikseling for him.

It wie in griis ho oerstjûr André wie, dat Marie, dy 't him altyd tomjitte fleach en sa bliid mei hjar broer wie, der nou miste en hy hjar nea wersjen scoe. En do't Hans him do forhelle ho 't se him oppast en forsoarge hie, en ho ef se nou oan elkoaren hingen en hy hjar nou ek sa miste, dat die hjarren noch mear fen elkoaren halden, en wie it krekt eft se broerren wieren. Jean Bart socht him foart op en wie troch bliid him wer sa goed to finen, hy hie net tocht, him libben wer to sjen.

Hy spriek him moed yn safolle hy koe, dy moast hy altyd bihalde, oars wie alles forlern. Hy moast yn 'e maitiid mei him de wrald mar wer yn, yn striid en gefaer scoe hy wol wer opfleurje, hwent den libbe min earst rjucht e. s. f.

Sa spriek dy man, de man fen fjuchten en ûndernimmingen dy 't in oar net oandoarste, en dy 't him sa faek lokten.

En ho wie it mei Hans, hie hy syn nocht net skjin fen dat libben, woe hy op ny al dy gefaren tomjitte gean, en net ljeaver in freedsom bidriuw habbe?

Né, hy frege Jean Bart net ienris om him fry to litten, hy wie yn in tastan dat it him net folle skéle koe ho it fjinder gyng, en it libben oan 'e wâl forfeelde him.

De winter, hweryn alles wer tige klear makke waerd. gean wy mar foarby. It wie in winter mei in bulte drokte yn dy haven, hwent der laeijen ek forskate oarlochskippen. En dat wie ek in gelok for Hans, hwent sa gau hy yn stilte en allinne wie, den wie it fier mis mei him. Den gyngen al dy greate forliezen dy 't him troffen hiene, syn geast wer foarby en den wie hy sa oerstjûr.

Hwet tocht hy faek, scoe it libben altyd sa for my bliuwe scille, scoe der ek noch ris rêst en frêde for my komme scille? It stie him flau foar, dat de skipper do sein hie, dat it mei syn broer en sister best gyng, en dat wie noch in bân dy 't him oan it libben boun, hy scoe hjarren noch sa graech ris wersjen wolle. En den miende hy ek dat de skipper do sein hie, dat Peter him jild tamakke hie, mar dat wist hy net goed en it koe him ek neat skéle.

It ienichste dat hy noch graech woe, dat wie, noch ienkear Jantsje wer to sjen, noch ienkear sjen ho of se it hie, en ho it mei hjar gyng. Noch ienkear syn broer en sister sjen en sprekke, den woe hy ôfskie fen hjarren nimme, en den hoopte hy dat de earste kûgel sines wêze scoe. Mar sa scoe it net komme, lit ús mar ris sjen ho it fjirder mei him gyng!

IX.

Nei in hertlik ôfskie fen André syn alders, dy 't him sa best bihannele hiene, en derfor troch Jean Bart sa tige bileanne waerden, naem Hans syn plak as stjûrman by Jean Bart wer yn. Disse wie fen plan mei noch in pear kapers earst op 'e Noardsé to roaven, mar dat brik hjarren sûr op. It skynde dat se it wisten, hwent mids op 'e Noardsé loerden forskate oarlochskippen op hjarren en setten foart op hjarren ta. De oermacht wie to great, alle seilen waerden byset om to ûntkommen. Jean Bart rekke lyk as altyd in ein foarút, en foer it Noarden syn, mar de twa oaren moastten hjar oerjaen. Mar do 't se op 'e hichte fen Noarwégen kamen, oerfoel hjarren in hirde stoarm. It spande raer om steande to bliuwen en hja krigen fry hwet skea oan seilen en touwrik, it wie in bang skoft tiid. Mar de stoarm bidarre lokkich wer en do beslúte Jean Bart om de haven fen Bergen yn Noarwégen yn to farren, en der de boel wer hwet yn oarder to meitsjen en ien en oar yn to rieden.

Do sei hy tsjin Hans, as ik dy wie, den sette ik dat jild fen Niels Bjornsen hjir by in fortroud kantoar út, den bin ik der ôf, en dyn egen jild ek. Hwent Hans hie altyd syn diel fen 'e priis-makke skippen krige, sels do't hy salang oan 'e wâl west hie, ek

der hie Jean Bart sa fêst op stien, der wie neat tsjin to dwaen. Hy hie nou sels al great twatûsen Noarske kroanen byenoar, mar hie it hillige bislút nommen, as it him noch ienkear goed gean mochte, den scoe dat jild, like goed as Niels sines, troch him brûkt wurde om triennen op to droegjen en ljen wei to nimmen. Mar hy folge Jean Bart syn ried op en sette it jild der for in ûnbipaelde tiid út.

Mar ho it him oandie, do 't er yn syn heitelân de foetten wer op 'e groun sette, is net to sizzen, it wie krekt as der in ny libben yn him kaem. It wie krekt as it him oanfleach, sa graech scoe hy syn memme grêf en syn broer en sister opsiikje wollen ha. Mar dat koe sa gau net, mei in dei twa scoene se wer foart. Mar der scoe earst noch raer hwet barre!

De oare moarns foeren twa Ingelske oarlochskippen de haven ek yn en makken hjarren der fêst. Jean Bart, dy 't foart wol bi-grêpen hie, dat it om him wie to dwaen, sei tsjin syn folts: dat scil in hjitte striid wurde, mar fen dy twa binne wy net bang, wol? En syn folts rôp: lit se mar komme as se doare!

Mar net lang hiene se der lein, do waerd op it iene skip en boat útset, en hja seagen dat in officier troch twa matrozen nei hjarren ta roeid waerd. En do 't dy op hjar skip kaem, makke hy him bikind as de kaptein fen it iene en as oerste fen de beide skippen en hy scoe Jean Bart syn skip graech ris bisjen wolle. En dizze naem dat yn frjeonskip oan en liet him syn skip yn alle die-len bisjen. De kaptein priisge it wakker, en dat koe it ek lije, en waerd do troch Jean Bart op in glês wyn trakteare. En do forsocht de kaptein him, om ek ris by him to kommen en syn skip to bisjen, en Jean Bart, dat in rounne en iepene kearel wie, naem dat ek oan. De Ingelske kaptein foer wer nei syn skip en do sei Jean Bart tsjin en pear matrozen dat se in boat klear meitsje moastten, den scoe hy him forklaije en der ek ris hinne. Dat wie al gau op it skip bikind en do bistoarme syn folts him om dat net o dwaen, hja tortrouden dy falske Ingelsken net. Mar Jean Bart sei: ik ha myn wird der op jown, en ik kin net tinke, dat immen dy troch my fatsoenlik bihannele is, my dat ek net dwaen scil, ik gean der hinne. Hans rette it him ek tige ôf; hy sei: hjar hiele reis scil wol wêze om ús to krijen, en as se jo nou earst ha, den scille se wol tinke dat it folle makliker lokke scil, jy moatte it nea dwaen, it komt grif net goed. Mar Jean Bart sei: foar alles wol ik myn wird halde, mar hald jimme den

in each yn 't seil, min kin 't net ris witte. Do liet hy him troch in pear matrozen nei it Ingelske skip roeije. Mar Jean Bart wie sa gau net fen syn skip ôf, ôf de oersten eu stjûrlue rieplaggen mei enoar, en birêdt folts as it wie, hiene se it gau foar enoar. De twa greatste boaten waerden oan de side fen it skip útset, hwer min se fen it Ingelske skip ôf net sjen koe. Der gyng safolle folts, en goed wapene, ynsitten as it mar lije koe, de riemen wieren klear en op it skip waerd it each skerp op it Ingelske skip halden. In hiel skoft bleau alles stil, mar do kaem it. Hja seagen dat op it Ingelske skip in man as in razende om him hinne sloech en bi-griepen foart wol dat it Jean Bart wie. Do de officieren ek yn 'e boaten en mei kûgels feart roeiden se nei it Ingelske skip, hwer se as katten by op kladden ûnder it roppen: Hoera for Jean Bart! Mar hwet wie der to redden?

Do 't Jean Bart op it Ingelske skip komd wie, hie hy dat ek alhiel bisjoen, en mei syn roun wird ek frij út syn sin der oer sein. Do wie hy yn 'e kajút, hwer wyn en alles klear stie, forsocht to kommen, en praten se mei elkoaren rounom oer, krekt as der neat twisken hjarren to dwaen wie. En doch scoe it, sa gau as se bûten wieren, sa fûl gean as it koe. Op it lêst sei Jean Bart: ik moat wer nei board, en tink moarn út to farren en seil jimme der forwachtsje! Hy gyng opstean, mar de Ingelkse kaptein sprong foar him en sei: Mynhear, jy binne myn finsene!

Hwet fleach dy stoere séman it bloed op, hy rôp: gemiene skoften, noch net!

It wie kald waer, der stie in moai houtfjûr op 'e hird to barnen, der grypte hy in barnend stik hout út en sloech dermei as in razende om him hinne. Nou, elts is bang for fjûr, sadwaende krige hy romte en kaem by de útgong en sa op it tek. Der scoene se him wer beetpakke, mar hy sloech mar mei dat barnende stik hout om him hinne en kaem sa foar op it skip. Der laei in swiere iseren koefoet, dy grypte hy en dat wie yn dy troch sterke earmen in raer wapen. Eltse slach rôlle ien op it tek om nea wer op to stean, en lyk as wy witte, it dûrre mar koart, do wie syn folts der al om him to helpen. En hy en syn folts wieren om dy gemiene hannelwize sa troch lik, dat se as bare divels fochten en it Ingelske folts al mear en mear efterút rekke. By de greate mest gyng it der raer om wei, en Hans seach tafallich dat in greate jonge, mei in swiere kûgel by him, der op 'e loer laei, om, as Jean Bart der ûnder kaem, dy op him falle to litten. To

minsten sa tocht hy, en halde him yn 't each. En do 't Jaen Bart der tichte by kaem, bûgde dy jonge him hwet en hie de kûgel klear, en paste mar op Jean Bart. En do 't Hans, dy 't in laden gewear mei fen board nomd hie, seach dat it wêze scoe, skeat hy him út 'e mest wei. Flak foar Jaen Bart syn foetten foel de swiere kûgel op it tek, mar dy jonge wie yn 'e touën hingjen bleann. Bart seach om him hinne en sêach Hans mei it gewear, wer de reek noch útkaem. Hy bigrypte it foart wol en knikte Hans ta, en do gyng it der wer raer om wei. Nea is fûlder fochten as der op dat skip en it ein wie, dat de Ingelsen hjar oerjoegen en as finsenen yn hjar egen skip opsletten waerden.

De Ingelske kaptein wie biseard nei ûnderen brocht en do 't Jean Bart der kaem koe hy net bigripe, mar moast it wol leauwe dat hy nou, yn pleats fen dizze, in finsene man wie. Hy frêge lefwei om it him to forjaen, hy hie de oarder, hy moast Jean Bart ta eltse priis finsen nimme. Ek, al moast it dyn eare en goede namme kostje? frêge Jean Bart. En do 't de Ingelske kaptein noch hwet sizze scoe, tongere hy him tomjitte: swij kearel, gjin wird mear! As ik mei myn wille to wirk gyng, den hingeste gau oan de ra fen dyn egen skip. Mar nou kinste noch tsjinje om tsjin in Franske officier útwiksele to wurden. Al howol, it scoe my raer yn myn eare komme, as ik tsjin dy útwiksele waerd!

Hy kearde him de rêch ta en gyng nei boppen om oarder op alles to jaen. Mar it wier in rare boel, it wier in ûnsidige haven, en dêr mocht soks út noch yn net pleats ha. Al gau kaem der in officier út namme fen 'e gouverneur fen de stêd om Jean Bart oan to sizzen, dat hy it Ingelske skip wer oerjaen moastte. Mar do forhelle Jaen Bart dy officier ho skanlik hy bihannele wie en sei do trotsk wei: ik ha dit skip nou ienkear, en as de gouverneur it ha wol, den moat hy it mar út myn hannen weihele!

De officier hie syn oarder oerbrocht, hy bûgde for Jean Bart en forliet it skip fol biwûndering for dy dappere man!

En nei dat fen alles ynredt wie, foer Jean Bart de oare moarns mei syn egen en it Ingelske skip ta de haven út, de kanonnen wieren laden en it folts stie der by. Mar de gouverneur en it oare Ingelske skip lieten him stil farre, der kaem neat fen.

It wie hearlik waer en in lyts koeltsje do 't se bûten kamen, en it folts wie sa yn hjar skik, hwet hiene se wer in moaije set dien. En Jean Bart wie sels ek sa rom om it hert dat hy tsjin Hans sei: nou hast my it libben noch ris reddden, hwent dy swiere kûgel

hie myn kop net útstean kinnen. Hast my nou ek noch hwet to sizzen, siz it my den, en kin ik, ik scil it dwaen!

Hy sloech Hans op it skouder, dy't mimerjende oer 'e forskansing stie to sjen, nei it heitelân, dat der foar him laei. In net to neamen langstme grypte him oan, sa graech woe hy der hinne. Hy hie de eagen fol triennen en sei mei in swiere sucht: Kaptein, lit my yn Gods namme frij!

Jean Bart seach dy moaije jonge man oan, en yn syn eagen kamen ek triennen. Hy sei: Kom ris mei my!

Hja gyngen yn syn kajút, en der forhelle hy Hans, dat him it útsicht iepene wie, dat hy it bifel oer in diel fen de Franske oarlochsfloot ha scoe. *)

En den woe hy biwirkje dat Hans foart officier en sa gau it mar koe, kaptein fen in oarlochskip wirde scoe. Hy sei: hy bigoun syn nocht ek fen dat roaven to krijen en woe ljeaver yn lâns tsjinst oergean. Mar hy scoe him sa bittere graech by him halde wolle, hy halde safolle fen him. Mar nou joech hy him kar, as hy by him bliuwe woe, den scoe hy alhiel for him soargje, mar woe hy fry wêze, den. al ho it him spite scoe, den liet hy him fen nou ôf frij! Hans sprong oerein, sa bliid waerd hy, en rôp: der tankje ik jo for, kaptein! en knypte him yn 'e hannen fen bliidskip.

Mar, frêge Jean Bart him; hwet scilst den bigjinne? En do forhelle Hans him, ho in net to neamen langstme him oerfallen hie, do't se der wieren. Hy woe syn memme grêf sa graech ris opsiikje en by syn broer en sister sjen, it wie krekt as alles him der hinne dreau. En den woe hy sa graech nei Terherne ta en mei skipper Sibe prate, en hearre ho it mei Jantsje wie, hy wist der neat fen ho it mei hjarren gyng. En hy tochte, hja scoene him der, by dat hy al hie, wol mei helpe wolle om in koffe to krijen, den woe hy for egen rekkening bigjinne to farren.

Do sei Jean Bart: ik bin bliid datst my alles sa rjuchtút seiste, en nou bin ik it, dy't dy helpe scil. Dou wiste hwet in moaije priis wy nou makke ha, en der kin ik as kaptein in great diel fen krije, as ik dy myn diel nou jow, scilst dat den ek wêgerje?

Né, rôp Hans, dat nim ik fen herten oan, dit wie gjin roaven, mar in earlike striid, hwêr wy dat skip mei woan ha!

*) Dat kaem foart letter ek sa. Yn 1697 krige hy it bifel oer in eskader fen 'e Franske float, mar it hat him net lang barre mocht. Yn 1702 is hy al stoarn, mar 51 jier ald.

Dat is den ôfpraet, sei Jean Bart, mar nou scil ik dy noch hwet jaen, dat dy sims in greate tsjinst dwaen kin. Do makke hy in forklearringe op, dat Hans him twakear it libben redden en sa best tsjinne hie. En dat, as Hans sels in koffe krige en for egen rekkening foer, elts kaperkaptein út syn namme forsocht waerd om him gjin lêst oan to dwaen, mar frij farre to litten. Dat ûnderteikene Jean Bart en joech it Hans do oer.

En do't Hans dat lies, wie hy der trochbliid mei en bitanke him sa, hy wist hofolle dat yn sa 'n ûnrestige tiid for him wirdich wêze koe. Hy wiste ho't Jean Bart eard en frése waerd, en derom wie dy ûnderteikening safolle wirdich for him.

Do waerd noch oer in bulte praten en op it lêst gyngen se nei hoppen. En der rôp Jean Bart syn folts byenoar en forhelle hjarren dat hy Hans frij jown hie om foart to gean. Dat hy him sa bittere graech halde wollen hie, mar dat der neat oan to dwaen wie. En do koe Hans sjen, hofolle it folts fen him halde, hja bidden him hast om to bliuwen, mar dat koe net, de langstme om foart wie al to great.

In bytsje letter stie Hans foare op it skip en tocht oer alles noch ris nei. Frij! ja, dat scoe hy wêze en wie it ek bitroud to wêzen. Hwent net yn 'e skoalle ef yn 'e boeken hie hy it leard, mar yn it libben, yn stoarmen en gefaren en bitter lijen hie hy leard, him sels to bistjûren en to bihearskjen. Né, nou hoopte hy net dat de earste kûgel sines wêze, mar dat it libben him noch folle to dwaen jaen scoe! It wie skoan oan him to sjen, dat hy yn 'e lêste dagen alhiel foroare wie.

It bleau moai waer, en hja halden de wâl altyd yn it each, salang dat se njunken de fjord kamen, hwer Hans syn bertepleats wie. Der scoene se him oan 'e wâl sette, mar it wie in griis fen beide siden, do't hy ôfskie fen it folts naem. Hy en André skriemden beide as bern, it wie ek krekt as se broerren wieren.

Der libbe noch ien fen 'e matrozen, dy't him do mei Niels oerfallen hiene, dy frége mei triennen yn 'e eagen eft hy Hans mei nei de wâl bringe mochte, hy sei: dat scoe hy sa graech wolle, dat scoe him rom wêze, en dat waerd him ek tastien.

Jean Bart hie Hans in riem mei Fransk goudjild jown, der koe hy wol in nije koffe for krije, en noch genôch oerhalde om him goed redde to kinnen. Dy riem koe hy om 'e mil, ûnder syn klean ha. Do't se oan lân wieren, naem hy in hertlik ôfskie fen 'e matrozen en Jean Bart gyng mei him oan 'e wâl. En der twis-

ken de klippen yn, sûnder tsjûgen namen se ôfskie, dat se beide nea forjitte scoene. Jean Bart gyng wer yn 'e boat, en wy forlitte him, om him letter noch ienkear wer oan to treffen, en folgie Hans!

Earst woe hy mem hjar grêf opsikje, en den it jild for de wissichheit nei de kaptein, syn alde learmaster tabringe, en den woe hy nei syn broer en sister ta!

Hy gyng syn bertepleats troch en foun alles noch hast allyk, de greate earmoede wie oan alles wol to sjen. Hy socht de deagraver op, dy 't him earst hast net koe, mar do bliid wie him wer to sjen. En fen dy man hearde hy, hwet in bidroefd libben syn mem hawn, en ho skanlik ûndogens Peter hjar krige hie, en dat se hjar, om sa to sizzen, for hjar bern opaeffere hie. En do wiisde hy him syn memme grêf oan, en liet him der allinne.

Hjitte triennen forgeat hy der en bidde God sa fjûrich hjar it oandiene lijen to forgoedsjen. Hy bidde ek, dat God hjar weezen yn syn troue hoede nimme woe en it goed mei hjarren to meitsjen. En dat it him barre mochte Jantsje noch ienkear wer to sjen en to witten eft se nou lokkich wie. En do wie it him krekt as dy beste mem der by him wie en him seine. En it wie him krekt as hy mei hjar praten hie, do 't hy hjar grêf wer forliet.

En nei de deagraver in tige jefte jown to hebben, dy 't de alde man sa to pas kaem dy 't him tige bitanke, reisge hy nei syn alde learmaster ta, en min kin bigrype hwet in bliidskip der wie, as in bern waerd hy ôntfinsen en bihannelde.

Der hearde hy, dat skipper Sibe der west en forhelle hie, dat Hans him wer frijmakke en dat hy him do sa bidroefd forlitte moatten hie. En dat se him mei in wike ef acht der wer forwachten, en do praten se ôf, dat Hans der den ek komme scoe. Do birge de kaptein Hans syn jild goed op en do gyng hy op reis nei syn broer en sister ta.

En scil ik jimme de greate bliidskip skilderje do 't hy der kaem, en ho ef se meienoar noch om dy beste mem skriemden? Ho 't hy neat as goed fen hjarren hearde, dy 't der krekt as bern thús wieren? Ho raer as se opharken, do 't hy forhelle hwet hy belibbe hie? Ho 't hy der in wike of seis yn it greatste gelok by hjarren bleau en biloave moastte, it altyd sa to skikken, dat hy noch ris werkaem? It scoe to folle romte nimme, dat allegearre to forheljen.

Hans woe der earst gjin praet fen hearre, om dy trije tûzen

Noarske kroanen fen Peter, dy it gerjucht for him biwarre, der wei to heljen. Mar syn omke redte it him sa hird oan en sei: den wirdt it doch wei, dat hy it mar dwaen scoe. Mar yn him sels naem hy it hillige bislút, om dat jild mei it jild fen Niels, as it him goed gean mochte, ienkear ta seine fen syn bertepleats to brûken.

En troch lokkich dat syn broer en sister sa goed bisoarge wieren, gyng hy nei in oandwaenlik ôfskie noch ris wer nei syn bertepleats ta. Der bleau hy in wike by in alde kameraet fen him, dy trouw wie, mar it ek al net rom hie. In do 't hy mei syn frjeon wer yn 'e fjord omfoer, en de klippen en rotsen, hwer se as jonges de fûgelaeijen mei libbensgefaer ôfhellen, wer bikladde, do 't hy wer op 'e bergen en yn 'e greate bosken wie, do fjilde hy for goed, dat, der ienkear wer to libjen him it ljeafste wêze scoe. En as hy den de greate earmoede en ûnkinde der yn syn bertepleats seach, den kaem de stille bigearde yn him op, de biwenners der nochris mei foarút to helpen safolle hy koe. Mar nou noch net, hy moast de wrald wer yn, alles dreau him foart.

Dat alles sei hy syn frjeon ek, en dy krige in tige jefte om syn fiskerij goed yn oarder meitsje to kinnen, en sa better syn brea to fortsjinjen.

Do helle hy it jild dat Peter him tamakke hie, by it gerjucht wei en socht de sékaptein wer op. It jild fen Niels en dat fen syn egen liet hy by it kantoar yn Bergen bliuwe, dat koe der yntrêd dwaen, en hy koe him der skoan bûten redde.

En do 't mei in dei mannich skipper Sibe der yn 'e haven en by de sékaptein kaem en hy der al sa njunkelytsen hearde hwa der wie en op him wachte, en ho Hans him do yn 'e earmen fleach, is net to forhellen. Ho bliid dy man wie, Hans wer like goed as altyd, foar him to sjen en mei him to praten, is net to sizzen. Dat binne toanielen yn it minskelike libben, dy 't net yn wurden binne to bringen, dat moat de lêzer him sels tinke.

Nou kinne wy wol foarby gean, hwet yn de dagen dat de skipper der oan it laden wie, bipraten en forhelle waerd en ho lokkich hja meienoar wieren, wy kinne dat allegearre wol riede. De sékaptein en syn hûsgesin wieren ek sa oandien do 't Hans mei de skipper nei board gyng, en Hans sels ek neat minder.

Mar de oare deis foun dy man op syn skriuwtafel, hwer Hans oan it skriuwen west hie, in pong mei fiifhûndert Noarske kroanen. De triennen rounen dy man oer, en in fjûrich gebêd for

dy beste jonge wie syn tank, it kaem hjarren sa goed to pas!

De skipper en syn folts wierne sa bliid do 't Hans by hjarren oan board kaem en mei nei ús lân ta farre scoe. De skipper wie der ek sa bliid om dat Hans mear as genôch hie om in nije koffe út to heljen, mar sei: it leit der yn Terherne alhiel for dy klear. Dou koeste Rienk Wibrens wol, dy hat oer twa jier in moaije nije koffe krige, de greatste dy 't noch yn Terherne makke is. Dy jonge man hat der mar koart mei fearn, do is hy útsukkele en syn widdou is mei ien famke efterbleaun. Nou wol se dy koffe graech forkeapje, mar dat gjit net hird. It binne gjin minsken mei jild, en hja ha frij hwet fen in oar ûnder 'e koffe, nou moat der foart jild komme. It griist my, sa as dat fikse jonge frominske der ta sit, en nou koe it troch dy alhiel yn oarder komme. Dat like Hans moai ta, den wie hy foart klear.

En do 't se nei in beste reis yn ús lân kamen, reisge Hans foart nei Terherne ta. Mar der wieren in hiele bulte dy 't foart net seagen dat hy it wie, sa wie hy foroare. Hy wie sa blank do 't hy foart gien wie, en nou troch dy hjitte súdelike sinne frij hwet forbarnd, en hy wie folle swierder wurden. Mar elts sei: hwet is dat doch in moai jong kearel, min sjocht se hast nea sa. Krekt as it hjar bern wie, sa bliid wie Sibe Gelske him der wer to hebben, hwet hie se God faek bidden dat Hij it dy beste jonge noch ris forgoedsje woe, dat hy hjar man en hjar hiele wolfeart for hjar bihalden hie. En Hans wie al sa bliid der wer to wêzen en mei de minsken prate to kinnen oer alles hwet der bard wie. Mar it missen fen dy iene der, dat naem al syn gelok wei. Hwet holf it him nou, dat hy it sa skoan dwaen koe, hy koe doch neat for hjar dwaen, hja wie for him forlern. Mar nea kaem der in inkelde forkearde tinken yn him op, dat se hjar oan in oaren ien forboun hie. Hy wiste alles, ho bidroefd it mei hjar stien hie, en dat se do sa lokkich oanlânne wie, en hja wist net better as hy wie wei. Né, as hy mar wiste dat se lokkich wie, dat scoe him in greate treast wêze, mar o! den kamen de triennen sims wer sa los.

Op in dei frége hy Sibe Gelske om 'e kaei en gyng nei Jantsje hjar alderlik hûs. En do 't hy sa lang bleau en Gelske him der opsocht, siet hy stom fen smerte derhinne. Alles wie der noch allyk, as do 't hy as earme jonge der yn 'e kost bisteld wie, mar dy beste alde minsken, en hja, dy 't him alles wie, wieren der net mear. En krekt as Gelske do mei Jantsje der dien hie, sa sloech

se as in mem de earmen om dy sterke jonge man hinne, patte him en sei: lit ús op God bitrouë, myn jonge, dy wit hwet it beste for ús is!

Do 't Hans by Rienke Sytske komd wie om de koffe, wie it jonge frominske sa bliid west, en wie der in bulte praten, oer hwet se ûnderfoun hiene. Hans hie wol faek by hjar folts west en hjar heit hie him do ek mei holpen, nou wie hy bliid dat syn jild sa to pas kaem. Hy koe de koffe krije, en hja koe fen de minsken ôfkomme, dy 't der jild ûnder hiene. De skûtmakker dy 't him makke hie en twa kofskippers taksearen do hwet alles wurdich wie en sa krige Hans it oer. Mar do 't de widdou alles bitelle hie, halde se net folle oer, dat bigreate Hans sa. Hy sei tsjin Gelske: wolle jy hjar noch fiifhundert goune bringe? Hjar heit hat my do ek mei holpen, en ik kom nou sa moai oan de koffe, mar jy moatte net sizze dat it fen my komt.

Gelske woe dat wol graech dwaen, en woe Sytske net sizze fen hwa it kaem, mar dizze bigryp it derom wol. En do it praet oer Hans kaem, seien de beide froulju, as Jantsje nou ris heart dat Hans noch libbet en wer yn Terherne is, den scil it wol bidroefd mei hjar wêze, hwent hy leit hjar noch sa heech. En it scoe ek in griis wêze om hjar man, der is se sa alles for. Sytske sei: ik ha noch nea ien sjoen, dy 't yen sa innimt, it komt net allinne fen syn moaijens, mar syn aerd docht der sa folle ta, min moat folle fen him halde!

De koffe wie frij hwet wirk mei, hy hie der al langer as in jier lein, en den hat in skip syn ûnderhald net goed. En Hans koe it tige dwaen en woe him wer moai yn oarder ha; hy hie der nou doch gjin folts op, en hie it mei hwet help derby goed oan tiid om him foar de winter alhiel op to gnappen en den yn 'e maytiid woe er bigjinne to farren. Lit ús nou ris sjen, ho it mei Jantsje gyng!

X.

Wy witte ho lokkich Dirk mei hjar wie, en hja bigoun ek ho langer ho mear fen him to halden. En syn alders halden ek safolle fen hjar, as wie it hjar egen bern. Mar der rint al gauris hwet bitter troch it swiet fen it libben, sa wie it by de alde ljue ek.

Wie it der by hjar oan hûs sa nei it sin, by hjar dochter Riemke net. Hjar man Harmen hie foar en by syn trouën de moaiste bollen ek foar it finster hawn, hy foel bidroefd ôf. Hja wisten dat

hy kloek en oppassend fen aerd wie, mar net dat hy gjirrich, en dat yn de heechste njitte, wie. Al gau hiene se nei it trouën sa ris hwet fornômd dat hjarren net nei it sin wie, mar dat waerd hird minder oan. Hja wennen der best, en koene in oar dos ek in goede deihier fortsjinje litte, mar dat like nearne nei. Elts in ien bignibbelje, en al gau de tsjinstboden alles wol oplizze wolle, mar ljeafst sa min iten jaen as it koe, der gyng it hinne. En Riemke, dy 't sa net opbrocht wie, en in oar sines ginde en earmoede graech helpe woe, koe hast neat bigjinne. En yn pleats dat se hjar der foart tsjin forset hie, joech se mei hjar goedlik aerd en bang for lêst, hjar der alhiel ûnder del. It wie hjar heit en mem sa bidroefd yn 'e wei, hwent it hoefde sa net. En it waerd al minder oan, Harmen siet rounom yn, en do 't se sa'n ljeaf lyts famke krigen, bigreaten him de kosten raer, dy 't sokke saken meibringe. Riemke koe mei bisytsjen en sokke spillen hjar fatsoen net iens ophalde, elts bipraette hjarren, en dat wie it goedlike sloaf sa yn 'e wei. Mar nea scoe se tsjin hjar alders kleije en forsêfte Harmen syn min aerd noch altyd. Mar der kamen hjar doch faek hjitte trienen yn 'e eagen, as mem hjar to mûk in somke jild joech om hjar better redde to kinnen. Hwent Harmen pakte alles yn, en it spande om it nedichste út syn hannen to krijen. En as de alde ljue it him sa mei goedens ûnder it each brochten, dat help net folle. Den wie it in dei twa hwet better, mar den wie it krekt as hy it wer ynhelje woe. Ellindich waerd it der njonkelytsen, de goede tsjinstboden en arbeiders gyngen foart, en mei sokken, dy 't gjin plakken halde kinne, moasten se hjarren bihelpe. Elts biklage Riemke en it naem hjar en hjar alders wille for in great diel wei.

Djip ûngelokkich is it, as immen him oan dy jilddivel oerjowt. It al mear en mear to krijen, bihearsket alle tinken, en de edelste fjillingen fen in minske wirde alhiel forstompe. It fitert him oan ta dieden, sa wreed en min, dat it yen oangrise moat.

Rjucht oars yn alles wie it libben der by Dirk en Jantsje, der hie de ljeafde it bistjûr. En net allinne hja togearre, mar de tsjinstboden en arbeiders waerden sa bihannele, dat se allegjerre folle fen hjarren halden; der wie wille yn dat hûs.

Jantsje hie Sibe Gelske al twakear biskie dien, dat se hjar sa graech der útfen hûs ha woe, har aldste, Sjoukje, scoe it nou skoan redde kinne, en hja koe wol in skoftsje fen hûs tocht hjar.

De earste kear wie Gelske net goed yn oarder west, mar letter, de twade kear, krige se tagelyk ek in brief fen hjar man, Sibe,

út Amsterdam wei. Hja hiene in goede reis út Noarwégen hawn, mar hy hie in fracht oannomd nei Londen ta en der wie hast by. En ta hjar greate bliidskip lies se ek yn dat brief, dat Hans meiskien noch libbe en ho dat gien wie, mar ek, ho bidroefd it mei syn mem gien wie. En do hie hjar earste tinken foart west, o God! as Jantsje dat ris heart, hwet seil dat der raer bystean. Do doarst se der net hinne, hja wie bang hjir to forrieden en makke hjar der hwet ôf.

Jantsje koe hjar net bigripe ho dat sa wie, út it each, út it hert, dat koe se ek net leauwe. Mar de simmer gyng foarby, de hjerst kaem en do krigen se sa'n ljeave lytse jonge, hwet der sa'n bliidskip joech. Sa gau as se koe, skreau se dat oan Sibe Gelske, nou moast se den f'ral oerkomme en net wer weibliuwe, der wie nou sa'n langstme nei hjar hjar e. s. f.

En der krige Jantsje in brief op werom, sa toar, sa koart, Gelske winske hjar alle goeds, mar koe net oerkomme, neat mear. Dat skriuwen foel as kald wetter op hjar waerm hert, dat kostte hjar triennen, hja miende forgetten to wêzen en dat foel hjar sa hird.

Mar dat skriuwen hie Gelske ek swier fallen, hja woe sa graech nei hjar ta, mar doarste net. Skipper Sibe hie thús west en hjar alles forhelle hwet wy al witte fen Jean Bart, en dat hy troch Hans wer frij rekke en alles werkrike hie. En hy hie it hast net forhelje kinnen, sa wie hy noch oerstjûr west, dat hy Hans do sa ûngelokkich meitsje en sa forlitte moatten hie.

Nou doarst Gelske út noch yn net nei hjar ta, hja tochte, it scoe noch wol gau wer oer Hans wêze, en der doarst se net mei hjar oer prate, derom hie se sa skreaun. Sa forwidere, for in skoft tiid, it meilijen oan de iene side, en it tinken, forjitten to wêzen, oan de oare side; twa waerm foar elkoar klopjende herten!

Nou hie Jantsje oars neat mear as dea goed, dat hjar oan Terherne forboun. It alderlike hûs en hûsrie dat wie der noch, mar der woe se nou ek net oer skriuwe, hja tocht, der scoene se wol op passe.

It wie in wânder ho't beppe op hjar paste, der waerd sa'n noed for hjar en de lytse Ate stien, dy alde minsken wieren der sa troch bliid mei, alle gelok wie der oars.

Sa gyng in jier foarby, hweryn alles tige best by hjarren gyng, mar der kaem noch wol ris sa'n stille dei, hja koe dy beste Hans net forjitte en koe der neat tsjin dwaen. Mar fen Terhernê hearde se nea mear, ho it der gyng.

By Harmen en Riemke waard it noch minder oan, Riemke hie neat gjin wille en wie bleek en meager. Harmen skrabbe alles mar byenoar, en hja leauden, as forhongere in minske foar hjar doar, den scoe hy noch net in stik brea jaen. It wie sa bidroefd, sels de fjillinge for wyf en bern moast efterstean, it spande dat hy hjarren it nedige ginde.

Dirk en Jantsje scoene mei hjar lytse jonge, dy 't sa ljeaf opgroeijde, in dei út to iten nei in frjeon fen Dirk, dy 't boer wie to Dronryp. It wie do moai ljocht moanne, en it waard ek tiid, as se noch hwet wachtten, den wieren de ryddiken min to brûken. Hwent strietwei ef púndyken wist min do net fen, hja moastten hjarren mei klaei- en modderdiken bihelpe.

Hja hiene twa hynsders foar 'e wein, hwerfen de iene net to mak wier, mar de oare wie troch mak en loai, sa koe de iene de oare hwet tobek halde. Hja hiene der in tige fleurige dei en op 'e weromreis wie it ljocht en moai waer. Do 't se Frensjer foarby wieren, moasten se in eintsje by de lûkskip lâns. Der kaem krekt in lûkskip oan, en de jonge op it hynsder blies njunken hjarren yn ienen sa lûd as hy koe, min sei letter, út kleare ûndogensheit!

Der skrikte it iene hynsder sa fen, dat it ienen op 'e rin scoe, it oare kearde tsjin, sa gyng it nei de feart yn. Dirk sprong der hird ôf en scoe it hynsder gripe, mar alles gyng meienoar yn 'e eart en hy rekke foart ûnder 'e wein. En mei it fallen ûntkaem Jantsje de lytse jonge en hja seach him ek net wer. Hja halde hjar út binauthheit oan de wein fêst, it lûkskip hie foart stil halden, hja kamen derop ta en holpen hjar. Hja brochten hjar by in boer, der tichte by, yn 'e hûs, wer se ljeafderyk forsoarge waard en droege klean oan krige.

Rampsillige tastân for dat jonge frominske, ienkear hie se hjar beste Hans sa bidroefd forlern, moast se nou hjar beste man en ljeaf jonkje ek wer misse?

Sa klage en jammere se, hja wie hast gek!

De boer wie der foart hinne gien, mar do 't hy werkaem, sei hy neat. Stom fen smerte seach se him oan, salang dat se him frege, ho it der wie?

En mei triennen yn de eagen sei dy man: to let, beide wei!

Hja siet mar rjucht foar hjar út to sjen, salang dat de triennen yn oerfloed kamen, dat wie hjar bihald. De boer en boerinne, ek jonge minsken, skriemden mei hjar, sa griisde it hjarren oan. De boer, dy 't der de Macijes komd wie en hjarren net koe, stjúrde,

do 't hja him dat sei, syn feint op it hynder nei de alde ljue ta. Hy moast sa forsichtich as hy koe, sizze dat se in ûngelok mei de wein krige hiene, en hjarren den sa njunkelytsen mear mei diele. En de feint, dy 't der ek wol klear for wie, die dat ek sa, mar do stie it der raer by. En do 't Jantsje goed bikomd wie, brocht de boer hjar sels mei de wein nei hûs ta, hwer de alde ljue noch krekt allyk sieten as do 't de feint wer foartgien wie, hja wieren hast wésenleas.

Dirk syn lyk waerd foart foun en dat fen hjar lyts jonkje de oare moarns. Mar jimme it thúsbringen fen de beide liken, de derop folgjende dagen en it to hôf bringen mei to dielen, giet boppe myn krêft. Der binne toanielen yn it minskelibben, safolle fen wille as fen leed, der binne gjin wurden foar to finen!

Mar it skeelt in bulte hwa sa 'n slach treft, is it in jong en soun minske en it earste is foarby den docht de tiid en de natûr safolle om it wer oer to kommen. Mar treft it aldere minsken, den docht it hjarren faek de dea. Sa wie it der ek, de slach wie sa hird oankomd, it leed wie sa great, hja koene it net drage. Der kaem noch by dat hjar hiele libben, bûten der by Riemke, hast sûnder leed en fortriet foartgien wie, en sokke minsken falle meastal gau as it den komt. Alle fearkreft skynde út hjarren wei to wêzen, hja krigen iten noch drinken. It wie krekt as se nearne om tochten en hja waerden sa mar wei. Mei fjirtsjin dagen rekke it alde minske en de oare deis de alde man al wei, en moastten se dy trochbeste minsken ek to hôf bringe!

Dy lêste slach trof Jantsje ek djip, it wie krekt as it hjar alders wieren en it hie ek rare gefolgen for hjar. It wieren minsken dy 't alles for hjar bern oer hiene, mar beide lyk en rjucht dwaen woene. Hja hiene Harmen en Riemke alhiel yn 'e spillen set, mar dy hiene der in biwiis for jaen moatten. En do 't Dirk it fé en alles hwet ta de boerkerij bihearde oerkrige, wie dat krekt allyk gien. Mar nou 't Dirk en hjar berntsje earder weirekken as de alde ljue, bisieten dy ek noch neat en Riemke erfde alles hwet der wie. Nou hie Jantsje it fé en alles wol, mar wie it jild der ek for skildich. It wie for hjar sa bidroefd as it mar koe.

Dat hie Harmen mei syn gemien aerd allegearre wol yn 'e rekkening en wie 't net troch alles hinne? Hy bigoun al gau tsjin Jantsje, as se der bliuwe woe, den moast se folle mear hier jaen, en hja moast dat jild ek opbringe, hiene dy beste alde minsken dat saris ynsjoen!

En Jantsje, djip forslein as se wie, wist der gjin ried op en it boerkjen like hjar ek alhiel forkeard ta. En dy gemiene Harmen makke it hjar sa lêstich, dat se him alles mar wer for it selde oerdie. Do wie se fen him ôf, mar koe der útgean, sa as se der ynkomd wie. Allinne hwet hjar jown en hjarris dos wie, dat hie se mear as do, mar hwet help hjar dat bytsje goed?

Nou hie Harmen alles en Riemke laei troch syn gemien hanneljen tsjin Jantsje, frij hwet siik op bed, sa griisde hjar dat oan. Mar de jilddivel fitere him mar oan, hy sette alles troch, hy liet boelgoed halde en forhierde de pleats sa djûr it mar koe. Lit ús yn koart ris sjen ho it fjirder mei hjarren gyng!

Nei hjar alders dea miste Riemke hjar oanhald alhiel en waerd it noch minder oan. It goedlike frominske wie sa net opbrocht, hja koe yn dy skriele en skrabberige loft net libje, en sukkele njunkelytsen skjin út. Do kaem der in hûshaldster, mar dat wie in raren ien, goede koe hy net krije. En hy, dy 't oars gjin doel hie as jild, liet syn fanke hast yn it wyld opgroeije, salang dat se sahwet great wie. Do kaem der sa 'n gemiene feint to wenjen, hja moast yn 'e kream en trouë.

Harmen skippe hjarren ôf, sa min it mar koe, mar hy hie net lang mear wille fen it jild, hy waerd siik en rekke hastich wei. Do koene syn dochter en hjar man alles krije, hja wieren ryk, mar dat gyng raer. Hja hie neat leard en seach nearne net nei om, hy ried en jage en sloech op 'e merken en mei oare frouljue om, alles forwaerlease, it gyng sa hird efterút as it mar koe. En yn koarte jierren wie fen alles hwet Ate Dirks bisitten hie, net in cint mear yn 'e famylje, greate earmoede en bitter lijen wie it ein.

En Jantsje? hwet moast se nou? goede ried wie djûr. Mar it giet al wûnderlik ta yn it minskelibben, hwent hie it earne en fen alles biroafde sloaf do de reis nei Terherne ta dien, den hie se hjar beste Hans der werfoun en al hjar lijen hie út west. Hwet scoene dy twa, dy 't altyd om elkoaren tochten, den wer lokkich wurden wêze! Mar hja tocht der net om, nei Terherne ta to gean, hja miende mar, dat se hjar der forgetten hiene en woe der dos net hinne, en dertroch waerd lijen hjar diel!

Hja hie in bulte kinde yn Harns, hja kamen der safolle om boadskippen to dwaen, en derom tocht hjar, scoe se der in keammerke sjen to krijen en den mei naeijen en arbeidsjen hjar brea to fortsjinjen. Mar hja tocht der net om, dat se do as boerinne kaem en oeral sa wolkom wie, nou scoe se komme om help en ried,

en den scoene se de skouders oplûke en it wolkom wie wei. Sa gyng it hjar earst ek, mar hja halde oan en foun in geskikt hûske for net folle hier. Do waerd hjar goed der ynbrocht en hwet hjar ûntbriek koft se oan, en makke it yn oarder sa goed as it koe.

En wie it in wûnder dat se hjar hiele libben do wer neigying ho frjemd alles gien wie? As dy beste Hans yn it libben bleaun hie, hwet scoe hjar libben den lokkich west ha, O! hwet stie hy noch klear foar hjar, nea koe se him forjitte! En do hie se it sa best wer troffen en hie nou alles wer forlern. Oer seis wike siet se yn 'e romte as boerinne op 'e pleats, hja boarte mei hjar ljeave jonge en hjar beste man wie sa trochlokkich. Hwet wieren dy bidroefd weirekke, en nou siet se as forlittene yn in hûske yn Harns, ho scoe it nou komme? Wie it frjemd, dat de triennen sa yn oerfloed kamen, en hja sa fjûrich bidde om kreft en help? Wie it in wûnder, dat se de earste nacht hast gjin sliep krige, en it kjessen wiet wie fen triennen?

Né, dat moast sa komme!

De oare moarns wosk se hjar tige, de eagen wieren sa rea, en do der op út. En it slagge hjar goed, hja krige wol aerlich hwet naeiwerk mei. En do it klear wie en hja it brochte wie it tige nei 't sin en krige se mear, dat joech moed. Hja krige by in keapman, hwer se golle gûd koft hiene, en dy it goed dwaen koene, it ek klear, dat se der wyks twa dagen komme koe to arbeidsjen, dat die se folle ljeaver as altyd sitte.

Sa wie it bigjin net sa min, der wieren ek wol dy 't wisten ho bidroefd it mei hjar gien wie, en dy dat oangriisde. Sa kaem it, dat troch dy drokte en ôfwikseling wer glans yn hjar eagen kaem, de kleur waerd folle moatjer en al sa njunkelytsen kaem it golle bliere aerd ek wer út. Hja waerd wol opmirken en faek neisjoen, hja wie noch gjin fjouêrentweintich jier âld en in byld fen in frominske, sa as min net folle seach, it each moast wol op hjar falle!

Hja hearde nea hwet fen Terherne, en der wisten se neat fen hjar forlittene taslân en great forlies. O! hiene se dat der ris witten, hwet scoe Sibe Gelske hjar gau skreaun ha om oer to kommen, mar nou wist de iene neat fen de oare.

Yn it tinken oan elkoaren wie ek in great forskeel twisken Hans en Jantsje. Hans wist by syn tinken dat se libbe, mar oan in oaren ien forboun en sa for altyd for him forlern wie! En Jantsje wist by hjar tinken oan him net better, as hy wie dea, hja koe nea winskje him noch ienkear wer to sjen, en to witten

as hy lokkich wie, lyk as syn winsk altyd mei hjar wie. Hja tocht oan in deade, hy oan in libbene, der wie gâns forskeel yn!

Mar hjar moaijens scoe hjar yn in great lêst bringe. De minsken, hwer se twa dagen kaem to arbeidsjen, hiene in soan, hwer se in bulte lêst mei hiene. Op syn plak stean, woe hy net, mar omjeije en gemiene setten útfiere, wie syn wille en nocht. En al gau wie syn each op dat moaije jonge frominske fallen en de bigearte om mei hjar yn oanreitsjen to kommen, woun hird oan. Hy wie wend om mei jild folle wirde to kunnen, en kaem mei syn ûnbeskamme tael ek by hjar. Mar dat wie fier mis, hja wist net hwet hjar oerkaem, de triennen sprongen hjar út 'e eagen.

Mar hy laei fen ien slach net. Hy socht hjar ek yn hjar hûs op, en it spande dat hy hjar gewirde litte koe. Troch likk wie Jantsje, hwent hwet moasten de minsken tinke, dat hy by hjar wie, hy, mei syn minne namme? Hja sei: as hy net gau foartgyng, den gyng se daedlik nei syn alders ta, do gyng hy foart. Mar hy doarst it noch wol ris weagje, mar hja gyng der foart út, do moast hy wol. Mar op in joun kaem hy wer, en do 't se der út scoe, pakte hy hjar beet en halde hjar. Neist hjar wenne in goed ald minske, hwer se wol gauris by kaem, dy hie in soan yn 'e hûs, dy kaem op hjar roppen om help, ta. En do krige dy gemiene fint sa 'n pak bruijen, it spande det hy rinne koe. Jantsje wie sa bliid det dy jonge man hjar holpen hie, en bitanke him sa. Mar hja woe der net wer hinne to arbeidsjen, en de minsken dy 't wol heard hiene, hwet der bard wie, joegen hjar ek gelyk.

Mar al ho ûnskildich as se wie, doch waerd hjar goede namme der minder fen. It is krekt as in frominske der al minder om is, dat sokke gemiene kearels der komme, it hat der den wol fen dat sokke frouljue der doch ta yn steat halden wirde. Sa wie it der ek, in dei twa letter hearde se twa fen dy gemiene frouljue oer hjar praten dat it hjar troch alles hinne gyng. It wie sa 'n ûnbeskamme tael en hja praten ek sa lûd, dat se it mar hearre scoe. It earme sloaf wie der sa fen oerstjûr, it grypte hjar sa oan, dat se alhiel fen 'e wise rekke en net foar it ljocht kaem. Moast dat der ek noch bykomme?

Hja waerd der siik fen, do wie it fortsjinjen ek dien. De dokter moast komme, dat naem sines ek, do bigoun it slim to stean. Forlitten laei se der yn hjar keammerke, en nimmen stie hjar hwet by as hjar ald bûrwyfke, dy 't sels ek earm wie. Hja koe ek net wer op 'e hael komme, en de winter mei syn kjeld kaem der noch

by. Wike op wike forroun, it bleau mar gelyk, it wie gjin siikte, mar fortriet hwet hjar ûndermine. Salang as se soun wie, hie dat to dragen west, mar nou 't se net goed wie, nou grypte dy forlittenheit hjar al mear en mear oan. Hwet se sawet misse koe, forkoft se, om de dokter en hwet se nedich hie to krijen. En op in dei, dat se hwet better wie, naem se in bislút, sa as se nea better nimme kinnen hie. It earme sloaf miende dat se hjar yn Terherne forgetten hiene, mar hja tochte, as ik Sibe Gelske alles ris skriuw, den scil se doch wol meilijen mei my krije. Sa die se do foart ek; hja skreau Gelske hjar hiele ûngelokkich lot, ho bidroefd ef se alles forlern hie, en ho gemien as se do noch bihannele wie. Hja skildere hjar ho bidroefd it nou mei hjar wie, siik en hast alles op, winter en sa kald, en bidde hjarren om hjar hwet jild op it hûs to jaen, dat se sa wer op stap komme koe. Hja sette der ek yn, dat se dit brief troch in man bringe liet en dat se graech woe, dat se dy goed bileanen, hwent sels koe se it net dwaen. As der net gau help kaem, den wist se net ho it komme scoe, mar hja tochte: Gelske scoe nou wol hwet meilijen mei hjar ha e. s. f. Der laei yn dy hiele brief sawet, dat djip oangrypte.

Do frége se de soan fen hjar bûrwyfke, ef dy mei dat brief nei Terherne ta woe en it der bisoargje, hja koe him net leanje, mar hja hope dat hy der wol goed bileane wirde scoe. En om 't it noch sterk iis wie en hy goed ride koe, naem dy dat foart oan.

Hwet wie it earme sloaf fier mis mei hjar tinken, hja miende dat se der forgetten wie, mar hope, dat se hjar út meilijen hwet helpe scoene. Nea koe se tinke dat dat brief in ein oan al hjar lijen meitsje, en it bigjin fen hjar great gelok wêze scoe. Lit ús ris hearre ho dat gyng!

XI.

In greate opskoerringe joech it yn de hûshâldinge fen Sibe en Gelske, do 't de bringer der mei it brief kaem. Gelske wie alhiel fen 'e wise en sei: hiene wy mar earder witten dat it earme sloaf sa ûngelokkich wurden en sa forlitten is, nou fréget se út meilijen om hwet help. Hwet is se fier mis, alles scil foart dien wirde om in ein oan hjar lijen to meitsjen, en as se ris wiste, hwa hjir is. O God! hwet moatte wy nou forsichtich wêze, scille wy der moarn foart hinne, Sibe?

Jawol, sei Sibe, mar it seil dy wol raer ôffalle, dou hast yn gjin trije jier riden!

Nou, sei Gelske, den moatte wy it ús oan tiid dwaen, mar ik moat der hinne. Mar my tochte, jy moastten Hans foart opsiikje en forhelje him alles.

Ja, sei Sibe, mar my tinkt, de bringer moat neat fen him witte, pas der op.

De bringer waerd sa ûnthelle en wist net hwet him oerkaem, en do 't Sibe om Hans út wie, forhelle hy Gelske, ho it mei Jantsje wie. En do rôllen Gelske de triennen by de wangen del, sa griisde it hjar oan.

Hans hie him yn 'e kost bisteld by in pear minsken, hwerfen it de man krekt gien wie as eren Jantsje hjar stieffaer Gjerrit, hy koe troch in ûngelok net mear farre. Hy foer by skipper Sibe, do 't se Hans yn dy fiskersboat op sê foun hiene en hie him do mei oan board brocht. Dat hie Hans altyd ônthalden, nou joech hy hjarren tige kostjild, dat stipe dy minsken moai. Dy man hie Hans mei noch in pear oaren holpen om de koffe alhiel op to gnappen, dy wie nou sa moai yn oarder as it mar koe.

Der wieren in hiele bulte minsken hwer Hans faek kaem, mar bûten Sibe en Gelske wie der noch in hûs, wer hy alhiel thús wie, dat wie Sytske, hwer hy de koffe fen hie.

Troch dat in hiele bulte fen de koffe, sa as seilen, touwirk en mear, by hjar yn 'e hûs wie, moast hy der yn it earst faek ris hinne, en der foun hy hwet, dat him sa oantriek. Sytske hie in famke fen lyts twa jier ald, in ljeaf oanfallich bern, en der waerd Hans sa great mei, dy naem syn waerm hert sa yn, dat hy der faek oan hûs kaem. En troch dat hy den meastal hwet for hjar hie, fleach it lytse ding him al tomjitte, as hy der yn kaem. As hy dat bern op 'e knibbel hie en mei hjar boarte, en hja dy lytse hantsjes om syn hals hie, den koe hy faek triennen yn 'e eagen krije. Hy wie yn 'e leste jierren alhiel gjin bern wend west, en nou hie dat ûnskildige praet sa 'n ynfloed op him. Hy hie sa 'n greate bihoeft oan ljeafde, hy stie sa allinne, en de lêste jierren hene sa raer west. En de mem, dy 't sels O! safolle fen Hans halde, seach it sa graech, hja sette him sa heech. Ja, hwa wit, as it bern de bân net wurden hie, dy 't dat fikse jonge frominske oan him forboun hie, hwent hy halde ek folle fen hjar, mar hwet nou kaem, naem dat alles wei.

Der foun skipper Sibe him, en sei, dat der in brief fen Jantsje

komd wie, mar dat der frij hwet mei hjar bard wie. En krekt as it him sein waerd, hy frége mei in triljend lûd: is hjar man dea? Ja, sei Sibe, yn 'e neisimmer al en hjar berntsje ek, en do ha se hjar der sa gemien bihannele. En it fanke wie mar yn 'e forbyldinge dat se hjir forgetten wie, en fréget nou út meilijen hwet help. Mar kom mei, den kinste hjar brief sels lêze!

Hans fleach oerein en Sibe koe dy flugge jonge kearel hast net folgje, hja wieren gau by syn hûs. En do 't hy der kaem en Gelske hjar reade eagen seach, brocht dy him yn in keammerke. Der joech se him it brief en wie der do de tsjûge fen, ho dy sterke jonge man ûnder it lêzen derfen skriemde. Ho moat it nou? frége hy, en trille alhiel.

Gelske sei: de bringer moat net witte dast dou noch libbeste en hjir biste, dat scoe hjar de dea dwaen. Wy moatte der moarn mei ús trijen mar hinne, en den gean ik en Sibe nei hjar ta en dou kinste yn in herberge gean. En den scil ik it hjar O! sa for-sichtich meidiele, mar ik doar dat moarn foart net dwaen. Hja scil wol raer oandien wêze, as wy der komme, wy scille wol tige oppasse moatte en de dokter freegje ho to hanneljen.

Ho it tinken Hans oandie, moarn scil ik nei hjar ta, hja is frij en net mear oan in oaren ien forboun, is net to sizzen. Scoe der noch gelok for him wêze? O! hy wist sels net ho hy wie, hy fielde him nou al sa lokkich, as it nou mar goed mei hjar gyng!

Skipper Sibe sei: dy man moat foart mar wer hinne en sizze, dat ik en Gelske moarn sels komme, en ik scil him in eintsje foart-bringe, hy moat neat oer dy hearre.

Hans krige syn pong út 'e bûse, en joech Sibe in moaije Hol-lanske gouden dukaet oer. Jow him dy for it boadskip, noch nea ha 'k my sa lokkich field as mei dat brief, sei Hans, en de triennen rounen him by de wangen del.

Skipper Sibe gyng nei dy man, dy 't fen alles tige forsjoen wie, en hja gyngen togearre foart.

Sa slagge it hjarren, dat dy man der gjin wird fen hearde, dat der in Hans wie. Hja hiene him sein, hwet hy tsjin Jantsje sizze moastte, en do 't se in ein foart wieren, scoe Sibe werom, en joech him do dy moaije gouden dukaet for syn boadskip. De man wist net hwet hy seach, mar wie der sa trochbliid mei, it kaem him en syn alde mem sa goed to pas.

En do 't hy dy jouns let Jantsje sei, hwet in beste reis hy hawn hie, en dat dy minsken de oare deis sels al komme scoene, do

fielde se sa klear, dat se der net forgotten wie. Ho it do west hie, koe se hjar net bigripe, mar scoe hjar nou ek wol klear wirde, ja, en hie se ris witten, hwet great gelok hjar wachtte!

Hja laei mar to tinken, dy leste nacht der allinne yn hjar keamerke, it forline stie alles sa klear foar hjar. Hiene dy beste Dirk en syn alders dat ris witten dat se der sa forlitten en yn earmoede en lijende lizze scoe, hwet scoe dat der raer bystien ha. Hjitte triennen skriemde se noch om dy beste minsken en hjar ljeaf lyts jonkje. Hja hiene hjar sa best bihannele en wieren hjir sa ûnge-lokkich weirekke!

Mar op it lêst naem de natûr syn rjuchten, hja foel yn 'e sliep en hie do gjin binaude mar in hearlike droom. Hja wie wer yn it alderlike hûs, Sibe Gelske siet op mem hjar plak en seach sa troch lokkich nei hjar en Hans. Hy siet neist hjar en sei hjar hwerom hy salang weiblaun wie, mar nou hiene se elkoar for altyd wer, en do die hy de earmen om hjar hinne, sa waerd se wakker.

O God! tocht se, it is my krekt as fiel ik syn earmen en sjuch ik him, en doch is hy foar altyd wei, en alles hwet my nou wer ljeaf wie, ek!

En doch wie se sa wûnderlik to moede, it wie krekt as it hjar sa rom wie. Hja wist net, ho dat sa wie, mar tochte, dat it út bliidskip wie, dat Sibe en Gelske kamen.

De moarns sa gau as se koene, gyngen Sibe en Gelske en Hans op reis nei Harns ta.

It wie kald mar moai en stil waer, en dat trof goed, hwent it foel Gelske raer ôf. De foarige dei hie se hast gjin rêst hawn in de nachts net folle sliep, hja tocht mar, ho scille wy dat fanke der fine en ho scil dat gean?

It riden gyng net hird, hja halden faek stil en it wie al nei-middei do 't se der kamen. Skipper Sibe, dy 't sa faek wol to Harns west hie, wie troch de bringer fen it brief ynlochte hwer se wêze moastten en foun hjar hûske al gau. Hans koe de triennen net ynhalde do 't hy by hjarren wei, nei in herberge gien wie. Der scoe hy stil salang bliuwe, dat Sibe him helje scoe om by hjarren to kommen.

Ik kin it jimme net better sizze, as it wie krekt as alders en in bern elkoar wer founen, sa great wie de bliidskip der, de skok wie greater noch for Jantsje. Skriemende hiene de beide frouljue elkoaren beet, in do 't Jantsje do alles forhelle ho raer it gien wie,

do rounen de bijierre séman de triennen ek oer. En do 't se do mear praten, hearden se dat alles der hast ûntbriek en do rekke it alde bûrwyfke op 'e sjou, om fen alles yn to keapjen hwet mar best wie en Jantsje helpe koe.

In bytsje letter gyng Sibe nei de dokter dy 't oer hjar gyng en forhelle him do alles fen hjar en dat dy jonge man der nou yn in herberge wie, in frége him, ho nou to hanneljen.

De dokter sei: nou 't jimme der komd binne en hja fen alles krije kin hwet best is, scil se wol gau opfleurje, en stiet se it witten, dat dy jonge man noch libbet en hjir is, lokkich troch, den is se gau wer better. Hwent neat oars as fortriet hat hjar sa ûndermine, oars skeelt hjar leau 'k neat. Mar ik scil daedlik komme, en den bear ik mar, neat fen jimme to witten!

Sa die dy man ek, en ûndersocht en bifrége hjar goed en do gyng Sibe der mei him út. Dokter tochte, it wie better it hjar hjoed noch net mei to dielen, hja wie frij hwet oandien en oerstjûr. As Gelske nou earst ris in nacht by hjar wie en alles wer hwet rêstiger waerd, den moast se der sa njunkelytsen mei bigjinne, hwent yn hjar tastân moastten se tige foarsichtich wêze. Sa praten Sibe en Gelske it do ek ôf, en do gyng Sibe nei de herberge hwer Hans wie, hwent by Jantsje oan hûs koe hy net sliepe.

Min kin bigripe ho great Hans syn langstme wie om nei sa lange jierren hjar wer to sjen, mar do 't Sibe him do sei ho it mei hjar wie en hwet de dokter sein hie, wist hy him sa goed to behearskjen, hy foun alles goed. Ja, hy warskôge Sibe sels om doch foarsichtich to wêzen, dat se der neat fen skipe!

It griisde him sa to hearren, dat alles der hast ûntbritsen hie, en hja der sa forlitten en sa allinne lein hie, en syn heldere eagen fonkelen, ho 't hy nou foar hjar soargje scoe?

It wie in frjemde fieling for Gelske en Jantsje, sa togearre yn in húske yn Harns to wêzen en oer it forline to praten. Fral Jantsje fjilde hjar sa rom, sa wol to moed, alles wie ek sa foroare.

Hjar ald bûrwyfke hie foart fen it beste kouëflesk helle, dat wie daedlik kôke, en in pear plakjes der fen hie hjar sa hearlik smakke. Der wie beste wyn helle, dy 't de dokter hjar sein hie, der hie se al in kear twa hwet fen hawn, it wie krekt as se hjar folle better fielde. En Gelske by hjar, dy 't op hjar skriuwen foart komd wie en hjar krekt as in mem bihannele, hja fielde hjar sa tankber en wie der oandien fen.

En do 't se Gelske do better forhelle ho alles gien wie en ho

bidroefd as se alles forlern hie en ho alles fjirder gien wie , kaem it praet ek al gau wer oer Hans en syn ûngelokkige dea , en hofolle leed en lijen derût foart komd wie, en der makke Gelske gebrûk fen.

Hja bigoun al sa swietsjes wei fen ûnderen op, dat it mei Hans sa frjemd gien wie , en dat min noch nea sizze kinnen hie , hy is fêst wei. Syn hoed wie do wol yn 'e sé foun , mar hy sels doch nea , dat wie sa frjemd. En do bigoun se skiednissen to forhelfen fen sêljue, dy 't jierren wei west en doch noch wer komd wieren. Hja en Sibe hiene faek sein , min koe it noch net ris witte ho it komme koe e. s. f.

Jantsje harke sa, do 't dat alles op sa 'n ljeafderike wise. en op in tean, wer hast fortrouën yn hearske dat hy noch wol libje koe, hjar sa forhelle waerd. En is der hwet, dat ús better oan wol as praet, dat min sels sa graech wol?

Der halde Gelske dy jouns mei op, hja hie hjar doel birikt, hja hie Jantsje oan it neitinken brocht oer de mûchlikheit dat hy miskien noch wol ris libje koe.

Hja bleauwen ek net lang sitten, hwent Gelske wie dea ôf fen de reis en Jantsje fen de drokte en oandwaninge dy deis, hja gyngen lizzen en sliepten swiet.

Mar de oare moarns forhelle Jantsje oan Gelske, dat se nou al twa nachten dreamd hie, dat Hans by hjar wie en hja sa lokkich tegearre wieren. Do sei Gelske: dat moast foart net alhiel weismite fanke, it is krekt as it my sein is dat it sa wol komme seil en dat hy yn koart werkomt. Heare God! hwet sizze jy dat fêst! rôp Jantsje, en de triennen kamen yn oerfloed los. Ja fanke, sei Gelske, as min in lyts bytsje wit, den wol min sa graech it beste derfen tinke. In lyts bytsje wit? rôp Jantsje, O God! hwet is dat den?

Do forhelle Gelske hjar fen Peter syn dea en hwet forklearringe hy by syn testamint dien hie. Dat Hans miskien noch wol libje scoe, en dat it jild dat hy him tamakke, by it gerjucht for him biwarre bliuwe moastte.

Al wer in stap neiher, it lytse fonkje hoop bigoun al to glimmen. It fanke wie sa oerstjûr, dat Gelske tochte, ik moat nou earst ophalde.

Mar do 't skipper Sibe do kaem, bigoun Jantsje foart ek wer tsjin him, en dy forhelle hjar alles krekt allyk. Hy sei der by, dat hy for him sels alle hoop hie, dat Hans wol werkomme scoe, hja moast tominsten net mear tinke dat hy wei wie, mar goede moed halde!

Dat feste fortrouen en praten fen dy twa minsken dy 't Jantsje sa goed koe, en hwerfen se wol wiste dat se sa nea prate scoene as hja moastten der sels ek oertsjûge fen wêze, die in wûnderlike útwirking op hjar. It lytse fonkje hoop bigoun al in fjûrke to warden en woan hird oan.

Sibe en Gelske doarsten foart net mear sizze, mar woene earst mei de dokter prate. Mar wiles soarge Gelske dat se út en troch hwet fen dy beste wyn krige, en ris in plakje koueflesk, en dat smakke hjar sa lekker, hja fiede hjar hiel oars. Mar hja sei hast neat en siet fol tinken, en hja lieten hjar ek stil gewirde. Hja wisten, it tinken, Hans libbet noch, moast se earst alhiel wer yn hjar opnimme, der kaem it fen.

En do 't de dokter kaem en hjar folle better bifoun, gyng Sibe der mei him út, en forhelle him, ho fier as se gien wieren. Dokter sei: jimme moatte hjar mar stil gewirde en sels wer bigjinne litte, en den scoe ik it njunkelytsen mar weagje om hjar de folle wierheit to sizzen.

In skoftsje letter hiene se sa lekker meienoar iten, it wie Jantsje sa wûnder, sa rom, hja bigoan der sels wer oer en frêge Sibe: as hy sims noch libbet, wer scoe hy den wêze? Hy is do by Jean Bart, in Franske kaperkaptein, op it skip rekke, sei Sibe sa mar rjuchtút tsjin hjar. Kin hy hjir den nea werkomme? frêge Jantsje.

Sibe seach Gelske oan, en do krige dy hjar beide hannen beet en sei: scoest de wierheit wol hearre kinne, fanke? O God! rôp Jantsje, siz my doch hwet jimme witte!

En do bigoan Gelske op sa'n ljeafderike wise to forheljen, ho as Sibe do troch Jean Bart nomd wie, en ho hy Hans do versjoen, en dy him syn frijheit en skip en alles wer bisoarge hie, en ho 't hy troch him alles sizze to moatten, him sa bidroefd forlitte moatten hie. En al sa forheljende hie it minske de earmen om hjar hinne dien en laei Jantsje mei de holle tsjin hjar oan en frege: O! wit jimme ek mear?

En wer bigoan Gelske to forheljen ho it fjirder mei him gien wie, en op it lêst, dat hy yn de haven fen Bergen yn Noarwégen Jean Bart miskien wer foar de dea biwarre hie, en dat dy him do frij litten en safolle jild jown hie, en wer halde se efkes op.

Is hy der nou? frêge Jantsje.

En wer bigoan se to forheljen dat hy do mei Sibe út Noarwégen fearn en yn Terherne komd wie, en der sa'n moaije greate koffe kost hie, hwer hy nou mei farre scoe.

Gelske hie it each op hjar halden, en seach wol dat de triennen yn oerfloed los kamen, der wie dos romte, dat joech hjar moed fol to halden.

Tinkt hy noch wol ris om my? frége Jantsje, mar koe it hast net sizze.

Om dy tinke, fanke? sei Gelske. En do bigoun se hjar to forheljen ho ef se noch, altyd like folle, alles for him wie, en ho oerstjûr hy west hie to hearren dat se for him forlern, en ho bliid hy west hie, do 't hjar brief der komd wie. En do, en Gelske wachte hwet, en do is hy sa troch lokkich hjir mei ús hinne riden, en wachtet nou der op om dy wer to sjen, en yn syn troue sterke earmen to nimmen.

Heare God yn 'e himel! Hans hjir yn Harns! rôp Jantsje, mar do koe se it net mear foare'noar halde, hja sakke yne'noar tsjin Gelske oan, en wie alhiel fen hjar sels.

Do Gelske hjar klean hwet los meitsje en hjar mei kald wetter waskje, do kaem se gau wer by. Mar it wie in hiel oar oansjen as mei Hans do op it skip, hja seach hjarren oan en it greatste gelok blonk yn dy eagen, hja die de hannen gear en sei: tank myn God! tank for dy beste Hans, dy 't Jo my wer jown ha!

Sa bleau se in skoftsje stil tsjin Gelske oanlizzen, it sa oerlokige tinken, Hans libbet en is hjir foart by, moast se earst alhiel yn hjar geast opnimme, dat moast der earst forwirke wurde.

Mar, en dat foel Sibe en Gelske sa mei, it wie krekt as it sa lokkige tinken hjar stipe, en net lang dûrre it, do frége se Sibe: wolle jy him wol helje, Sibe?

Jawol graech, fanke! sei Sibe. Sibe gyng foart en de beide frouljue forklaeijden hjarren hwet, mar hoefden net lang to wacht-sjen, do wieren se der al. Gelske gyng der hinne, en krekt as in mem in bern, sa krige se dy sterke jonge man by de hân, hja die de keamersdoar op en by de tafel stie Jantsje. Hans fleach op hjar ta, sloech de earmen om hjar hinne en hja om him, en Gelske lûkte de doar wer ta, hja fiede, hja moastten hjarren der togearre litte. En wy ek lêzers, hwent wy scoene doch gjin wurden fine kinne, om hjar great gelok to biskriuwen!

XII.

Skipper Sibe hie in goede kinde yn Harns wenjen, der wieren hy en Gelske hinne gien, en do 't se in hiel skoft letter thús kamen,

sieten de beide lobbige minsken hân yn hân neist elkoaren mei eagen, dy 't fonkelen fen gelok.

En seil ik jimme it greate gelok skilderje, dat der yn 'e earste dagen wie? Ho it begjin fen de rozen, dy troch leed en smerte fen hjar wangen fage wieren, troch de ljeafde der wer op toavere waerd? Ho hird hja, troch dat beste iten en drinken, en mei him, dy 't hjar alles wie, wer neist hjar, do wer opfleure? It is ûnbigryplik, hwet dat alles meienoar oan in jong minske dwaen kin, sa wie it der ek.

Sibe en Gelske hiene thús sein, as it mûchlik wie, kamen se mei Jantsje wer thús, en howol se skoan fen hûs koenen, hwent hjar aldste Sjoukje wie alles best bitroud, hja krigen dochs wer langstme nei hûs.

De dokter kaem gauris to praten, en nou út frjeonskip, hy wist hjar hiele skiednis nou ek. Hy seach it moaije jonge pear sa mei nocht en naem diel yn hjar gelok, hy hearde Hans sa graech forheljen oer syn libben by Jean Bart, en seach him mei forwûndering oan ho maklik hy him mei forskate talen redde koe. Hy sei: as it net to hird gyng, den koe Jantsje de reis nou best dwaen.

Omdat Jantsje thús fen alles genôch hie, tocht hjarren, moast hjar ald bûrwyfke, dy 't hjar sa bystien hie, do 't se fen elts forlitten der laei, hjar gûd mar ha, hjar klean en it bytsje goud en silver dat se noch hie, naem se mei.

De deis do 't se dat bepraten wie it tige moai waer en kuijeren se Harns ris troch. En do wieren der forskate minsken dy 't seiën: sa'n moai jong pear sjucht min hast nea, en dat wie yn wierheit ek sa.

De folgjende dei wie wer like moai en do waerd de reis nei Terherne ta, oandien. De jonge man dy it brief do brocht hie, scoe hjar klean mei in slide nei Terherne ta bringe en wie al op reis gien. Mar foar se foart gyngen sochten Hans en Jantsje hjar ald bûrwyfke noch ris op, en bitanken hjar sa for hjar helpen en bystean, en Hans joech hjar in jefte dy 't de hiele winter al hjar earmoede weinaem. It alde sloaf skriemde fen bliidskip en as it neikaem, hwet se it jonge pear tawinske, den scoe it wol goed mei hjarren komme.

Hja koene nea moaijer winterwaer krije as se op 'e weromreis hiene, en om't se it hjar tige oan tiid diene, gyng it ek goed. En de thúskomst, it werkommen yn it alderlik hûs, oan de side fen hjar Hans, wie oandwaenlik to sjen. En do wieren de bylden op 'e

doarren der de tsjûgen fen, ho dy sterke jonge man de earmen om hjar hinne hie en hjar sei, ho lokkich hy nou wie, en hja? O! hja koe it him net sizze, ho lokkich as se mei him wie! Hja stiene foar de bylden fen geloaf, hoop en ljeafde, do sei Hans: lit dy ús hiele libben bistjûre, den scil dy goede God, dy't ús safier al holpen ha't, ús fjirder ek wol mei helpe en Syn seine jaen!

Hans bleau by de selde minsken yn 'e kost en Jantsje wenne wer yn it alderlike hûs, mar hja wieren der beide net folle. Hja wieren faek togearre út to iten, it skippersfolts mocht sa graech fen syn libben op dat kaperskip en der yn Frankryk forheljen hearre, en hja diene hjar in bulte frjeonskip oan. Yn ien wird, it wie in winter dy't lang dûrre, mar ek ien fen gelok en wille.

De koffe hie se ek al in kear twa mei bisjoen, dat moaije skip wie Hans sines nou, hwet like it moai. Skipper Sibe en Hans hiene togearre nei Hollan west en hiene beide in fracht krige nei Hamburg ta, en den scoe Hans mei Sibe in fracht hout helje út Noarwégen wei en den, den scoene se trouë!

It spande net for Hans om folts op 'e koffe to krijen, hja halden safolle fen him. Mar do't hy foart scoe, en dat beste fanke dy't sa oerstjûr wie, forlitte moastte, dat kostte in bulte triennen. Sa wie hy earder ek foartgien, hwet wie der in leed en lijen út foartkomd. Mar hy treastte hjar sa, en wiisde hjar op de bylden, geloaf, hoop en ljeafde en sei: as wy dy foar eagen halde, den myn beste, scil God ús net forlitte!

Sa gyngen se op reis, al ho swier it foel, en do't se op sé wieren, wie Hans sa mei syn koffe yn it skik, dy foldie him sa best. En de hiele reis roun ek skoan, en de Sékaptein wie sa bliid him der mei syn egen skip to sjen, en to hearren dat hy hjar ek wer hie, dy't al syn gelok útmakke. De weromreis wie ek best en de bliidskip net to sizzen, do't hy soun en wol wer thús kaem. Nou scoene se trouë, en wie der gjin wolkje oan 'e loft scoe min sizze, en dochs wie der ien.

Jantsje hie rêst noch djûr hawn, hja wie sa dea ûnrestich dat se faek gjin iten krige, hja koe dat earste foartgean, en net werkommen, nea wer forjitte. Nou bidde se him hast om, as se troud wieren, dat se den mei farre en by him bliuwe mochte. Mar dat like Hans der earst neat nei, al ho graech hy it sels woe, hy woe hjar net oan it gefaer fen 'e sé en it sims mar minne libben bleatstelle. Mar do't der hjille triennen kamen en hja him sei, it net útstean to kinnen dat hy foart wie, dat scoe op 'e djûr net

goed komme, hja scoe oan syn side ljeaver alles tomjitte gean, as allinne yn 'e greate ûnrest efter bliuwe, koe hy de triennen net yn dy eagen sjen en ûnder patsjen en praten woan se de striid. Ho lokkich it tinken hjar makke, him net wer forlitte to scillen, dat wiisden hjar fjûrige patsjes wol út, dy 't hy do sa yn oerfloed krige, hwet wie se trochbliid!

Sa gau it mar koe, trouden se, en om't it skippersfolts hast allegeare foart wie, gyng alles mar stil ta. En nei in hertlik ôfskie fen 'e minsken reisgen se nei Amsterdam, hwer de kofte laei. Gelske hie tsjin hjar sein: ik seil dyn hûs en hûsrie tige yn oarder halde, hwent der kinne omstandigheden yn it libben komme dat it better is, dat min in skoftsje oan 'e wâl is. Jantsje bigriep hjar wol en lake, en it ôfskie wie krekt as in mem fen hjar bern, hja soargen by elkoaren wei.

Ienkear hie Jantsje sein, it wie hjar krekt as se in nij libben bigjinne scoe, mar nou wie it yn wierheit sa. Alles wie frjemd, wie ny for hjar, en wiles for hjar geriif noch hwet foroare en yn 'e kofte makke waard, liet Hans hjar it greate Amsterdam bisjen. Hja formakke hjar hast as in bern en koe hjar hast net sêd sjen. En de greate manniichte skippen, dy 't sa mar altyd troch oankamen en oaren, dy 't wer foart foeren, alles wie sa frjemd for hjar!

En yn 't koart scoe se dy greate sé ek yn, en yn de noed en gefaren fen dat libben diele. Mar dat scoe wêze oan de side fen him, hwer se safolle triennen om forgetten, mar dy 't se nou for altyd hie. O! mei him wie dat alles neat, hwet wie se lokkich by him bliuwe to meijen. En as hy ris foart wie en hja syn stap wer hearde, en hy mei syn blier wêzen hjar sa tamjitte lake, O! den sloech se de earmen om him hinne en patte him sa, hwet wieren se lokkich togearre!

It jier gyng yn lok en wille foarby, it farren wie drok en der waard tige fortsjinne, en Jantsje wie alhiel al ta dat libben wend, do 't se mei de kofte to Harns yn 'e haven kamen, wer dy lizzen bleau. It wie al let en allegeare al iis do 't se oankamen en nei Terherne ta reisgen. Skipper Sibe hie al hwet thús west, dy minsken wieren ek sa bliid dat se kamen. Mar Gelske seach al gau dat Hans, as de winter oer wie, wol allinne nei board ta gean scoe, en hearde dat ek al. En hwet is sa 'n wike mannich, as min soun is en gjin brek hat, gau om. Mar it wie better wurden mei Jantsje, nou 't se de sé sels ek kinnen leard hie, al ho 't se

skriemde do 't Hans foart moastte, it wie hjar nou doch net mear, krekt as hy net werkomme scoe.

En do 't hwet letter de maitiid wer yn 't lân wie, do wieren de bylden op 'e doarren der wer de tsjûgen, ho lokkich in jonge mem hjar ljeaf jongkje yn 'e earmen hie. Ho 't se fen gelok en memmewille skriemde en God sa tanke, en sa fjûrich bidde for de heit fen hjar berntsje, dy 't nou op 'e wide sêen omswalke. Mar ek ho dizze hjar oar ljeaf jonkje wer yn it syn brochte, dy 't sa ûngelokkich weirekke wie! En ho ef Gelske der op hjar paste en hjar forsoarge, krekt as in mem dat dwaen scoe. En ho hwet letter, mids yn 'e simmer in jonge man, dy út twa brieven dy by in kastelein to Amsterdam for him laeijen, wol wiste dat thús alles best wie, der kaem en mei eagen strieljende fen gelok syn wer sa moai wyfke tsjin him oantreau, en foart letter ek syn ljeaf berntsje op 'e knibbels hie.

En do 't se meienoar wer nei board gyngen wie hjar tank oan Gelske ek great for hjar trou forsoargjen en oppassen, it wie sa-folle for hjar wirdich west.

Sa gean wy in roun jier, hweryn alles sa best mei hjarren gyng, foarby. It wie wer simmer, en Hans dy troch dat hy de Franske tael sa goed koe en it do frêde wie, ek wol ris nei Frankryk en Spanje foer, wie op 'e hichte fen kaep Finisterre. Hy wie in dryste, mar tagelyk ek in birette skipper, dy 't skerp wie om to fortsjinjen, en mei frachtfarren in bulte jild fortsjinne. For him sels die hy der ek wol hannel by, as hy mar kans seach om in moaije set to dwaen. Hy hie op 'e foarige weromreis in bulte fen dy lekkere Súdlike fruchten en oar gûd meinomd en deroan yn Amsterdam frij hwet jild fortsjinne, sa woe hy nou wer dwaen.

Tsjin 'e joun seach Hans alhiel yn 'e fjirte in skip oankommen, dat oan tûgaedsje net folle op in keapfaerdijskip like. En de moarns hiel bitiid waard hy troch syn folts roppen en do 't hy boppe kaem, seach hy ta syn greate skrik dat it in sérover wie, dy 't op hjarren takaem. Ho aeklik hy to moede wie, do't hy om syn wiif en berntsje, syn folts en best skip tochte, is net to sizzen. Mar doarst dy rover der alhiel oan ta komme? Hird kaem dy neijer en rôp hjarren oan om by to draeijen. En Hans, dy 't wol wiste, dat fordegenjen mei syn bytsje folts net mûchlik wie, en biredt as hy wie, naem in koart bislút. Hy hie frij hwet jild oan board, en woe dermei nei de rover ta farre en sjen him sa ôf to keapjen, it wie it ienichste hwet hy dwaen koe.

Syn folts liet de kofte do bydraije, hy gyng nei ûnderen en krige út in forbirgen plak stiltsjes in greate sek mei jild wei. Do gyng hy yn hjar kajút en sei tsjin Jantsje, dy 't noch laei, dat der tichte by hjarren in skip wie, der woe hy efkes hinne. Mar hy patte hjar en it ljeave jongkje sa, en doarst net wer om sjen do 't hy der útg yng. O God! it laei him sa swier op it hert!

Hja wieren do tichte bijenoar, hy seach ris yn it roun, mar seach nearne in seil. Do gyng hy yn hjar boat, roeide nei it roverskip ta en kladde der by op. Mar it hert kearde him hast om, do 't hy der dy slaven oan 'e roeibanken festklonken seach, en hy tochte: ho seil it mei ús komme?

Hy frége nei de kaptein, mar it folts forstie him net, do kaem der ien oan dy 't in Franskman wie en him forstean koe. Dizze wiisde him de kaptein oan, dy 't mei in trotske hâldinge efter op it skip stie. Hans gyng nei him ta en spriik him oan, mar de kaptein forstie him net, do rôp dy de Franskman en gyngen se meienoar nei de kajút.

Der bea Hans him dy sek mei jild oan om him den frij farre to litten, en sei him, dat syn ladinge net folle wirdich wie e. s. f. Mar dy rover hie sa 'n falsk útsicht en Hans seach wol, dat hy sa bigearich nei dy sek mei jild seach. Hy andere Hans neat, mar lake sa falsk, do sei hy hwet tsjin ien fen syn folts dy 't by de doar stie. Hans siet mei de rêch nei de doar ta, en krige do ûnforwachts mei in swier ding sa 'n hirde slach op 'e holle, dat hy net wiste hwer hy wie. En do 't hy in skoft letter wer by kaem, laei hy tige by tige festboun, by in rêst oare finsenen, en syn egen folts ek, ûnder yn it skip.

Sa forriederlik hiene se him krige, dy sterke Hans, dy 't oars syn libben sa djûr forkeapje seillen hie. Hy knarste op 'e toskan, en dy sterke earmen wrongen sa om los to kommen. Hwet klonk it near út syn mûle, O God! biskermje myn wiif en berntsje!

Ien fen syn folts sei him, dat in bytsje letter as do 't hy nei it roverskip fearn wie, in greate boat fol rovers mei de kaptein op hjar skip komd wie, en hjarren sûnder praetsjes oerfallen en boun, en yn hjar boat brocht hiene. Mar dat wie sa hird tagien, hja wisten der neat fen, ho it mei Jantsje en it berntsje gien wie. Freeslik wie it mei him, scoe se de proai fen dy aeklike kearel wurden wêze? Hy hie sa faek heard ho dat gyng, en hy koe neat for hjar dwaen! Hja wieren sa lökkich togearre, en miskien seagen se

elkoarren nea wer. Hjitte triennen rounen him by de wangen del, sa skriemde en snikte dy sterke jonge man!

Mar hark, hwet wie dat? Hja hiene der al in hiel skoft yn dat piktsjustere rom lein, do fornamen se yn ienen in hiele biweringe oan it skip, hja hearden klear, dat der sa hird roeid waerd as it koe. As sêljue bigriepen se foart wol dat der hwet eftersiet, scoone se efterfolge wurde? Der mienden se klear kanonskotten to hearren, O! in net to neamen hope kaem yn de herten fen dy ûngelokkige minsken op. Lit ús ris sjen hwet der barde!

En pear ûre, nei dat de rovers hjarren krige hiene, en fen hjar folts op 'e koffe set hie, dy 't hjarren efternei sylde, krigen se trije greate Franske oarlochskippen yn it each. Hja wisten hwet hjar lot wie, as dy hjar krigen, en derom hellen se hjar folts wer fen de koffe en lieten dy oan it lot oer. Do waerden de swipen net sparre om de earne slaven ta hird roeijen oan to driuwen, en om de oarlochskippen to mislieden hysten se in Franske flagge op. Mar de baes fen dy oarlochskippen like foar syn spil birekkene to wêzen, de trije oarlochskippen sylden sa dat se it roverskip twisken hjarren yn krigen en it hjarren net mear ûntkomme koe. Do waerd de sérover oanroppen om op to halden en by to draeijen, en do 't se dat net daedlik diene, waerden der forskate kanonnen, mar nou noch boppe oer hjar hinne, ôfskêtten.

De roverkaptein seach wol dat hy der neat tsjin bigjinne koe, en woe nou noch bisikje om mei in slimme streek frij to kommen, mar hie alhiel de forkearde man foar. Hy liet him mei de Franskman, dy 't by him tsjinne, nei it greate Franske skip bringe. Mar hja stiene mar krekt op it tek, ef de Franske kaptein frége, hwet skip der sa raer omsylde, den sa en den sa? De Franskman, in earste greate dogeneat, dy 't net yn Frankryk komme doarste, naem it wird en sei: dat wisten se net! Mar Jean Bart, wy scille him mar neame, dy it bifel oer dy trije oarlochskippen hie en dermei de sérovers fornielde safolle hy koe, seach en bigriep alles wol en sei: byn dy twa kearels ris, en den scille wy hjar skip ûndersikje! Do waerden fen de trije oarlochskippen elts twa greate boaten fol folts útset, dy roeijden nei it roverskip en klad-den der op. De rovers knarsten al op 'e tosken, mar koene tsjin dy greate oermacht neat dwaen.

En by it ûndersik founen se dy ûngelokkige minsken, dy 't foart losmakke en nei boppen brocht waerden, tink ris, hwet in bliidskip der wie!

Der rint in officier hird op Hans ta, slacht de earmen om him hinne en rôp: myn beste frjeon, dou hjir sa? Myn God! André, rôp Hans en beide skriemden fen bliidskip. Mar hja hiene foart gjin tiid om mear to praten, hwent Hans syn each foel op Jantsje, dy 't mei hjar berntsje yn 'e earmen troch it folts ek nei boppen brocht waerd. Hy liet André los en fleach op hjar ta en hie hjar en hjar berntsje omklamme, sizze koene se neat. For de twadde kear wer sa forienige, hwa kin hjar bliidskip sizze? It spande raer dat se it foare'noar halde koe, Hans krige it ljeave jongkje en hie de oare earm om hjar hinne, sa laei se tsjin him oan, do 't Jean Bart sels ek op it roverskip kaem.

O God! kaptein, rôp André, der stiet Hans, dy 't wy sa lokkich wer frijmakke ha!

Jean Bart wist net hwet hy hearde, hy roun op Hans ta en rôp: dou hjir, beste jonge, ho is 't mei dy? Hans koe fen bliidskip earst neat sizze, mar do it hwet bikaem, forhelle hy ho alles gien wie en bitanke him sa for syn tidige help. Ik ha my noch nea lokkiger field, sei Jean Bart, ik hie nea tocht dy wer to sjen, en nou ha 'k dy noch for sa'n illindich lot biwarre, en net allinne dy, is dat dyn wyf en berntsje? Ja, sei Hans, myn grêteste gelok op ierde. O! noch ris myn tank, ek for hjarren, hwet hiene dy ek in illindich libben krige!

Mar, frêge Jean Bart: is dat dyn skip, dat der omdriuwet? En Hans, dy 't oars noch gjin eagen hawn hie as for syn wyf en berntsje, seach do en sei: ja, dat is myn kofle!

Jean Bart rôp André, en sei dat hy folts nimme moast en dermei nei de kofte roeije, en dy by hjarren bringe. En koe der moaijer wirk for André komme, as syn beste frjeon syn skip wer to bringen? Syn eagen fonkelen fen bliidskip mei dat bifel. Mar wiles wieren al de rovers boun en leine foare op hjar skip en Jean Bart syn folts wie drok to wirk mei fyljen en brekken om dy ûngelokkige slaven fen 'e roeibanken los to krijen. It wie in oangripend toniel dy minsken to sjen, dy 't allang minder as bisten bihannele en nou frij wieren! Der wieren dy 't lûd hjar tank oan God en hjar helpers brochten, en der wieren ek by dy 't forstomme stiene en for hjar gelok gjin wurden fine koene. Hans en Jantsje stiene der skriemende nei to sjen, en dy hirde Jean Bart hie ek triennen yn 'e eagen. Hy joech oarder om hjarren en de oare finsenen, dy 't se ûnder yn it skip foun hiene, op 'e trije skippen to fordielen en hjarren tige to forsoargjen. En nou

dou en dyn folts mei nei myn skip, sei Jean Bart tsjin Hans. Hans röp hjarren, dy 't for hjar bliidskip ek gjin wurden hiene. Hans krige de sek mei jild, dy 't noch krekt allyk wie, ek foart wer.

Do woe Jean Bart hjarren tige ûnthelje, mar gjinien koe fen bliidskip der hwet trochkrije. André hie de koffe wer ophelle en kaem do ek by hjarren. En do moast Hans alles forhelje hwet mei him bard wie en wy al witte. En den hie Jean Bart him wer by de hân en winske him alle gelok en den André wer, sa sieten se der noch wit ho lang to praten en to forheljen. Der tsjinnen ek noch inkelen fen Jean Bart syn folts ek op dit oarlochskip, dy 't do ek op it kaperskip tsjinnen, do 't Hans der op wie. Dy hiene allegearre om him hinne stien, en bar om bar hiene se him beet hawn fen bliidskip him wer to sjen. En it ôfskie fen hjarren allegearre wie in oangripend en oandwaenlik toaniel. Dy hirde stoere sêljue hiene de triennen yn 'e eagen, en de iene sei de oare for altyd farwol, en mei in hert fol tank gongen Hans en Jantsje en syn folts op 'e koffe oer. En it wie ek for altyd, hwent nea seach ef hearde de iene wer fen de oare! Mar Jean Bart hie hjarren sa krekt op tiid holpen, en nea krige Hans op syn lettere reizen wer in sêrover to sjen!

It gelok fen hjarren meie'noar op 'e koffe, do 't alles wer foar-enoar wie en hja nei de haven sylden hwer se hinne moastten, to forheljen is hast net to dwaen, sa bliid wieren se allegearre. En do 't Hans en Jantsje mei hjar ljeave lytse jonge wer yn hjar kajút sieten, forhelle se him, ho 't se ûnrêstich oer syn frjemd foartgean hjar do oanklaeid hie. En in bytsje letter wie der sa'n ôfgryslke kearel ynkombd, dy 't hjar sa mei greate bigearte oansjoen en do beetkrige hie.

En do 't se hjar sa tsjin him forset, en de eangstme en skrik hjar kreft jown hie, do hie dy kearel folts roppen, dy hiene hjar beetpakt en nei it roverskip brocht. Lokkich hiene se hjar dy ljeave lytse jonge meijown, sa wie dy ek bihalden bleaun.

O! hwet hûvere se noch, as se om it lot tochte, dat hjar sûnder missen do wachte hie! En nea is der fjûriger tank for it biwarjen for sa'n illindich libben oan God brocht, as do troch hjarren dien waerd, hwet wieren se tankber en bliid wer toegearre!

Hja makken do wer sa'n beste reis en foeren it hiele jier best, mar dy set mei de sêrovers hie, tocht min, noch al gefolgen. Jantsje wie letter net sa it hearde, Hans woe hjar yn Terherne oan 'e wâl bringe, mar hja woe net by him wei. De skrik en

ôfgrys hie hjar sa it like sa oantaest, hja koe it net forjitte. En do 't se yn 'e winter wer yn it alderlike hûs gyngen en hja der in bytsje letter in lyts famke krige, wie dat sa swak en tear, sa hiel oars as hjar fikse lytse jonge, dat it mar koart libbe. Dat wie hjar earste greate forlies, hja wieren der sa oerstjûr om, en hiene it berntsje sa graech halde wollen. Der waerd algemien tocht, dat dy set mei dy sérovers hjar to nei gien, en dat it hast in wûnder wie, dat se der noch sa ôfkommen wie. Hwent mei hjar sels gyng it sa best, hja wie gau wer klear en hast wer deselde do 't se de maitiids wer nei board gyngen, hwer wy hjarren folge!

XIII.

Hans wie, sa gau as Jantsje mei him oan board gien wie, der foart mei bigoan om hjar de Noarske tael to learen, hwent djip, hiel djip siet it tinken by him dat hy der noch sa graech wer libje en wenje woe. Sa kaem it, dat se mei hjar fluch bigryp der alhiel mei op 'e hichte kaem, en hja, om hjar en de bern der yn to oeffenjen, oan board al folle Noarsk praten.

Yn 'e rin fen 'e jierren kaem Jantsje twiskentiids noch twakear in skoftsje yn it alderlike hûs to wenjen, en krige der earst noch in famke en letter noch in jongkje. En den waerd se lyk as altyd der sa ljeafderik troch Sibe Gelske oppast en forsoarge. Hja hiene trije ljeave bern, dy 't sa moai opgroeiden as min mar inkelde sjucht.

En as de winter hjarren hjir ef der net oerfoel, den kamen se yn Terherne en libben der yn 'e greate frjeonskip mei de minsken. Mar de alde dei bigoan Sibe en Gelske sa njunkelytsen ek to pleagjen, do joech hy it farren oer, en de jonge man, dy 't mei hjar dochter Sjoukje trouw wie, krige de koffe.

Oan board learde Hans syn bern safolle hy koe, mar fielde wol dat se sa net genoch leare koene. Hy wiste sels hofolle goed ûnderwys wirdich wie, en dat se derom oan 'e wâl moastten. En sa kaem it ek, sa gau it koe gyng de iene nei de oare oan 'e wâl om der safolle to learen as it mar koe.

Wy kinne hjar yn al dy jierren en al hjar reizen net folgje, en gyng it altyd net foar 'e wyn, gyng it ek wol ris tige raer, wieren se ek wol ris yn it gefaer om it skip en alles to forspyljen, altyd gyng it noch wer goed. For greate tsjinspoeden waerden se lokkich biwarre en wieren moai op reis om ryk to wurden. Twakear hie hy yn dy jierren yn Noarwégen mei Jantsje in reiske nei syn

broer en sister ta dien, dy wieren beide lang al troude en it gyng hjar tige best. Den hiene se syn bertepleats ek besocht, en op mem hjar grêf wieren syn triennen wer fallen. Hy foun alles der hast noch allyk, en eltse kear ripe it bislút mear en mear by him, om it jild dat hy yn Bergen útstean en dat Peter him tamakke hie, ta it gelok fen dy earne biwenners to brûken. Hja hiene mei syn alde frjeon de rotsen en klippen ek wer opsocht, en op 'e bergen en yn dy greate bosken west, sa hie hy Jantsje it skiene en yndrukmeitsjende fen 'e natûr der ek safolle mûchlik bisjen litten.

Syn alde learmaster, de Sékaptein en syn wiif wieren beide dea, en de bern de iene hjir en de oare der hinne gien, noch altyd tocht hy mei in tankber hert oan dy minsken, hwer hy ek safolle oan to tankjen hie.

Min kin bigripe ho faek dy set mei de sérovers yn dy jierren bipraten en wol ris oan de bern forhelle waerd, en ho tankber it oantinken oan Jean Bart noch altyd wie. En noch nei dy man syn dea, scoe Hans in bulte oan him to tankjen ha, lyk as wy sjen scille.

It wie wer sa'n ûnrêstige tiid, alles teikene wer ta oarloch, en den bigounen de kapers sims al to roafjen, foar dat de oarloch noch forklearre waerd. Hans bitroude it net mear om nei it Sûden ta to farren, en foer do nei de Eastsê, Hamburg e. s. f. Hy hie in fracht oannomd út Sêlan wei nei Bremen ta, en waerd ûnforwachts op 'e Noardsê troch in sterke Franske kaper oerfallen, oan fordegenjen wie net to tinken.

Hja wieren raer fen 'e wise, mar do kaem Hans de forklearringe yn it sin, dy 't Jean Bart him do jown, mar dy 't hy noch nea brûkt hie. It dûrre mar koart, do kaem der al in greate sterk bimanne boat fen it kaperskip ôf nei hjarren ta. De kaperkaptein, in gnappe jonge man, frêge Hans hwet hy yn hie en hwer hy hinne moastte. En like fluch as hy, sei Hans him dat yn 'e Franske tael, mar forsocht him om mei nei de kajút to kommen, hwer hy foart ta biredt wie.

De kaptein makke, as echte Fransman, in hiele bûginge for Jantsje, dy trille as in blêd oan 'e beam. Hans wie ynwindich ek tige oandien; mar koe him tige bihearskje. En do forhelle hy de kaptein hwa hy wie en ho hy by Jean Bart komd wie en joech him do syn forklearringe oer. De útwirking derfen wie great, de kaptein lies it en naem do syn hoed derfor ôf. Hy rikte Hans de hân ta en sei: it wird fen dy dappere man, dy 't ús fiersten

to gau ûntfallen is, seil my hillich wêze. Ik kaem hjir om jou skip en ladinge to nimmen, mar nou binne jy frij. Jean Bart libbet noch sa yn ús herten, de redder fen syn libben kin farre hwer hy wol, as frjeon rik ik jo de hân!

Dat Hans dy trochbliid oannaem kin min tinke, en do 't de kaptein efkes nei boppen gyng en syn folts de forklearringe fen Jean Bart foarlies, stimde elts der mei yn, en in Hoerah! for de redder fen it libben fen dy man klonk troch de loft! En do 't de kaptein wer ûnder kaem, en it bliere gesicht fen Jantsje seach, joech hy hjar ek de hân, hwet wie se bliid! Hja hie al in lekkere flesse wyn en de glêzzen klear stean, en do rekke Hans oan it forheljen fen Jean Bart en hwet hy dermei bilibbe en ho dy him noch út 'e hannen fen 'e sérovers redden hie, en ho tankber hy noch altyd om him tochte. Hja dronken en klonken en de kaptein harke sa nei syn praten. Syn folts waerd boppe tige traktearre, en as frjeonen skaetten se en foeren wer nei it kaperskip ta.

En dat by Hans oan board in greate bliidskip wie, hoef ik net to sizzen, hja mienden dat alles wei wêze scoe, en hiene it noch oan Jean Bart to tankjen dat se frij wieren en alles bihalden hiene. En fen dy tiid ôf hiene se ek gjin rare setten mear, en gyngen de jierren ûnder greate foarspoed foart.

Mar do 't hjar aldste soan Peter, dy 't nei Hans syn heit neamd wie, trije-en-tweintich jier ald wie, do kaem der drokte. Dy hie al in hiel skoft om Gelske, de aldste dochter fen Sjoukje en beppe-sizzer fen Sibe Gelske, frijd, nou woene se graech troue. Peter wie ek in kearel as in wolken en hie folle fen Hans sels en Gelske wie sa'n blier jong frominske. En min kin wol bigripe dat it de alden fen beide siden tige noaske. Do joech Hans, dy 't ryk genôch wie om to libjen sa 't hy woe, him de koffe en wieren de jonge ljue foart klear.

Hjar dochter Doutsen, nei Jantsje mem neamd en sa'n moai jong frominske, hie op 'e skoalle kinde krige oan in jong frominske, in dochter fen in houtkeapman op 'e Saen, en hie der faek útfen-hûs west. Der hie in soan fen dy keapman hjar do kinnen leard, dat wie earst frijen mar al gau tinken wurden. Dy woene nou ek graech troue, it wie dos in hiele drokte, mar dy 't mei oerlizzen, oan 'e winter ta útsteld waerd.

Hjar jongste soan Elsen, nei Hans syn ûngelokkige mem neamd, hie in bulte sin der oan om keapman to wurden, en wie, nei earst

tige leard to hebben, nou op in great kantoor yn Amsterdam, om der oplaet to wurden.

En do 't sa njunkelytsen de winter yn it lân kaem, do wie der drokte yn Terherne, en wie it alderlike hûs fiersten to lyts. De houtkeapman fen 'e Saen, mei syn wyf en soan en dochter en Elsen kamen oer, mar der wieren safolle frjeonen, der wie wol plak for hjarren. De beide houlikken wieren sa nei it sin, en Hans en Jantsje lieten do ek blike dat se it tige dwaen koene. De brilloft waerd yn 'e herberge halden en dy wie beide kearen, mei de alden en mei de jongen, noch to lyts. En wille wie der, it halde hast net op, hwent it skippersfolts wie hast allegearre thús.

En do 't de twa jonge pearren foar de preekstoel wei, as troude ljue wer yn it alderlike hûs kamen, do wieren de alders sa bliid mei hjar lokkige bern. Hja winsken hjarren ta, dat se sa lokkich wirde mochten as hja altyd west hiene en noch wieren.

En do 't se der mei elkoarren sieten, hearden de bern hjar plannen for de takomst, dy 't allang ryp west hiene. Der waerd alles do bipraten, ho 't se hjar fjirder libben yn Hans syn bertepleats hoopten troch to bringen, en der it jild dat hy by it kantoor yn Bergen útset hie en dat mei de yntressen der by nou in greate somme wie, ta lok en seine fen dy earne minsken tochten to brûken. En it jild, dat Peter him tamakke hie, woe Hans like min in cint fen halde en scoe der ek wol to pas komme.

O! Jantsje en de bern ek, hiene it altyd wol fiele kinnen ho 't Hans it hert iepen gyng as hy oer de fjord, de rotsen en klippen, de bergen en greate bosken prate, en ho der noch ienkear wer to libjen, alles for him wêze scoe. En Jantsje hie hjar al jierren oan dat tinkbyld wend en wie it alhiel mei him iens, ek op hjar hie dy trotske natûr in djippe yndruk makke, en hja woe der wol graech hinne.

Yn 'e maytiid koe Peter hjarren mei hjar goed der hinne bringe en den in fracht hout mei werom nimme. In hiel ynfâldich grêfteiken stie to Amsterdam klear en scoe op it grêf fen syn ûnge-lokkige mem, hwer syn tinken noch sa faek oan wie. Der stie yn de Noarske tael op: boppe, hjar namme en hwennear berne en stoarn, en hwet léger stie: „God jowt ús folle saken faker as ienkear, mar in goede mem mar ienkear yn it libben.”

Lêzers, it ôfskie de maytiids fen Terherne, dat sa oandwaenlik, sa oangripend wie, dat ôfskie for altyd, dat gean wy foarby. Nou 't de tiid der wie, nou blykte it, ho fêst de bân wie dy 't

hjarren oan de minsken, mar f'ral oan Sibe en Gelske, forboun. Der libbe mar in inkelde mear fen de skippers, dy 't him do sa mei foarút holpen hiene, jonger foltsje hiene hjar plakken wer ynnomd. Hans tocht altyd noch mei in tankber hert oan dy minsken, as earne fiskersjonge wie hy yn Terherne brocht, en do hiene se him troch him sa leare to litten yn steat steld om foarút to kommen, dat alles hie hy oan hjarren to tankjen. En dy beide alde minsken, Sibe en Gelske, hiene hjar krekt as alders bihannele, dat ôfskie foel o! sa swier!

Mar der wie hwet dat frij hwet treastte, Peter scoe eltse kear dat hy yn Noarwégen kaem, syn alders biskie út Terherne bringe, en derwei alles wer fen hjarren yn Terherne oerbringe, sa scoene se altyd fen beide siden witte ho it gyng.

Peter en Gelske krigen it alderlike hûs, hwer Gelske yn wenje scoe, mar hûsrie en alles moast nij oankoft wurde. Hwent alles hwet der ynstie, ta mem hjar spinwiele ta, waerd troch in skûtskipper meinomd en nei de koffe brocht. Hwent hja hiene bisletten, om yn it nije hûs dat se der bouwe scoene, in keamer sa suwer allyk as de alderlike keamer meitsje to litten, en der scoe alles wer ynstean. Hans hie it mei in timmerman en in ferwer yn Terherne al klearmakke, dy scoene alles krekt allyk opmjitte en ôfteikenje, en de folgjende maytiid mei Peter by hjarren komme, en it der meitsje sa it hearde. Dat scoe hjarren frij hwet kostsje moatte, mar hja wieren ryk genôch om dat to dwaen, en sa'n keamer hiene se beide hjar sin op set, dy kosten wie dos net sa slim.

Yn Amsterdam waerd do fen alles oankoft, hwet se yn Noarwégen net tochten krije to kinnen, en hwer se troch it libben hjir, alhiel oan wend wieren.

It earste doel fen 'e reis wie nei Bergen, hwer se ek goed en wol oankamen. Hans hie yn it foarige jier al biskie oan it kantoor dien dat hy it jild nou yn dizze maytiid ha moastte en do 't hy der nou kaem wie alles tige yn oarder, en krige hy de fiiftûsen kroanen fen Niels en de twatûsen fen syn egen, mei de yntressen oer al dy jierren der by, foart útbitelle.

En do 't se der yn 'e haven laeijen, ho libben kaem Hans dat toaniel mei Jean Bart op it Ingelske oarlochskip wer yn it sin, en hy forhelle syn soan en it folts do nochris, ho it der do op it selde plak der se laeijen, tagien wie, it wie him krekt, as seach hy alles wer!

Do waerd der noch oankoft hwet se nedich wêze scoene, en foeren hja nei syn bertepleats en lieten it anker der yn 'e fjord falle.

Fen alle siden kamen de biwenners der op ta, de jongsten koene Hans net, mar de alderen wol, en dy wieren der sa bliid mei. Elts woe graech helpe om alles ûnder dak to bringen, salang dat der in bergpleats makke waerd. Syn alde frjeon wie sa bliid, dy hie him mei triennen yn 'e eagen beet, hy wiste hwet plannen Hans hie en hope for him sels en de oaren op bettere dagen.

Wy geane it finen fen in moai plak groun, dat for de kalde wyn alhiel biskutte wie, en it bouwen fen in gnep en tige geryflik hûs, hwer alles sa nei it sin ynrjuchte waerd, mar foarby. Do gyng hy mei iver oan it wirk om syn doel to birikken.

Earst waerd der in skoalle boud hwer de bern leare koene, en hwer hy in geskikte master foar foun yn in soan fen de kaptein, syn alde learmaster. Hans hearde tafallich dat dizze yn earmoede libbe, en nou die it him sa goed oan it hert dat hy oan de soan forgoedsje koe, hwet hy oan de heit to tankjen hie. It wie ien dy 't yn in breklik ligchem in hert hie dat fen ljeafde for syn meiminsken kloppe, en dy 't him safolle hy koe, der op útlai om de bern mei to dielen, fen it folle dat hy fen syn heit leard hie. Hans hie nea better fine kinnen.

Do waerd der in skoalle boud wer de bern goed naeijen en breidsjen leare koene, en it slagge him ek, der in hiel geskikt frominske for to finen.

En howol se troch it ûnwittende fen 'e minsken earst noch wol ris mei tsjinstân to kampjen hiene, mei bidaerd oerlizzen en forstannich hanneljen wounen hy en Jantsje de striid alhiel. Hy soarge dat de biwenners al sa njunkelytsen yn better hûsen kamen to wenjen, en learde hjarren ho dit better sa en dat wer better sa wie. Hy soarge for it nedige dat elts syn fiskerij tige yn oarder meitsje koe, en dielde hjarren mei hwet hy yn oare lannen oer it fiskjen heard en opmirken hie en ho ef se dat ta hjar foardiel ek dwaen koene. Hy liet Peter best fé út Fryslan meinimme en fordielde dat, om sa der ek in better soarte to krijen. Sa waerd it iene nei it oare yn oarder brocht en min koe al in greate forbettering sjen.

En as Peter kaem, den wie it greate bliidskip, den hearden se wer fen alles. Mar der kamen ek triennen do 't Peter op in maytiid sei, dat Sibe en Gelske wei wieren en hy hjarren noch it beste

winskje moastte. O! hwet die hjarren dat beide oan, dy trouë en beste frjeonen!

De fyfte maeije wie der greate bliidskip, do naem Peter hjar dochter Doutzen en hjar man en twa bern mei, dy bleauen yn it greate gelok der in hiele reis oer by hjarren en foeren do wer mei Peter nei de Saen.

Hjar soan Elsen gyng it ek sa best mei, dy wie nou jongste dielnoat wurden yn it greate keapmanskantoar hwer hy wie, dy kaem it oare jier oer en bleau do in reis by hjarren. Hja hiene it foarige jier fen Doutsen al hwet heard, en hearden nou fen him sels dat hy it klear hie mei in sister fen Doutsen hjar man, en hwer se fen Doutsen oars neat as goed fen heard hiene. Mar hy woe earst syn beste alders freegje, dy 't him do ek sa fen herten gelok der mei winsken.

En it derop folgjende jier naem Peter Gelske ris mei, dy 't mei hjar twa ljeave berntsjes der in reis oerbleauen.

En fen dy tiid ôf bleau it sa ek, alle maytiids kamen de bern bar om bar oer en wieren den eltse kear forskate wiken by hjarren. Hja hiene alle wille mei hjar bern, hwent it gyng sa best mei allegearre!

Rêst hiene se hast net, safolle drokte wie der om alles goed yn oarder to krijen en nei to gean. Mar do it ûnderwiis alle jierren der mear op priis steld en Hans syn ried hast yn alles folge waard, koe min it selde pleatske net mear. It wie krekt as der for earmoede gjin plak mear wie en elts wie hjarren tankber.

For it alde houten tsjerkje dat sa boufallich bigoan to wurden, en hwer nou en den troch in pastor út in oare pleats yn préke waard, kaem nou in gnap nij tsjerkje yn 'e pleats.

En Hans, hwaens dwaen allang troch de Regearinge fen it lân sjoen en tankber waerdearre waard, krige it sûnder moete der troch, dat se der sels in pastor krigen. En dizze, in fikse jonge man, dy 't mei in hert fol ljeafde for syn meiminsken der kaem, waard in greate frjeon en in stipe for Hans en Jantsje om alles der yn oarder to krijen.

Nou en den hiene se yn dy jierren in reis dien nei syn broer en sister, hwer it sa best mei gyng en den kamen dy ek wer by hjarren. En den waard in bisiik oan mem hjar grêf nea neilitten en de winsk útere: ko mem nou ris sjen, ho best it mei hjar bern gyng! Mar it hillichdom yn hjar hûs, dat wie de keamer dy 't suver krekt allyk as dy yn it alderlike hûs makke. Faek wie

gyngen se der togearre sitten, en praetten den oer alles, en ho wûnderlik it mei hjarren gien wie en ho lokkich hja altyd libbe hiene.

En as hjar bern der wieren en der mei hjar sieten, den wiisden se dy faek op de bylden fen geloaf, hope en ljeafde. Hja hiene dy yn it libben safolle mûchlik foar eagen halden en retten dat hjarren den ek sa oan. Hwet hiene se God der wol fjûrich tanke for al it goede dat hjar diel wie, en for it greate gelok dat se mei hjar beste bern hiene. En al waerden se sels al alder, noch altyd wieren se sa lokkich as it mar koe. Faek hiene hy en Jantsje togearre nei dy bergen en greate bosken west en hie hy hjar it trotske fen de natûr yn syn lân bisjen litten. En den wer bifoer hy mei hjar dy moaije fjord en foeren hja mei moai waer wol ris bûten en den forhelle hy hjar op 'e pleats sels hwer syn beste heit do bûten board fallen wie, en hwer Niels Bjornsen him do sa ûnforwacht oerfallen hie, en hwer sa 'n leed en lijen út foartkomd wie.

En syn bertepleats gyng sa hird foarút as it koe, der wennen nou wol helte mear minsken as do 't se der kamen. En dy 't der do wennen libben yn greate earmoede, en nou wie der bloei en wolfeart. Wol faek kamen der ek minsken út oare pleatsen om ried en died, en Hans help se den ek safolle as hy koe. Hy reisge ek wol nei sokke pleatsen ta en brocht der ek folle yn oarder. Sa help it jild, hwer safolle bloed en triennen oan kleefde, yn in greate omtrek om triennen op to droegjen en seine to forsprieden. En hjar libben gyng yn gelok en wille en goeddwaen foart.

Net folle minsken op 'e wrald, hwer it sa tsjuster mei stien hie, dy 't sa 'n lokkige alde dei bilibben as Hans en Jantsje. En do 't se koart nei elkoaren weirekken, waerden se troch lyts en great nei hjar leste rêstpleats brocht en in bulte triennen waerden om hjar forgetten. Hja bleauen der noch O! salang yn de herten fen dy minsken libjen en it oantinken oan hjarren waerd lang yn eare halden. Hwent hjar tiidnoaten en neiteam plôkken yn hêge mjitte de fruchten fen hjar goeddwaend libben!

It folgjende jier hie der noch in oandwaenlik en oangripend toaniel pleats. Peter liet it anker der noch ris yn 'e fjord falle en hie se allegeare oan board dy 't Hans en Jantsje ljeaf en dierbar west hiene. Hja hiene in moai mar ynfaldich marmeren grêfteiken

meinomd en hiene it as hjar hillige plicht biskôge om it meienoar der yn it hége Noarden op it gréf fen dy beste alders to pleatsen.

Op e' foarside, alles yn 'e Noarske tael, stiene boppe, hjar nammen en honear as se berne en stoarn wieren. Hwet léger stiene de bylden fen geloaf, hope en ljeafde en der stie ûnder:

Mei geloaf, hope en ljeafde gyngen se troch it libben, en dat stipe hjarren yn al hjar dwaen.

Hjar tankbere bern.

Mei in greate oandwaninge naem de pastor, út namme fen de ynwenners, hwer hast gjinien fen thúsbleaun wier, it grêfteiken oer, en halde do in oanspraek, dy 't gjin each droech liet. Hy sei op it lest noch: for safier as dat minsken mûchlik is, hadde se ljeaf hawn en hjar plicht dien, safolle as se koene!

